



It sket fan Toussaint

ROMAN

*Dizze útjefte is mei mooglik makke troch*

Provinsje Fryslân

IT SKET FAN TOUSSAINT

*roman*

© 2020 Leo O. M. Popma, Gytsjerk  
Foarmjouwing: Frysk en Frij Utjouwerij, Ljouwert  
Opmaak: Jurgen Jasper, Wychen  
Printwurk: CSL, Ljouwert

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslain yn in automatiseard gegevensbestân en/of iepenbier makke troch printsjen, fotokopy, mikrofilm of op hokker oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan Utjouwerij Frysk en Frij, Vredeman de Vriesstrjitte 59, 8921 BS Ljouwert.

This book may not be reproduced by print, microfilm or any other means, without written permission from the publisher.

NUR: 301 ISBN / EAN: 978-90-8566-058-3

[www.frysk-en-frij.nl](http://www.frysk-en-frij.nl)

LEO POPMA

# It sket fan Toussaint

ROMAN

UTJOUWERIJ FRYSK EN FRIJ

*Hun dromen verschilden in maat en gewicht, in sommigen leefden ze langer voort dan in anderen, maar verdwenen waren ze uiteindelijk bijna allemaal. De zon had ze verpulverd, de regen spoelde ze weg... Achter hen werden hun voetstappen uitgewist. Ze waren voorbijgangers, ze lieten geen sporen en geen herinneringen na.*

Ut Tommy Wieringa – *Dit zijn de namen*

*Fear needs its metaphors.  
I've read small helplessnesses make us maternal.*

*Even the sparrows feel it,  
nesting this evening in traffic lights.*

*They must have remembered, long enough to mate,  
woods they've never seen,*

*but woods inbred up the long light of instinct,  
the streaked siennas of a forest floor*

Ut: Deborah Digges – *Vesper Sparrows*

**H**IE SE NET sward dat se noait wer in foet yn dit doarp sette soe? Utrikje soe se it earder; útswevelje, dat gjin oantinken it oerlibbe. Alle pleagen fan Egypte soene de buorren troch waarje, en oan it kermjen yn 'e huzen wie gjin ein. Lang om let soe it beest kend wurde oan it teken en it oardiel net ûntgean. De minsken hjir soene har de wraakingel heuge! Wie tekene, Tilma Jager.

Se moat der om laitsje. Hjir op Wiger syn keamer komt it har wer yn it sin. Sa wie se it hûs útgongen. Trettjin jier lyn. Se soe har rêde fuortoan, se gong mei de bus. Mei de earms yn it dakrút sjocht se út oer de wylgeboskjes en it reidlân, oant dêr't de klaai begjint en yn 'e fierte de dyk it lân opkeart. W. leit op in kwelderwâl yn it âlde slinkgebiet, dêr't de kwel de grûn stilwei fersâltet, en minsken har ôffreegje wat se moatte op 'en doer. Links it pleintsje mei de Oranjebeam en it smei-izeren stek nei it tsjerkhôf. Under har de krusing fan It Noard mei de Achterwei, dy't by de pleats lâns de mieden yn rint. Oan 'e oare kant fan it plein huzen mei skûtelantennes en wynmûntsjes op it dak, en mei blindearre ruten en tichtspikere kezingen. Swevel en pleagen hoeve net iens, tinkt se, it fertute-arzjen giet hjir fansels. Op it plein twirret âld blêd, yn 'e beam tsiere fûgels om in plak. Soms fleane in pear op en strike nei in rûntsje boppe de krún wer del yn 'e tûken. Gjinn mins te sjen, as hat it oardiel al plakhân.

Se wie de iennichste yn 'e bus. 'Bist lilke?' frege de sjauffeur,

doe't er de kaart ôfstimpele, 'sjochst sa boas. Mar bin bliid datst meigiest, ryd ik net om 'e nocht.' Achter it rût skode har skoaltiid yn raffelige kavelen foarby. By elke pleats, elke bushalte, elk brêchje wist se hoefier it noch wie nei skoalle, en middeis werom nei hûs. Fytsgroepen hiene har regels en tiid as se moarns oanheakken by de karavaan, dy't as in slang troch it lânskip kroep, en op 'e grins fan 'e stêd ferbroazele neigeraden de skoalle. Einlings koe se fuort. It transformatorhúske, it fiadukt by Utbuorren, de skûlplakken ûnderweis, se bestiene al net mear. Op it stasjon hie se ôfpraata mei Anke, se hiene in kola'tsje dronken. Anke wie drok mei har flat yn Selwert en reizge salang op en del. It wie oars rûn as soe, se hiene tegearre nei Amsterdam sille, yn 'e fjirde wie it al ôfpraata. Mar nei de Mond en Klauwzeer wiene ôfspraken net folle mear wurdich. Anke gong nei Grins, sosjale geografie, koe se faker in dei nei hûs om har mem. It wie al gjin praat mear tusken har, de bylden fan in pear jier lyn stiene beide noch dwers yn it ûnthâld. Sûnt de tongblier jilden oare wetten, sa wie it rûn. Mar sa't Anke prate oer har flat, oer earste stúdzjefreon-dinnen al, it makke har ûnrêstich. Shit, hie se doch nei Grins moatten dan? Mar welnee, ju, elk hie syn reden, en se koene doch faak genôch oer en wer? Noch spannender eins, tegearre in wykein keet skoppe yn Amsterdam. As se goed en wol te plak wiene soene se belje, ja? Se jankten noch even, om doe mei de MKZ, om't alles no foarby wie, de skoalle en sa, en om't elk tenei in oare kant op gong. Doe wie it tiid foar har trein. Op it Perron, allinne mei har bagaazje, spruts in man har oan, in frjemde slongel mei in breiden mûtske op, yn in T-shirt en earms fol tatoes. 'Hee, Ginger Spice, mut ik dy even helpe?' Stiif fan 'e skrik koe se gjin wurd útbringe. 'Ik doen dy niks, hoar, bin geen plakker of su. Sist emigreare, wat in fracht?' Hy naam de boel fan har oer en hie it de trein yn sjoud. 'Geen

drugs, wel, dan bin 'k derby?' Gnizerich kwakte er har koffer en de Nomad yn it rek. Se hie even glimke en wat heal in hân opstutsen, doe't er ôfsette mei in 'Goei, hew noch in klusje an myn boat,' en achter de skodoar fierderop yn 'e trein ferdwûn. Se hie in kûpee foar har allinne, en in plak by it rût om te dreamen. En doe rieden se dan. Se tocht oan Anke en hoe't dy alles sa super foarinoar hie, in flatsje en likegoed mei in oerke ek thú. Dy plannen soe noait wat fan komme, dat beljen, beide hiene se it witten, mar sa foar it lêst, om wat te sizzen. Sa close wiene se net, Anke en sy, allinne yn 'e tiid fan 'e tongblier in skoftsje. Mar op skoalle, yn 'e fytsploech, mei húswurk, mwah. Sy hie tefolle ferbergje moatten om fertroud mei har te wurden.

De toersklok bringt har wer by de tiid. Seis oere. Op 'e krusing komt in buske it doarp yn en hâldt ûnder har rût. Skodoarren, kabaal, wurkfolk dat útstapt en lûd en hastich oant moarn yn stegen en huzen ferdwynt. It doarp is wer kompleet, en wer stil. Yn 'e Oranjebeam heart se de fûgels oangean.

'Wie dat foarhinne al sa, dy mosken,' freget se, 'aloan dat gets-jetter? It heucht my sa net.' Se meitsje in slach troch it hûs om wer wat thú te reitsjen. Yn 'e opkeamer stean se in hoartsje foar it rût oer it plein út te sjen.

'It is fan 'e lêste jierren,' seit er. 'Sûnt it reidlân hjir oanwaakst. Protters binne it trouwens. Op 'e trek fan 'e tûndra's en noardlike oarden strike dy kloften hjir in pear dagen del om op ferhaal te kommen, dan giet it fierder en komme wer oaren.' 'Oh, protters?'

'Bist in stedsminske wurden, do.'

Achter har heart se syn ferrikke stim, it rommeljen yn syn liif. Hy rûkt nei froeger en nei dy fersleine aftershave fan doe. De ôfrûne dagen yn 'e flat ek, oeral yn syn slipstream hie se wit-

ten wêr't er úthong, as se wat hie te freegjen of te oerlizzen. Hy woe mar dat se meigong. Net dat er dreau, freegjend earder, op syn hoede, alle dagen wer. 'Even wat oars, fanke, even alles ferjitte, en wol sa feilich de earste tiid út it sicht fan dy fint.' Alles ferjitte, hoe kaam er derop? Mar justerjûn op bêd hie se har betocht. Nei trettjin jier hat se begrepen, dat der mear is as swarre en prinsipes, en dat se mei ferstân en berekening tichter oan har doel komt as se ris wat meijout. Gjinn idee hoe't it rint, se wol der net oan tinke, alles is frjemd. Noch mar in pear dagen frij en Rudy syn appkes dripkje as *cherry summer* har iPhone yn.

Se pakt har wykeintas út en leit har guod yn 'e kast, har boek mikt se alfêst op it bêd. Wiger syn keamer hat er sparre, dy fan har, oan 'e oare kant fan 'e souder tsjinne as berging, seach se doe't se de trep opkaam. Mei gjin wurd hat er deroer rept, mar hy hat der flyt op dien, dat moat se him tajaan. Dakbeskot, muorren, alles hat er wite, doar en kezingen yn 'e ferve, it bynthout rûkt noch nei beits. Nije flierbedekking, nije kast, as ferwachte er har hjir al wihoe lang. Op 'e râne fan it bêd sjocht se om har hinne. Al syn guod noch op itselde plak, tsjin it skeane dak de fergiele posters fan Phil Read en hoe hieten dy koereurs allegear? Flachjes en foto's, sùvenirs fan in sterk libben. Alde nûmers fan Motor Magazine en syn motorboeken op dy lullige hingplanke oan 'e muorre, dêr't se altyd de gek wat mei hie. Op it taffeltsje it model fan de Ducati 900 Mike Hailwood Replica, dy't er in kear meinommen hat fan Man. Se befielet it metaal, se krijt it yn beide hannen en docht har eagen ticht, oant it de waarmte fan har liif oannommen hat. Se heart syn stim, se sjocht him laitsjen, ticht tsjin him oan harket se nei syn ferhalen oer de TT fan Assen, oer dy wike mei de maten nei de *Aijel uf Mèn TT*. Gekjeie faak, mar ernstich as er frege wat der wie, Til? Syn sêfte eagen, syn

noed foar har. Moarn sil se dêrhinne om syn stien te sjen. Under yn 'e hûs heart se syn fuotstappen, doarren dy't slaan. Anst set er ôf nei achteren, lykas altyd, nei it fee, nei it lân, altyd út byld. Trije dagen hawwe se yn dy flat omheistere, mei bakjes koffy en pûdsjes patat, mei no en dan in wurd, en mei dy lift dêr't se mei op en del gong nei de auto en omheech nei dy glêzen koai boppe de beamgrins. En dy man mar slepe en dwaan; dy't freget hoe't se it ha wol, fanke, har in idee oan 'e hân docht, en mar trochpakt as se net út 'e rie komme kin. Hoe't er op 'e knibbels yn it wurk mei in hân tsjin 'e muorre knarsend oerein komt, aloan yn it spier om oarder yn har kop te bringen. 'It liket al wat, fanke, fynst net? Moai plakje hast hjir. Hoe ûnwennich it ek fielt no, oer in wike neamst dit dyn thús, silst sjen. Noch ien kear tegearre nei Ikea, dan kinst dy wol rêde.'

Dy auto rûkte krekt-en-gelyk, nei Pitralon, no wit se it wer, en nei sigarettreek en ferwaarloazing, en nei âlde man, sa ûngefear. Dat dat karkas noch ried, se wit noch dat er kaam, en wat der ôf tsierd waard thús oer dy kleur. Se hat har mar deljûn, de radio wat oan. Underweis sei er no en dan wat, wêr't se wiene, dat se dêr yn 'e flat doch mar moai opsketten wiene, dat. By in tankstasjon hâldt er, oft se kofje wol, even nei it winkeltsje miskien? Kin hy even smoke. Foar har stelt er it hieltyd út, fernimt se. Op 'e flat ek, dan wie er ynienen fuort, oant se him achter op it balkon hoastjen hearde. Nei de sigaret stappe se wer yn, noch in oere dan binne se der wol. Se moat in plan meitsje stadichoan, hoe't se it oanpakt dy dagen. Fan him hat se neat te ferwachtsjen, deaswiije docht er it, krekt as altyd. Komysk is it hast, ast der bytiden net gek fan waardst. Dat swijen, dat him as in âlde hûn oeral mei hinne sleept, him dêr in pear dagen deljout, en like trou wer mei op hûs oan giet. Om 'e stêd hinne, de rûnwei lâns, dan ride se de romte yn.

Oer in dûbele asfaltbaan, troch ferkavelingen en griene steppen giet it langer achter it libben lâns. Hy warskôge al, it is wol wat feroare dêr, de tiid is deroerhinne gongen, sis mar. Dat se it wit. Mei hiel wat ferrin, en leechstân ek. Hjir en dêr kin se it miskien net mear werom. Nei in rotonde en wer in ôfslach ride se op it doarp oan, fan hokker kant wit se sa gau net. Oant se it plaknammeboerd sjocht, en dêrûnder op spaanplaat yn reade ferve: *BlierCity - mei de kont tsjin de krimp*. Hy seit neat, hy sjocht it al net mear. It Súd op, dêr ken se it wer, en nei de tsjerke it plein oer de Achterwei yn. Se moat in plan meitsje, trut, har net ferrifelje litte dêr. Hy wist derfan.

## 2

**S**E BELLE. Oft heit har ophelje koe. In dei earder as soe, ja, mar dan ûntrûn se de kâns dat dy man har bûten opwachte. Flauwekul, mar sa wiene de ynstrukjes. Hy fiede de wjersin. It leafst wie se bûten syn witten yn 'e stêd opgongen en hie se har âlde libben wer oppakt. Mar se moat wol, se kin gjin kant op. Hy is al bliid dat se wat hearre lit, oan him sil it net lizze. Hy sil syn wurden wage, dwaan wat dien wurde moat, itselde patroan as foarige kearen. Skraal en nerveus, ferlern op it ûnbidige parkearterrein tusken de âlde kazernegebouwen wachtet se him op. In plunjeseke, in foech koffer, bagaazje fan fjirtjin moanne detinsje kwakt se hastich yn 'e kofferbak. Dan meije se om har ek wol fuort, heit. As kin in hegere macht har noch ynhelje foar't se it terrein ôf binne, en it ûntslach troch de megafoan ûngedien meitsje. Foar him lâns meldt se har troch it iepen autorút oan de ynterrom en wachtet. Wachtsje is se oan wend rekke, alles hjir is geunst. Se hearre in gerûs út it hielal, yn in úthoeke fan 'e himel giet in finger preveljend by in checklist lâns. Mar alles is yn oarder. En nei it reglemintêr 'Goede reis, mevrouw, meneer,' komt it skostek oerstadich yn beweging. It terrein ôf, dan rjochts it Zandpad op, en fuort links it brechje oer, en wêr rjochts by de Vecht lâns, de Ryksstrjitwei del. Mei driuwerich fingerwizen en herheljen dirigear se him Nieuwersluis út, de frijheid temjitte. Ienkear hat er by har op besite west, mar mei swijen en sykjen om wurden hie dat oerke gjin sukses west. It



wie him yn 'e wei, hy hie wolris in kaart stjoerd of in krante-stikje oer it doarp, mar dêr wie it by bleaun. Om har hie it ek net hoefd, mar hy die wat. Nei Loenen de A2 op, en fierderop de A10, dêr kin er it better, ôfslach S112. Nei in healoerke en wat sykjen stean se op in winich parkearterrein mei konteners fol bouôffal. Reklassearring hie bemiddele, Rode Kruislaan 1358, in gloednij flatgebou, dêr't de skepping noch begjinne moat.

Tsjin 'e auto leund sjogge se by it gebou omheech en telle de galerijen. En noch in kear, as se de tel kwyt binne en in frommis op tsien heech oer de reling kipet en skreaut, as soe se krekt springe. Yn 'e hal, yn in hok ûnder it treppehûs fine se de húsmaster achter in laptop, dy't har foar de korperaasje ynboekt en yn in floed Amsterdams de kaai oerhandiget, jongedame, en útleit hokker lift it noch net docht, en dat it wetter no en dan útfâlt fanwege de druk, dat se it even wit, en dat moarn de kabel oansletten wurdt, en as der fierder wat is, kin se him hjir fine, as er der is.

Stiltsjes dangelet se troch de leechte fan har nije ûnderkommen. It rûkt dêr nei semint en bekistingshout en âld swit, en it ljocht dêr, op trettjin heech, tolve oere middeis, is sûnder genade. Dan sjocht er pas wat der fan har wurden is. Meager en bleek, mei de earste barstkes yn 'e tinne hûd om mûle en eagen, as bernespoaren yn mul sân; it reade, krollerige hier as in baarnend toarnbeibosk fan opstannichheid. Grantich, de hannen oan de tommen ta yn 'e bûse, nimt se mei oplutsen skouders de boel yn har op. As realisearret se har dat it earnst is, neffens de hinkstapsprongen yn har studintetiid. Hoe faak hat er har al ferhúze? Wifeljend kaam se der iderkear foar de telefoan mei oan, se hie in guodkeapere, in stillere, in rommere, in skjinnere flat fûn, heit, koe heit sneon ek helpe? De lette kant neist meast, om't se oars gjin help fine kind hie, sa fielde

it, mar dat woe er net witte. Neat soe er har wegerje, hie er him foarnommen, doe't se it hûs út gong. Inkeld hie er har ris opsocht dy jierren, op trochreis, sei er dan mar. Dan die er wat putsjes, se praten oer neat, en nei oardeloere fielde er wol dat it tiid wie om fuort. Werom nei hûs ried er oeren mar wat om, heal yn 'e sûs, in grinerich gefoel ûnder de jas. Oant op in dei de telefoan..., dan gong it wer oan. Fan Diemen nei Noard, fan Súd-East nei Nij-West, nei alle wynrjochtingen fan 'e stêd, mei in boelbak fan Bo-rent har oanwizings achternei. En hy paste syn oardiel al oan, as op 'e galerij de bamylucht of bonkjende *house* him temjitte sloech. En de lêste twivel wie oer, as op har fyftjin kante meter kakkerlakken út matten en roasters en radio wriemelen, en alle have yn plestiksekken inkeld noch nei de kliko koe yn it sousterrain. Op it nije adres gong er mei hert en siel oan it wurk, bliid dat er wat dwaan koe. En hy betelle by de Blokker, by de Gamma, Ikea, wat der nij komme moast en begûn sels ek in bytsje opnij. No is it oars. Se stiet foar it rût, draait oan kranen, probearret in laad en wit net wêr't se begjinne moat. 'Alles like nij, fanke,' seit er, 'wy meitsje der wat moais fan.'

Middeis ride se nei de Archangelkade om yn te laden wat dêr hast oardeljier lyn troch in ferhuzer yn in opslach opburgen is. Sy wiist, hy sjout en laadt en steapelet wat yn ien rit yn 'e Bo-rent te hâlden is. Se feie, se dweile, sjouwe en himmelje, yn oerlis en aloan mear op eigen manneboet, yn in ritme dat al wer went en lykas foarhinne stadichoan in flau gefoel fan ienriedigens tewebbringt. En mei de lucht fan Andy komt lang om let de laits, en it leauwen dat dy betonplaat in kear bewenber wêze sil. Yn 'e skimer sjouwe se noch in bêd en tekens, in matras en wthoefolle doazen de lift yn en draait er de earste lampe oan it plafond. Dan wurdt it stil en ûngemaklik. Moatte se ris wat ite, of meitsje se noch in reis nei Archan-

gelsk? Mar foar hjoed is it wol genôch, heit, moarn fierder. Hy kin nei in B&B of Best Western, wat er mar wol. Se swaait mei har iPhone, se hat adressen, hjir flakby. En dan wit er it wer, syn neite stiet har tsjin. Syn oanwêzichheid foar in nacht, yn in hoeke op in matras, se soe it net ferneare.

It is de lêste kear realisearret er him, it makket him mankelyk. Jûns yn 'e *West Side Inn* sit er foar de tv en prakkesearret hoe't it fierder moat. Se sil wer wurk fine en har eigen libben libje. Dan is it dien mei syn brûkberens no en dan. De stêd is har biotoop, hjir libbet se sûnt se it hûs út gong om te studearjen. Wêrom net nei Grins? Huhu, Grins. Dan kaam se hjir noait mear út 'e bosken, krekt as Wiger. Amsterdam waard it, en net oars. En Nederlâns, wêrom net in fak? Ekonomy, accountancy of sa, dêr kaam se doch fierder mei? Dat freegjen makke it der net better op. Wat wist hy derfan, yn dit achterlike doarp, wat se dêrmei koe? As wie it juster, sa stiet it him by. Nee, se woe gjin lift, se rêde har wol. Nee dus, hie heit it heard? Se gong mei de bus. Obsternaat, lilke op him, op it doarp, op alles. Hy wie har kwyt, hy wist it. Earst sy, doe Wiger.

Twa dagen hawwe se al flierre, laminaat. Palissander woe se, in donkere flier stie moai by it pleisterwurk, en de bank en it skieppefel kamen dêr ek moai op út. En moarn de gerdinen al, dan begûn it te lykjen. Se fleuret al op. Soms stiet se in hoart op it balkon oer it parkje út te sjen, dan hat er frede mei hoe't it giet. Fierder tinkt er mar net. Hy sjout de pakken laminaat út 'e lift, sy pakt se út. Se mjitte en passe, en nei har 'Ja' set er in streekje op 'e planke. Sels seaget se dy op maat, bang dat hy oan it seachflak de lak skansearret. Tegearre heakje se dat ein yn 'e groef fan 'e lêste planke en bûge him justjes werom oant it klikt. En de opluchting as it past, en dat it sûnder gehakketak klear kommen is. Tsjin itenstiid hallet se wat patat en

kroketten út in kafetaria fierderop, dat se fan de húsmaster ken. Dan oerlizze se wat allegear noch moat, en hoelang, en pratendewei balânsearje se oer de râne fan 'e omstandichheden. Mar it ferline is te fier om derby te kinnen, en te farsk om oer te begjinnen. Hy lit it mar sa, lykas meast. Dy flat moat klear, dat is it iennichste dêr't er foar ynhiert is.

Oan 'e lêstafel yn it hotel eidet er boppe de krante de dei nochris oer. Elk detail, elk wurd. Bestelt noch in konjakje en dan begjint it meallen fan foarenôfoan. It measte wit er út it fonnis, mar hoe't har libben der útsjoen hat dy jierren, hoe faak se dêrhinne op-en-del west hat, Suriname, en mei wat soarte folk, op eigen aventoer of ûnder twang? Wat doogde der fan har ferklearring foar de rjochter? Soms sjocht er har eangst, ferbeeldt er him, as se de lift yn moat, nei de auto om wat te heljen. Hy hat har foarsteld om in pear dagen mei, sa fuort allinne hjir yn dizze flat. Kin it gewoane libben wer wat wenne, in dei of wat mar. Of by Aaf Leenes, as se dat leaver wol. Aaf kin se noch wol? In typstra, mar in gouden hert. Se hat even glimke, mar nee. Se moast der in kear troch, dizze dagen hiene al holpen.

De tredde deis, de lêste rit nei de Archangelkade, hy kin dat ein dreame. De boel is oer, hast alles past, rails, gerdinen, in wûnder is it. Op it westrút nei dan, dêr binne de kleden te lang troch it finsterbank. Mar yn it winkelsintrum siet fêst in Turk, dy't se ynnimme kin. Se sjocht de keamer yn 'e rûnte, en even heart er kristal yn har stim. It wie dochs kommen sa't heit sein hie. Se laket, as wurdt it ynienen har hûs. Sokke mominten dêr sjocht er wer foar him. Se leine op knibbels op it omkearde buroblêd, it stielen ûnderstel yn parten om har hinne op 'e flier. Tilma tsjinoer him, mei beide hannen om in buispoat, hy mei in ynbuskaai om him yn it frame fêst te setten. En as it buro aanst stie moast de boekekast noch, heit,

as it koe. Dan gongen jûn de boeken der noch yn, en oars fannacht, se jubele der suver oer. Wie dizze keamer mar klear. Moarn har âlde Toshiba oanslute en achter in abonnemint oan, se koe net wachtsje. Se prate al mear en mear, soms like it op sjongen. De tredde poat wiene se oan ta. Mei in haal pakte er it ding achter him fan 'e flier, sy naam him oan, it gong dat it slydjage. Noch ien nacht yn 'e *West Side Inn* hie er tocht, moarnier noch wat putsjes en dan marris op hûs oan, wie sy ek ris op harsels. Wat seist, fanke, sa mar dwaan, dan rêde se har wol?

Yn it finsterbank giet har telefoan. In ûnmooglik, útwrydsk sinjaal út 'e romte, it earste dizze dagen. In freondin, reklas-searring, de húsmaster allicht oer dy kabel. Hy sjocht de skrik yn har eagen, hoe't se befrist. Har hannen klamje blau om it metaal, mei de holle in skoftsje tsjin 'e buis, ferskûle yn har hier, twivelet se wat se sil. Opnimme, hoopje dat it oerdriuwt as se wachtet? Einlings komt se yn beweging, as makket it al net mear út; se is opmurken yn dizze ierappelbak, waarnommen op ierde, troch ien of oar oait yn in aginda notearde foar in telefoantsje hjoed of moarn. Se leit de buis del, sjocht troch it rût hastich it parkje yn. Hy lit har gewurde, telt ûnderwyl de skroeven út in plestik pûdsje alfêst foar de lêste poat. Se fertrout it net heal, sjocht er, mar se moat der in kear troch. Se draait har al om, op knibbels skeuvelet se oer it laminaat dy kant út. Pakt de telefoan, triuwt harsels mei de earmtakke by it finsterbank oerein. 'Ja?' Even is it stil, dan slagge de hûnen oan. Oerallich sjocht se om har hinne, foar him lâns rint se de gong yn; de telefoan oan it ear sjit se de sliepkeamer yn en trapet de doar achter har ticht. Yn 'e fierte heart er har stim, reedlik wol eins, en kalm ek wol, komt it him foar. Gysten wrot er him oerein, lûkt de gongsdoar ticht, hy wol it net hearre. Hy set de poat werom op it frame, mei ien hân oan

'e buis, de oare mei it kaaïke op 'e kop fan 'e skroef, pielt er de earste bout der ek samar yn. Ikea. Ferdeald, wat in feest. Unwillekeurich rjochtet er om it hurtsje de rêch en glûpe syn tinzen troch kieren en naden de gong yn om gjin trilling te missen. Hy heart har redenearden, en oangean, razen heart er har, stampfuotsjen bytiden, as is dy kearel al binnendoar. Stiltsjes sit se neitiid yn it finsterbank wat foar har út te sjen. It buro hat er klear, net dat it har opfâlt, mar aanst moatte se it tegearre even keare, kin se sjen hoe't it wurden is. Dan earst de boekekast mar.

'De Surinamer?' Kwânskwiis weaget er it der op, ûnder it wurk troch, om wat te sizzen, om har der wer by te heljen. It antwurd ken er no wol. Se seit neat, se sit dêr mar. Dan komt se dermei oan, dat se moarn doch mar meigiet, heit, in pear dagen mar.

'Watst wolst, fanke. Giest mei de bus werom, tink?' laket er. Se jout gjin sjoege, se sjocht straal by him lâns.

'Grapke hear. Nimst werom de auto mar, ik kin earst wol sûnder.'

**A**CHT OERE HINNE skoot Aaf Leenes achter de tafel mei de memobriefkes, klear foar de aventoeren fan 'e dei. De krukken set se yn it globke tusken muorre en taffelsblêd, en mei in skean each fansiden belannet se mei in plofke yn it ronfelige skai fan 'e burostoel. Hoarterich huffelet se wat tichteroan, oarderet har wide boksen wat yn 'e ploai en jout har del yn it kessen. In noflik momint foar in âld liif dat al oeren warber is, en dêr't de wurgens net mear út wei wol. It komt mei fan de yoga, mar dêr kin se net sûnder. Mei't se it matsje útrôlet komt der rêst yn har holle. It jout har selsfertrouwen en kontrôle oer de dingen fan 'e dei. Dan leit se in healoerke te spinfuotsjen, net altyd model, dat net, mar dêrnei kin se it wurk wer oan. De lear fan 'e chakra's en dat, dat leaut se no wol. Se is in healoere fan 'e wearld, dêr giet it har om. De fiif tibetanen docht se ek. Fjouwer eins, de earste, mei de draaiïng om 'e as, kin om har skonk better net, mar de oare wolle wol aardich neffens it boekje. En de sykheloefeningen fansels. Hjir oan har buro nimt se earst even de tiid en prakkesearret noch wat. Troch it foarrút folget se de bewegingen yn it doarp: it keppeltsje skoalbern op 'e fyts ûnderweis nei de stêd, âlde Jaring dy't ôfset nei syn tún, it buske fan Heijmans NV dat op It Noard in pear manlju oppikt. In libben op oere en tiid. Anst de skoalbus dy't de lytskes út 'e streek opfan-delet om nei De Reidmosk, en net folle letter it Fiatsje fan Hil fan 'e Buertsoarch. Dan wurdt it stil. Mei in tin bekje

sloarpet se fan de hite kofje, dy't se yn 'e termoskanne klear set hat. In tsien minuten al mei al, dan moat se oan 'e gong. As pasjânskaarten oarderet se de bestellings neffens projekt en neffens plak, kontrolearret wurkskema's en ynfalbeurten, set de kompjûter oan en leit it bonboekje klear by de telefoan. Jehannes hat de boel yn in programma set, en se brûkt it ek wol, hear, foar de ôfrekkenings en de statystyk. Mar foar Aaf giet matearje boppe digitaal. Moarns wol se dy giele papierkes tusken de fingers fiele, de memobledsjes dy't krol yn slachoarder op it taffelsblêd plakke, en oersicht jouwe en foldwaning. In fjild hynstebloemen gelyk, no ja. De bewizen yn alle gefallen fan har ynspanning, en de wurdearring fan 'e streek. Dûbel wurk, Aaf, se heart it him sizzen. It mei sa wêze, mar it jaget har minder oan 'e telefoan sa'n briefke ynfolje. Letter op 'e dei bringt se it op har gemak yn 'e kompjûter. As Jehannes der ris is om it út te lizzen, fielt se har âld en oerstallich; hoe't se in bestân oanmakket, nije adressen opslacht, en dit en dat folle makliker docht, dêr is sa'n ding foar, Aaf. Dan slacht se ticht, se blokkeart, it is oars tinken, en dy wurden wolle net aardzje yn har fokabulêre, sa is 't ûngefear. Dat is Aaf Leenes, eigensinnich, dat wit elk hjir. Yn har projekten, yn har oanpak fan minsken, yn har taal, altyd even oars. Huffelje, sa'n wurd, wa betinkt it? Aaf is âld libben, seit se sels. Ald fel, âld libben en âlde moraal. Achter yn 'e santich, begjin tachtich, gjinien dy't it krekt wit. Se is fan foar it ynternet, seit se as it te praat komt, fan foar de tv ek, fan foar de oarloch. De jiertallen jout se der fergees by, hieltyd fierder werom yn 'e tiid. Sa'nien sit fol ferhalen. Net dat se oaren dêr lestich mei falt, mar inkeld kin se it net litte en wol se wol kwyd, dat minsken tsjintwurdich frijwat easkje en blaze. En mar sweare oer rjocht en respekt en frijheid fan dit en dat. It giet har net om 'e leefdyd, dêr't âldelju har faak op beroppe om

oandacht en foarrang, dat gekrimmenear. It giet har mear om wat besef fan 'e skiednis, dy't minsken optilt en delkwakt, en wat nederiger makket, wol se ha. Mar dat is net elke generaasje gund, se wit it. Yn 'e fergadering is it soms hâlden en kearen om minsken te oertsjûgjen en byinoar te hâlden. Wat hawwe se ek meimakke dat telt? Mar se binne hjir al skrokken, doe't se seagen dat it libben begûn te skowen. It is har oerkommen. As in sparwer dy't yn 'e mosken slacht, nerges gjin euvelmoed yn. Mar se hiene it oankommen sjen kind. Achternei hiene se it wolris tocht, ja. Earst krige Appelman wurk yn 'e stêd, te fier om hjir wenjen te bliuwen. Man, frou, trije bern. Doe Sybrich fan Klaas Banting, dy't nei it fersoargingshûs moast. Hy mei. Dat wiene al sân, yn in pear moanne tiid. Doe de Dútsers fan de Pypster Dyk, de Groebens, jierren lang doarpsminskens mei. Mar sý koe net mear fan 'e reuma, Gerlinde, en de ôfstân nei de Heimat hieltyd, en wer sa'n wiete simmer, se moasten dy twadde went mar kwyt. Mar dy bleau leech dêr bûtenút, dat wiene wer twa. Doe kaam de мкз noch, it brekpunt yn it bestean hjir. De lju wiene lam, de ferwyldering sloech om him hinne. It stie yn 'e krante, in amtner skreau it oer yn in rapport. Krimp. Sa'n krakelich wurd krûpt yn ieren en sinen, it set him fêst yn it brein. Minder wurk, mear útkearings, lytse bedriuwen fallyt, wer oaren dy't it fierderop sykje. It ferlammet minsken, se telle net mear. Huzen bliuwe leech, plakaten op it rût, gjin oanslach langer, ferfeling, drinke. Krapte is te dragen, dat went, it jildt foar elk en giet in kear oer. Earmoed is slimmer, dy is persoanlik, erflik meast, de útsûndering dy't bliuwt. Dan moat men wat betinke en wat dwaan. Oerheden prate, skriuwe nota's, wy moatte sels, hat se yn 'e gearkomste sein. En de minsken yn W. hawwe it begrepen, se binne allinne, se hawwe allinne elkoar. Se binne noch mei sânensechstich, minder moat net. Mar Aaf hat prate

moatten, en it hat wat duorre foar't se it iens wiene. Se hat plannen foarlein, oanheard wat de minsken derfan fûnen. It gong derom wei bytiden, se woe te hurd. Der is oer stind en stimd. Ek oer elks ynlis, kin je begripe. Der moast in pot komme, oars bleau it dea guod, dy plannen. No, jierren letter, prate se oer projekten, alles is langer in projekt hjir. Se moat derom gnize bytiden, sa'n wurd. Meiïnoar ha se nammen betocht, koadenammen woe ien, oare plakken hoefden fuort net alles te witten, en de gemeente noch minder. En sa is it gongen. Bytiden krijt se gjin wink yn 'e eagen, gjinien dy't it leauwe soe. Aaf, dy? Want se giselet de manlju, bepraat froulju wat se kin, en jongelju leit se in earm om it skouder, dan komme dy ek, sneons. Elk docht mei, hie se yn 'e fergadering hjitten. En nei in pear moanne al seachst hoe't de nekken fan dy kearels wer glânzen, hoe't se ûnderinoar praten, en hoe't de froulju strielen en gibelen dat it libben der wer yn wie, Aaf! No moat se earst Jehannes belje oer dy bestellings. Hy wie as earste foar it plan te rissen. Hy komt út 'e wegebou, siet mei de krisis al rillegau thús, sadwaaande. *Masterset* hat er it wurk doopt. Se begûnen mei de Westeromwei te slopen, dy't fan gjin nut mear is, en moai út it sicht. *Pilotproject*, Aaf, gniisde er. It asfalt wurdt útdold en fermealle en yn 'e streekkranter adfertearde. En wat in fraach dêrnei is, dy manlju binne út 'e skroeven. Meikoarten pakke se de Nije Dyk al oan, de ergernis fan 'e streek. Fan de fjouwerbaans geant de westlike rydstroken derút, in twabaansdyk kin it hjir skoan dwaan. De oare doarpen dogge ek mei, dêr sit de argewaasje oer dy wei meters djip. De frijkommende grûn wurdt wer ynplante of as folkstún ferhierd. Gaats begint dêr in grientekwekerij, *SaxiFraga* sil dy hjitte. 'Ja, Jehannes mei Aaf. Alles goed? Sis, yn B. freegje se om tritich kûb grou, en tritich kûb fyn, Hasperdyk 40.' Op 'e

achtergrûn heart se it ratteljen fan de masjine en fluïtsjen en sjongen, se libbet suver op fan dy fleur. 'Fan 'e middei as it kin, jong, dy grouwe keizel, de lading fyn kin moarnier. Jimme hawwe noch wol foarrie? Dan De Kolken, dêr freegje se om io mud kooks, hoe fynst 'm? Dat begrypsto net iens, kooks. Ien kûb asfalt, sis mar. In lyts putsje dêr, tink? No, dat wie it earst, jong. Oars noch wat fan belang? It bêste mar wer, hen. En in tût foar Reinder.'

In hoartsje sit se foar har út te sjen. Dy manlju dogge it út earmoed, bystân, ww, en wat kilometerjild út 'e pot. As ark en masjines skielk in ein hinne ôflost binne, moat dy ynlis werom. En dy jonges moatte in taslach ha, dan hâldt se se yn it hok. Mar salang hawwe se alteast wurk, en it doarp hat der ynkomsten fan. Op Masterset leauwe se wer yn harsels, en gedrage har dêrneffens. Min ofte mear, rûch folk bliuwt it. Wie Haring mar sa. Haring sit op 'e Kopermyn, dêr't se de kables opdolle. By KPN derút reorganiseard, wa koe se better ha? Mar de man is te sêft, út sa'n amtlik bedriuw, klantenservice, alles útplúzje, rapportearje en ôfwachtsje. Yn 't earst moasten se mei de lodde, miskien wie it dat? Mar sûnt dy graafmasjine lije koe is der net folle feroare. Trochpakke moat er, doare, avensearje, koper is jild. Oars moat er op it Gasthûs, miskien past dat better by it aard. Se hat der wol pielen mei, no en dan. 'Bist noch psychologe ek bytiden,' sei ien lêst. Ja, dat wie har wurk as wyksuster eartiids, harkje, delbêdzje, tasprekke, moed jaan of der allinne mar wêze. Dat swalkjen troch de streek, de minsken neiby, it lei har wol. Mar nei it ûngelok wie dat foarby, har libben wie oer, like it. Doe't se wer by de wâl opklautere wie en yn dit doarp nei wenjen kaam, en se oanhâld krige en dy projekten wat rûnen, wie it einlings net folle oars as foarhinne. Se moat wat dwaan, wat betsjutte, harsels opdrachten stelle, oars ferbongelet se har tiid. Oan

harsels is it noait takommen. Wat hat se net mist, wat moat se allegear net ynhelje? It giet har wolris troch de holle om it mar oer te jaan en har eigen libben te libjen. Mar fan 'e gedachte allinne kriget se it stjerrende benaud. Lidwyn wie hjir lêst, en net mijen: tocht se no wier, Aaf, dat in oar dy brot hjir net oernimme koe? Boekhâlding, administraasje, al dat geregelt? As se sa trochgong fûnen se har op in dei dea yn 'e hûs of op 'e tûn. Wiene de minsken dêrmei holpen? It hie har rekke, dagen wie it net út har gedachten. Wat hat se eins fan it libben begrepen, en fan harsels?

Har eagen dwale ta it rût út, oer de greiden en de maisfjilden fan Lyts Sion. Wegeljend yn 'e stoel folget se de wolken dy't al minskelibbens oer dizze kontreien driuwe. Hie Lidwyn gelyk?

It stekken yn har skonk hellet har werom út har prakkesaasjes, it sein dat se opsjitte moat. Se rint de bestellings bylâns, guon hat se twa kear noteard, sjocht se no; de holle derby, frou. Se bellet hjir en dêr en rommet de briefkes op. Drok is it net hjoed, se begjint alfêst mei it rekkeningskriuwen. Lyts Sion. Hjirwei hat se de pleats yn it sicht, grut en geweldig, achter yn 'e mieden. Mar it is har yn 'e wei, se hat gjin fet op dy man. Bonsen Alting is in swetser, fansels die er mei, om it doarp, wat tocht se, dat spruts fansels. Mar noait ris kontakt, ek net mear op 'e fergadering, dêr achter yn 'e mieden giet er stikem syn gong. Dan sokken as de erven Pekel, en dy fan 'e âlde notaris, dy hiene lêstendeis har leech steande huzen foar neat oerdien oan it doarp, krotten hast nei al dy tiid, dat wol, mar se koene wer fierder. Se koe dy minsken net iens, by de notaris yn 'e stêd hie se se troffen. Sokken wiene der ek. Oer har wêzen lûkt in grimas fan pine. It stekken yn 'e rjochterskonk set troch, se moat nei de amer, aanst stiet se yn 'e brân. Se triuwt de stoel achterút, draait in heale slach om, en

mei in setsje fan 'e linker foet op 'e flier set se it bekling skrep tsjin 'e tafel. Tsjin tolven, op oere en tiid set de earste oanfal fan 'e fantoompine troch. Faak oerfalt it har noch, om't it har net past en se der gjin tiid en oandacht foar hat. As earste beknypt se troch de klean hinne, mei beide hannen om it bilbonke, út alle macht it skroeiende stikelfleis. As krabsk-jirren krûpe har fingers sydlings troch it oedeem, omleech en omheech en wer omdel. Under de knibbel klamt se mei de hannen flak boppe de kokerrâne it prykjen en bûnzen in hoartsje ôf. Oeral spûket de kramp, tûzenen gleone nullen fleane troch har skonk op en del. De tsjindruk jout wat lucht, mei in ferwongen kopke wachtet se oant de fleach ôfnimt. 'Transtibiaal. Net it minste amputaasjenivo, mefrou,' hie er sein, doe't er har yn it gips sette foar de mal. Se hie gelok hân, rojaal ûnder de knibbel, se koe aanst wer rinne. Dat wie it iennichste bestekliks dat de man útbrocht hie. Ortopedy sk yntrumintmakker wie er, mar de praatsjes fan dy man mocht se net lije. Se bûcht in eintsje foaroer, snipt de flodderige bokse fan 'e skoech, en mei ien haal lûkt se har ûngemak foar it ljocht. In plompe, fleiskleurige protezekoker, dûbel sa grut as in strúsfûgelaa, en dêrûnder de dof glanzjende metalen buis, dy't as in prikstôk sa dea yn 'e skoech steekt. 'De earste symptomen fan de homo robotikus, leau 'k,' hie se fûtere by it oanpassen fan de proteze. 'Early adapters, mefrou. Foarrinners kin de evolúsje net sûnder, ás se teminsten wer rinne kinne.' Se hie der ek wol om laitsje moatten, hoe't syn fleurich sarkasme oan alles in draai joech. Peereboom hiet er, hy wie doch aardiger as se earst tocht. Se hie in soad fan him leard, hoe't se rinnend en rôljend noch jierren foarút koe, en it minskdom in foarbyld wêze, mefrou. Mei de knop ûntkoppelet se de ferbiningsbuis, dy't fuort út 'e

koker sjit en mei skoech en al rjochtstandich op 'e flier ploft. Se is der hast. As in rûp syn húl, sa wrot se de keunststoffen koker fan it oerbleaune ein skonk. It skroeien en stekken boazet wer oan. No hastich de *liner*. Peereboom hie der alderlei nammen foar hân om út te lizzen wêr't dy foar tsjinne: stompsok, skokdimper, binnenbân, lûkheak ek, want de pin foar op 'e *liner* heakke troch de kokerpunt yn 'e ferbiningsbuis, en sa kaam dy robot op it lêst yn beweging. Mei beide hannen tilt se it ein skonk op 'e oare knibbel en strûpt de taaie silikoane hûd fan 'e *liner* binnenstbûten fan 'e stomp. Dy wipt se mei in draai fan 'e stoel op it mûsmatsje op 'e tafel, en bleek en ûnhandich leit it restant dêr dan foar har, foarmleas, gleon as fjoer. Har fingers gripe yn it âlde fleis en klieme en beswarre de pine. Gek wurdt se derfan. As koartsluting spat it kettingfjoer troch har lidden, en fonket op plakken dêr't har skonk al jierren net mear bestiet. Sykhelje moat se, djip sykhelje. In hoart is de wrâld net grutter as se troch har teisters waarnimme kin. Op 'e tafel de koker, bonboekje, de *liner*. Ferlern op 'e flier har gammelfoet, as stiet er yn bestân om mar allinne op reis, mei dy nije sportskoech oan. De amer kâld wetter, se kin oan neat oars tinke, hy stiet klear, mar se is wer te let. As de pine ôfëbbet, sakket se werom yn 'e stoel, en foar even jout se har del.

Troch it rût sjocht se hoe't it ljocht troch de wolken oer de pleats strykt, oer silo's en stâlen. Fan 'e middei komt Hedzer Lameris. 'Sil 'k dy de foto's sjen litte,' sei er foar de telefoan, 'de bewizen, dêr gie it ús doch om?' Mei syn drone hat er it lân by Lyts Sion yn kaart brocht, hy hat it har allegear útlein. Wat se derfan fûn? 'Dan witte wy it sekuer, Aaf, dan ha wy dat wiitfjild fan him yn byld.' Dat is Lameris, ek in oanfleaner hjir, in sjoft arbeider by Jager, fan alles by de ein, drok, wat in blast, mar in betroubere fint, hiel oars as sa'n Jehannes. Mar

wol geregeld op 'e sweef, of ûngeregeld mear. Soms is er ynienen wiken fuort en freget se har ôf, oft se dat hûs oan It Súd hast oan in oar tawize kin. Mar dan heart men op in moarn tusken it timmerwurk troch ien sjongen en fluitsjen, dan is er der wer. Hat er him mei syn drone in skoft ferhierd oan in reklameburo of it kadaster. Dy drone is syn alles, in *Phantom4*, moast hearre hoe't er seit. Mar dat plan fan him is út 'e keunst. *Operaasje Pynbank*, hie er tocht. 'Einlings gerjochtichheid, Aaf, no ha wy him yn 'e skjirre. Fuortoan fergees stroom foar it doarp, silst sjen. Dy Alting sil piipje, bliede sil dy man. Earme Cleddy, wat dy noch foar de kiezzen krijt. Mar it moat even, foar it goede doel.'

Se gnysket stil foar har út, it idee al. Mei de namme hie se wat muoite hân, wat al te trochsichtich miskien? Transparant wie tsjintwurdich de moade fansels, mar dat hie syn grinzen, yn eigen belang, jong. Hy hie wat mompele en even neitocht, *Operaasje Sinnebank* dan, ek goed. Lameris hat oare motiven as sy, mar wat kin it har skele? Se hie it net sein, mar nei safolle jier gong it algemien belang foar de moraal. En sy rêde mei Rochus, dat dy har net foar wie, men wist it mar noait. It grutte wurk kin begjinne, se hat Hedzer yn it komplot. Se rôlet de bokse stiif op boppe de knibbel en tilt de skonk fan 'e tafel. Mei in triuwke is se by de krukken en hyst se har oan 'e tafelsrâne út 'e stoel. No opsjitte, kin se foar de twadde weach krekt oer. Sa rêdt dat minske har dêr, Aaf Leenes; heechskouderich tusken de latten set se ôf en hinkelet mei dy neakene stomp by de klean út nei de keuken.

**A**AAW... MEI IN skreau hipt se fan it sadel. It snijt har troch it krús, en even benimt it har de siken. Steande op 'e trapers stuiteret se oer de opwrotten klinkerts It Súd op. Oan 'e tsjerkhôfskant yn it skaad fan 'e peppels, en ûnderwyl mar koekeloere nei de huzen oan 'e oare kant, is it in wûnder dat se dat rakmak fan stiennen en kûlen net sjocht? It Skeanpaad foarby stapt se ôf, mei de earms op it stjoer ferbyt se de pine en sjocht se út oer it Skieppelân. Yn 'e fierte gûnzet in rinnende bân en heart se it stoarten fan grint, soks. Stadich komt it wer by, se keart en oan 'e huzekant rydt se werom om te sjen wat se noch ken. Gjin mins te sjen. In spûkdoarp hat it fan, mei tichte blinen, ynsakke dakken en trochhingjende goatten. As yn in doku oer de lêste bewenners nei de goalera op Kamtsjatka. Se siket om in oanknopingspunt, in doar, in hûsnûmer, in gevelljocht. Dêr siet Bakker Wip, dan de Spaarbank op sneons, it Winkeltsje fan Obe Onmacht, Dillingh Verf, se ken it stadichoan wer, dêr it notaris hûs en dan Pekel Iel. Guon huzen wurde opknapt en lykje bewenne, oaren stean leech, it gers yn 'e stoepen. Pekel syn doar stiet oan, sjocht se, en dan wol se ek witte hoe't it no fielt. Se set de fyts tsjin it rût en meunsteret de strjitte. De doar rint fêst op 'e tegelfier, op 'e side wringt se har de winkel yn. Even galmet de skille krekt as eartiids; de moarmer toanbank mei de papierrollhâlder, in snústerige fitrine, de wite tegels rûnom. De bleke kjeld fan in fiskwinkel slacht har temjitte,



as wie se wer om in boadskip. Daalk heart se syn klompskuon, it risseljend kralegerdyn, en dan dy meagere man dy't de winkel yn klost, sjaal om 'e nekke, grûzelich wyt jaske, dy pylkjende wynbrauwen en hege stim, dy't tagelyk freegje: 'En Tilma?' Alles is trochgongen yn har gedachten: de ronfelige hannen, dy trystige eagen, de dripnoas, in skym achter syn etalaazjerút. Pikel Iel seine se, wêr is sa'n man bleaun? Hjir hie se Margje mei hinne nommen, as it der fan kommen wie. (*Je laat mij dat ellendige dorp fan je nog een keer zien, hè, rooie!*) Earstejiers wiene se, Margje en sy. Behept mei itselde euvel, wisten se al gau faninoar, hiene se as lotgenoaten yn har twapersoans sangerklub, oan in heal wurd genôch. Krekt as op har kroegetochten yn Amsterdam soene se neitiid yn it kafee oer him praat hawwe, en by einbeslút op him klonken, want dy Pikel Iel stie bûten fertinking, sa'n man mankearde neat oan, behalve dy noas dan. Mar it wie oars rûn. It ferline soene se it der net mear oer ha, wie ôfpraat, de sangerklub wie opheft, en sa wie it der noait fan kommen. Margje hie maild koartlyn: *Besta je eigenlijk nog, rooie? Waarom hoor ik nooit wat? Heb je gemist al die tijd, wil je weer eens zien. Kom hier naar toe met vakantie of op je route misschien? Lopen we de Inca Trail, het langste, smalste, hoogste pad naar de horizon, net wat voor ons. Ben je trouwens nog met die cocaboer? Je moet het maar weten (zegt moeder Theresa). Laat 'ns van je horen, hé, rooie!* As se de winkel wer út sil sjocht se in stik papier op 'e tegels plakt, as in memo, yn filtstift: *Gasth.f.d. Tak. ; 13, 15, 17.* Se lêst it noch in kear, de taal fan in spûkdoarp, se sil it Aaf Leenes ris freegje. Bûten moat se wer wenne oan it fûle ljocht, yn 'e strjitte is neat feroare, de blauwe loft, de lispeljende peppels, de stilte: in skilderij fan De Chirico, tinkt se, sa ûngefear. As hawwe de minsken har skaad troch de buorren gean sjoen en ferskûlje se har yn 'e huzen. Mei de fyts oan 'e hân rint se fierder en fynt

wêr't se om socht.

De biblioteek wie yn 'e âlde skoalle, woansdeitemiddeis en freeds. Dêr koe se dreame, de wrâld waard dêr twa kear sa grut. Feilich wie it, de tiid stie dêr stil. Juffrou Osinga, mei de hazzetosken en in sipel en har freonlike ronfelfel, gong oer de stilte en it foarlêsoerke. Oer de Lytse Prins fertelde se, dy't de woastyn trochreizget en in blom tsjinkomt, in blomke fan neat. *'Wêr binne de minsken? freget de lytse prins har ferheard. No hie de blom ris in karavaan lâns kommen sjoen. 'De minsken? Der binne in stik as seis, sân, wol 'k leauwe. Jierren lyn haw ik se ris sjoen. Mar do witst noait wêr't se úthingje. Se hawwe gjin woartels, de wyn jaget se oeral hinne. Dan wurdt it lestich om se te finen, fansels.'*

Se swalket troch de sealtsjes, troch wat derfan oer is en wat se har der noch fan foarstelle kin. Dy waarme stim fan de âlde frou, dy't de wrâld betovere en har it gefoel jûn hie dat it in kear goed komme soe. Op 'e Mavo waard it oars, doe wie it har skûlplak hjir. As se mei de fammen nei skoaltiid it doarp ynkaam hie se har smoesje al klear. Dan gnysken se wat en fytsten troch, en sy sloech it Skeanpaad yn. De fyts yn 'e stege, dat dy har net ferriede soe, en oan itenstiid ta siet se yn 'e lêsseal mei har húswurk, de holle in mûzenêst. Dan hearde se dy stim ûnder yn 'e hûs, en nei in skoftke de fuotstappen op 'e trep, de doar dy't beweegde. Triljend wachte se ûnder 'e tafel, en smeeke om genade, nee, net wer, net wer. Oan 'e lêstafel skrokken eagen op út 'e krante, bern skoden op 'e bank tsjini-noar oan. Dan skamme se har dea, en fuort wie se wer drok yn har húswurkskrift. Nijsgjirrich wâldet se troch it pún. Troch it dak hinne sjocht se de blauwe loft, mokken dy't oerdriuwe, beamtoppen dy't weve op 'e wyn. Aagje Osinga wie al yn 'e himel, tusken de dakspanten troch sjocht se har hjir no gean. De mearkes fan doe jilde noch altyd, mar pas letter hie se

begrepen hoe't se se lêze moast. Ienkear bûtendoar heart se yn 'e fierte dy masjine wer. Se set dy kant út, sjocht se ris in mins. Op it Tsjerkeplein rjocht troch, dan hoeft se net by har hûs lâns. Woansdeis wie de dei, as se betiid út skoalle kaam, en freedts faak, dan wie er nei de stêd. Noait hat er der mei in wurd oer rept. Wiger wie der in kear oer begûn, dy besites, heit. Mar dêr gong er net oer, dat wiene mem har saken. Doe kaam de мкз en wie se fûgelfrij.

It doarp wie wol wat feroare, sei er, mar sa? Oeral dy achterlike wynmûntsjes op 'e dakken, ja, it miljeu, mar moast dat sa ûnbeholpen? In pear âlde tachtigers hiene noch weet fan dy dingen yn 'e oarloch, fertelde er, wynsjarzjers neamden se se. Se hiene ien neiboud, en mei wat help wie it slagge, mei in pear akku's op souder hiene se moai eigen stroom. Doe kamen der mear, Lyts Sion hie syn Lagerwey, in mûne allinne foar it doarp koe lang net út. Yn in izeren frame hingje se oan it dak, sette har as in skraal, metalen ynsekt nei de wyn en dogge har wurk, snoarje de hiele dei troch. As oefenje se foar de dei, dat al dy propellers meiïnoar dizze útbuorren optille út it reid, en op in gaadliker plak op 'e wrâld dellitte. Even fierderop hâldt se yn, har each falt op it ferware boerd oan 'e gevel, *De Eerste Aanleg*. Mei de hannen boppe de eagen dikeret se troch it rût de tsjustere romte yn. Wat ferdwaalde stuollen, in lege bar mei in spegelwand, in motor ûnder in ôfdekhoes, it âlde kafee dêr't Wiger wol gong te biljerten. Foar it rût hinget in A4-ke út in kleureprinter: Selskip *Ach-Mea Culpa spilet De Krimp, 3 septimber 19.30 oere*. En dêrûnder yn hânskrift: *Wegens drokte yn 'e tsjerke*. Earjuster, spitich, dat hat se mist. Op it Kleasterein, dêr't men sicht krijt op 'e feart en de mieden, wurdt it lûd fan de masjines al lûder. Mar as se healwei it âlde molkfabryk noch tinkt, dat se as fanâlds oer de feart de griene see yn rydt, wit se net wat se sjocht. By it

haventsje benimme bergen sintels har it sicht oer de greiden. Stekken slute oan 'e oare kant it fabryksterrein ôf en litte mar in mûzegat frij om by de feart lâns werom nei it plein. It gerattel fan masjines, de lucht fan tarre en rubber, pûnstof en roetwolken dy't fan it fabryk it reidlân yn driuwe, as is se yn in mynstreek bedarre. Ferheard rydt se troch de stekken de Achteromwei del. Op 'e kade konteners, kabelhaspels, in kompressor. Wêr't de Tillereed de dyk krúst en oer it brechje de mieden yn rint, kin se net fierder. Achter wapperjend kearlint hakkelet in ploechje bodywarmers it asfalt út 'e dyk. In drillboar foarop, twa pikhouwielen dêr achteroan, en dêr wer achter in útbrekker, dy't de blokken loswrikt en achterlit foar twa man dy't se nei in oplizzer kroadzje. Yn it lawaai stiet se in skoftsje te sjen hoe't de ierde dêr iepenlein wurdt. Fan links nei rjochts skave manlju mei har masjines oer de dyk, pear stappen foarút en wer opnij. In wûndere linedance fan ferbiten koppen achter stofbrillen en earkappen, rûngear op syk nei de woartels fan it kwea. De boarder stoppet, rjochtet de rêch en sjocht har stean. 'Nij asfalt?' ropt se. De man ferskoot de earkap en raast dat se der dêrsa noch út kin. Mei it kin wiist er nei de haven en dêr rjochts mei in bocht werom it doarp út. Mei swypket er de luchtslang in ein tebek, klapt de bril del, de boar giet wer oan, en achter him komt it hiele ballet wer yn beweging. Se keart, mar earst moat se witte wat der oer de feart te rêden is, heit syn pachtlân yndertiid. Se set de fyts tsjin in kontener, en op 'e side tusken twa fan dy bakken troch komt se by it wetter. In graafmasjine lûkt sleuven troch it lân, manlju mei skeppen oan 'e knibbels ta yn 'e grûn, folgje as soldaten nei it front. Apart, greppelje kin it net wêze, en drainearje, dêr? Frjemd, wat mei kabels? Har eagen dwale oer it lân, sa lyts as alles wurden is, en bûten de tiid. Soms mocht se mei Hedzer Lameris dêr te kijopheljen, de grutte freonlike

reus neamde se him. Mei de GFR fersoarge se alle dagen har geitsje, de iennichste dêr't se har noch feilich by fiede, doe't it mei Kamtsjatka begûn. Fierderop de mûne, dêr't Anke Posset en sy salamanders fongen yn 'e tocht. Fierders reid en nochris reid, sa ticht op it doarp hat se it noait kend. Se swaait mar werom as ien fan dy manlju yn 'e loopgraaf har yn 'e gaten hat en ropt. In pear dagen, tinkt se, langer moat se hjir net wêze. As se werom rydt en de oprit nei it âlde fabryksterrein ynslacht, falt it geraas fan de masjines ynienen stil. Se stapt ôf, ûnwennich sjocht se om har hinne. Hjir stiene de tankweinen te blikkerjen yn 'e sinne en hong de weeë lucht fan molke en waai. No sjocht se oars net as weinen mei asfalt, bakken fol grús, en oer alles hinne hinget de lucht fan bitumen. Troch de wiid iepen doarren komme trije manlju mei breatrompen de loads út, in tel hâlde se yn as se har sjogge, dan skikke se smûzende in pear stuollen yn 'e lijte fan it fabryk. Unbestimd rint se om tusken wrakken fan shovels en trekkers en oar âld rust, dat tsjin de ôffreding wachtsjen oft it nochris te pas komt. Wêr begjint se oer tsjin dat folk? Tichter by de gebouwen sjocht se de transportbân dy't út de loads wei it terrein oprint en mei in knik by ien fan de pûnbulten opgiet. Binnendoar stiet yn wolken stof de pûnbrekker út te dampen, it meunster dat hjir oerdeis it libben regeart. By de doar lâns sjocht se ien fan 'e trije, in jonge noch, mei syn griene bôletromp wat fansiden, as heart er der net by. Se weaget it it derop. Om 'e hoeke fan 'e loads krijt se de oare twa yn it sicht. As wurdt se ferwachte, fuort lûkt ien mei de foet in stoel tichterby en wiist. Mei de earms op it stjoer bliuwt se stean, as hat se it net sjoen. 'Binne jim fan 'e gemeente?' freget se monter. Se gnyskje wat, kôgje, gnuve foaral. 'Om al dat wurk hjir, bedoel ik.' Unnoazel frommis, moatst dat hearre. Se fielt it prykjen ûnder har klean. No har oansjen bliuwe, reade, gjin krimp jaan, wat

laitsje en stadich opdriuwe dy hufters. 'De winkel ticht hjoed? Ik wie oars wol benijd. In oare kear better?' As se docht as sil se fuort, komt in meagere slongel mei in flaaksich sikje yn beweging.

'Wy binne fan BlierCity,' stumet er. 'Fan 'e Frijsteat BlierCity, witst.' Even sjocht er nei syn maat, as checkt er wat it lije kin. 'De gemeente ha wy neat mei, sjoch.' Wat in gnizerige leipert, mei ljochte, ûntwikende eagen, dy't himsels wol hearre mei. Koade giel, skat se sa, in glûper, in kontkrûper, gefaarlik yn 'e ridel. 'Of eins binne wy fan Aaf, net, Jehannes?' seit er noch. Mar Jehannes swijt en loert en hâldt ien each op syn mobyl, as kin er elk momint yn aksje moatte. In noartske fjirtiger, in kleankast anabolen yn in goar T-shirt, earrinkjes, tatoes, oeral tatoes, type *No Surrender MC*. Oan ien wei troch meunsteret er har, krûpt en betaast wêr't er kin, outlaw, liepe macht. Draken krûpe by syn earmsgatten út, slingerje har om earms en polsen en krioel yn grien en read by de de earmsholten it hok wer yn. En bisten yn syn nekke dy't yn it hier opklimme. Sa'nien, tinkst se, hy koe it wêze.

'Fynst it moai wurk wol?' ropt se nei de jonge. Skodzjend en flybkjend hat er sitten te harkjen.

'Reinder kin net prate,' seit de sik. 'Hen, Reinder, net prate, hen?' De teamige echo fan it ûnferstân, de sek.

Mei syn hannen besiket de jonge wat te sizzen. Se knikt.

'Moatst alle dagen mei dy apostels op 'en paad?' laket se werom. Geiend sjocht er har oan en wrinzget as in fôle; oerstjoer slacht er mei beide helten fan syn trompe de bekkens yn de fanfare op syn feest. Se klapt mei salang. Aanst rôlet er him wer op yn syn kwaal, bang foar de minsken en de lumen fan it doarp.

'Wat is der yn it lân te rêden?' freget se de oaren mei in knikje dy kant op. 'Wurdt dêr draineard, of wat?' Wer dat wifeljen

fan de sik, as wachtet er op permissy. ‘Mei de glêsfzel kin de âlde kabel derút, witst. De Kopermyn neame se it, it kaptaal fan it doarp, roppe dy swetsers. Moatst ús sjen, wy dolle goud. Masterset, hite wy. Hat Jehannes betocht, hen, Jehannes?’ Mar Jehannes pûlket mei de pinkneil tusken syn tosken, sûnder wat te sizzen en sûnder har út it each te ferliezen. ‘Aparte tatoe hast dêr rjochs,’ seit se ‘hie’k noch net sjoen. Gothic Font, man, waauw.’ Se sil dy bok oan it praten krije, syn stim alteast ien kear heard ha. Wa wit? Foaroer op it stjoer besiket se it mar: ‘*In no... mine.. pa...* Nee, kin ’t sa net lêze. De slogan fan jimme chapter, soms?’

Dêr hat se him te pakken, as is er stutsen, sa sjit er oerein yn syn stoel. Mei de slippe fan syn T-shirt wriuwet er it grús fan ’e earm en hâldt him har foar. ‘Sa better?’ Se rôlet de fyts tichterby. In krús, of in swurd sil it wêze mei dy sierlike greep, de lange kling en de reade stien op ’e krusing mei de parearplaat; yn ’e fjouwer hoeken oan wjerskanten fan it hansel en it lems yn swarte letters dy wurden. Stammerjend earst, en dan flotter lêst se lûdop dy aparte tekst: *In nomine patris et filii et spiritus sancti...* ‘Geef, man, bêst wol nijsgjirrich, yn it Latyn.’ ‘Hat Aaf betocht,’ wit de sik wer. ‘It is in segen, in gebed of sa. Jehannes is in gebed sûnder ein, seit Aaf. Mei ’k wol sizze, net Jehannes?’

‘Hâld do dy de kop in kear, stik ûnbenul,’ ynienen blaft er deryn. ‘Altyd oan it wurd, wa makket it hjir út? No? Fuort do, oan ’t wurk, en gau wat, hast it heard?’

Mar hy krûpt al, as in hûn sa skrillich giselet er de loads yn. Fierderop sit de jonge mei de hannen stiif tsjin de earen te shaken oer de hiele lea, en te skreauwen om ‘myn Jappie, myn leave Jappie.’ Oant Jehannes mei in kalm gebaar seit dat it sa goed is, Reinder, en dat Jappie daalk wer komt. Se moat tinke oan ’e Downers yn ’e sportskoalle mei har kluchten, dêr’t se

bytiden ek net wist hoe’t se der mei oan moast. Wat kin sa’n jonge oars? Elk hat syn luzich ferwar tsjin de kueren fan ’e macht.

‘Kenst Frenkey Tattoo?’ begjint de man tsjin har. ‘Dy hat ’m set, in master, hear, Frenkey Tattoo, yn Den Haach. Fan guon MC’s gean se nei dy kwibus yn Amsterdam, Schjipmacher, of sa. Mar moatst sjen, Frenkey syn wurk.’ Tefreden rjochtet er de earm. ‘It kin altyd helpe, seit Aaf, sa’n spreuk.’ Hy gnysket wat sleau. ‘Kenst har? Aaf is de gisel fan it doarp, de koanin-gin fan sober en genôch. In kring fan in wiif eins, mar se hâldt ús yn ’e baan, sis mar.’ Syn eagen binne net fan har ôf, lykas syn draken krûpe se yn en út.

‘Mar oer dy Kopermyn dêr,’ seit se, ‘komt it doarp net oan ’e glêsfzelkabel?’

‘Dat wurdt hast tiid,’ seit er. ‘Krijst nachts al amper in mailsje de doar út, oerdeis sit alles hjir ticht. Wy binne in wyt gebiet, moatst tinke, dêr moat jild by. En Lyts Sion leit dwers, seit Aaf.’

‘No, ik sil fierder,’ seit se. ‘Moai dat ik even sjen mocht. It bêste mar mei jimme wurk.’

‘Bisto dy fan Rochus Jager?’ wol er noch witte. Yn ’e jeksbûse pingt har mobyl. Dy ek noch, tinkst se. Se docht as hat se it net heard, earst hjir wei. ‘Dy ja,’ ropt se werom. ‘No, goeie Reinder.’ Se swaait de fyts en set ôf. Achter har heart se him wer roppen.

‘Dyn loverboy, Jager, net ferjitte. Hast ’m wol heard, tink?’ It hert slacht har yn ’e kiel, pas by it haventsje doart se te sjen.

• Jakubi

*Hee mati. Reclassing had jou gematst, ja? Heb hele dag gepost op 't Zandpad, bij die strafoso in Nieuwersluis om jou te zien, ja. En om af te spreken. Telefoon kapot ook? Jij wou mij verlinken soms? Dat gaat niet lukken, mati. Kan raden waar je zit nu. Ik weet jou te vinden, in Damsko, ofdat dorp, ofwaar.*

5

**D**ER HAT SYSTEEM yn sitten, guon dagen ál, guon dagen net. Hy hat it gjin acht slein, der wie oar belang, en soks koe net bestean. It spile al earder, wit er no, mar dy snuorje fan de MKZ bestie der mar ien werklikheid. Wiger wie der in kear sawat heal oer begûn, stiet him by. Wie der wat mei Tilma, heit? Sa skrillich, sa stil as se wie. Mar Wiger tocht altyd mear as in oar, mei dy stedse trekjes fan him. Hy woe it net hearre, net fan him. Lameris makke woltris in opmerking, as har wegen inoar krústen. Mar dy man wie as hagel oer it minskdom. It paste him ek net, hy hie de kop by it fee, of yn 'e krante, by it nijs. Lam en blyn hie er omrûn dy dagen, net oars as Simen Posset. Elke dei koe it wêze. Achterôf besjoen hat er har mem noch yn 'e kaart spile ek. De tiisdeis fan 'e útbraak yn B. stie it libben hjir stil. Al wiken folgen se de berjochten, hoe't omfierrens de tongblier om him hinne friet. Mar it wie fier fuort, sy hiene gjin handel dêr. En nerges om, mar dy boeren dêr buorken ek oars. It wie noch gjin soarch hjir sasear, mear it praat, wat dy driging mei minsken die. De bylden op tv oer dy opstân yn Kootsterbroek, it grypte jin by de strôt. Mei Posset hie er it deroer, op it hiem, oer de telefoan. De earste symptomen, watst dwaan moast, wat earst en wat lêst, as it safier wie. Noordhoek holden se salang't it koe fan it hiem, dêr wiene se it oer iens, in hont fan in fee-arts. Dy lju dêrjinsen koene se neikomme yn har ferset tsjin regels en amtnerij. Koest foar dysels ynstean as it dy

oerkaam? Mar men hie wol oanjefteplicht. Sa gong dat oer en wer tusken Simen en him, en dan swijden se mar. Mar op dy dei wiene de krantekoppen hjir ek op 'en grutst en gong de nije oarder yn.

De wrâld hjir is beheind. It deistich bestean spilet him ôf op libben en dea. Minsken hjir tinke yn grûn, yn fee en stront, se stamje ôf fan 'e eleminten. Har spraak, har wetten, har hâlden en dragen binne dêrneffens. Fan oaren ferwachtsje se distânsje, sy ferkeare mei libben guod. Sa'n Rochus Jager libbe yn it bûthûs, dy wiken. It feetransport lei al stil, it hiem wie ôfset, de skoalle ticht, de ûnrêst twirre troch de pleats. Se wenden har oan, earst oer de desynfeksjematte, dan pas yn 'e hûs.

Bytiden hiene se de gek dermei, mar de eangst wie har foarút. Hoe koe it bestean, man, fan 'e tv nei B., sa'n gat? Mei de wyn, troch fûgels, mei reizigers, of wie der dochs mei lytsfee sleept? Dêr hiene se it oer, Posset en hy. As in dief yn 'e nacht ware it hjir om. Sok praat. En sa'n petear sloech dea op 't lêst, dan hongen se mar wer op.

Slûpendewei hat it ûnderwyls yn 'e foarein allegear gebeure kind. Ienkear hat er him dêr troffen, de telefoan achter die it net. Der siet er, by har mem, joviaal, man fan 'e wrâld, kollega's op 't lêst. Beide tsjerkfâld, dy twa, of kandidaat wie er. Nerges gjin euvelmoed yn, man, it tiisde him al genôch yn 'e kop. Letter ja, doe 't er nei de MKZ ienkear wer thús wie, en neat oars te dwaan hie as prakkesearje. It barde ûnder syn eagen, net te leauwen. Saken hiet it. Mar yn 'e opkeamer wachten se har op, godsamme. Doe pas hat er it troch hân.

De hufte, mei syn praatsjes, kreas yn 'e klean, grou horloazje, gouden earmbân, en dy nekke, al sa wearzich. En sy yn 'e pronk, har mem, as in pront ynkassoburo. En wat hat hy dien al dy tiid? Men kin skuldich wêze oan neilittigens, troch net te witten. Unachtsom is er oan 'e tekens foarbygongen, dy't er

ferstean moatten hie. Om't er de minsken út 'e wei gong, de konfrontaasje net oan doarst, ûntkende wat er seach. In kear fermoede er Tilma yn 'e biblioteek, wit er noch, hy wie even nei Pekel op en del, doe't er har fyts miende te sjen. As makke se har dêr ûnsichtber. Mar der wie altyd wol wat mei dy fammen, fernaam er wol doe't er der ûnder iten nei frege. En har húswurk wie ynoarder, moast er begripe, doe't se driftich in skoalskrift foar him op 'e tafel smiet. Wat begriep er ek fan sa'n fanke? Dêr rêde har mem mar better mei.

Posset wie earst. Hy belle. Oft er even lâns kaam te sjen, hy fertroude it net. Hy hearde de twivel yn syn stim, it koe net fansels, fan it hiem ôf, dat wist er, it joech lijen. Ja, flybkje en smakke, guon bisten kreupelen ek wat. Mar je ferbeelden je fan alles. En sleau ek, ja. En net frette wolle. 'Gods, Rochus, soe it, wat tinkst? Wy sitte beide deun oan 'e dyk.' De panyk, it witten, hy moast allinne mar ien hearre. Hy hat wat op him ynpraat, se hiene prizen wûn, Simen, wat in kwotum hiene se net byinoarswile, der waard nei har harke op fergaderingen, se ferstiene har fak. Soene sy dit net hendelje kinne? It waard allemachtigen dreech, jong, mar ienkear kamen se it te boppe. Mar hy moast al Noordhoek skilje, no daalk, it wie net oars.

It ferstân ferlit in mins as sa'n pleach him treft. Der is gjin ferwar, allinne razernij. Achter it rût wei hat er sicht op 'e dyk en Simen syn pleats. Hy sjocht it wer foar him, de wite overals, de weinen fan Rendac dy't achterút de daam yn stekke. Swaailjochten as slingerfjoer út 'e himel. En dy kraan dy't skokkerich syn hiem besnúft, wer oereinkomt, in tel wifket yn 'e swaai mei dat liljend kadaver yn 'e bek heech tsjin de jûnsloft, en it mei in hoarterige knik yn 'e wachtsjende kontener flijt. En wer, en wer. Hy hat it witten, hy koe allinne mar wachtsje. De oare deis, foar't se it noch fan ien hearre kind hiene, foar

't de gedachte ek mar yn him opkommen wie, kaam Tilma dermei oan, hielendal oerstjoer. Unwennich fan skoalle hie se Anke belle. Fan 'e moarn hiene se har heit fûn, hie se roppen, yn 'e golle. Se koe it net sizze, sa moast se gule.

Hy lei krekt bûten de sirkel en hope tsjin better witten yn. Nacht en dei by de kij, by it minste hoastjen sjit er oerein út in aaklike dream. Sliept yn 'e hynstestâl, út 'e hûs bringe se it iten. Tilma meast. Fuotsje foar fuotsje komt se mei it blêd foar har út de bûthúsflier del, set mei in hege kleur de boel op 'e bank, en nei in sucht 'Sjoch, heit,' makket se in hupke en draaft nei it lytsfee. Al gau is se der dan wer, flanteret wat om, as wol se wat sizze. Skril nimt se him op, as doart se net. It wantrouwen hat har ynhelle, de bleuens foarby. It lêste skoaljier, it earste op 'e Mavo? It is by him lâns gongen dy tiid, oant der neat mear te ferhelpen wie. En nei it vwo wie se fuort. Hoe allinne hat se west? Mar sokke fragen komt it yn it praat mei har net mear oan ta. As er hjir yn it bûthûs wat ompielt, ropt er soms lûdop har namme. Mar it lûd slacht dea yn de lêste pakken stric.

Foar't Simen Posset begroeven wie stiene der militêren op post by de krusingen en oan 'e Breedyk. En oeral read-wite linten, klapperjend yn 'e wyn. Allinne Lyts Sion wie noch bûten fertinking, hiet it. Noordhoek wie koart, hy hie te lang wachte, hy liet bloedmeunsters nimme. In pear dagen, dan wist er mear. Hy woe op needfaksinaasje oan, wy sieten ticht op it doarp. Dy dagen hat er gjin rêst, de tiid krûpt op knibbels oer it hiem. Op oanstean fan N. haldt er in sjoernaal by, it kalmearret, sei er, en hy hat alle gegevens paraat as it nypt. Yn in hagel fan gedachten panderet er troch it lân. Stoarret fan 'e mûnepôle nei de útstoarne pleats fan Posset, repetearret de bylden fan in pear dagen lyn. Op 'e bûthûsbank harket er nei de radio, docht it wurk dat dien wurde moat. Soms dreamt er

fan 'e frede fan alear, heart er de lûden fan it fee, it slaan fan de leppels yn 'e drinkbakken, de rinkel fan kettings, it ploffen fan stront op 'e roasters. Troch it rûtsje yn 'e bûthúsdooar folget er de man fan 'e tankwein yn syn plestik overal nei it molklokaal. Swaait achter it glês, raast as in pasjint yn 'e isolear as er it hiem ôfrydt.

Tilma wie thús, gjinien kaam bûtendoar, boadskippen stiene ynienen op 'e reinwettersbak. Dy dagen hat se feilich west, gjin twivel oer. Dat is achterôf, it hie syn oandacht net iens. De twadde test wie ek posityf, it wie net oars, hy soe de RVV ynlychtsje. Noordhoek. Hy koe dy man net sjen. Hy wit it, hy is te fier gongen. De man wurke neffens protokol, hy moast wol. It wie him swart foar de eagen wurden, hy hie himsels net mear yn 'e macht. Lykwols hat er syn wurk dien, Noordhoek, oeren oanienwei. Hy hat it melden, him tekenje litten, formulieren sûnder ein. Ek it lytsfee moast fuort. De man die wat er koe om it draachlik te hâlden, joech de bisten in spuit om se te kalmearjen, foar't se yn it gedrang de stâl út moasten. Skean tsjin 'e wyn yn sjocht er dy RVV-ploech de daam op kommen, yn plestik overals it hiem ôftrêdzjen, wize hoe't se it hawwe soene. Fuort stean se ek yn 'e doar, mûlkappen op, beskermbillen. Alles is bepraat, hy hie it begrepen. Hy hat besocht him te gedragen, de kij mei nei bûten brocht. Dûm, ferstienne yn 'e kâlde wyn ûnder de luif fan it weinhok seach er it oan. Ut syn opstrûpte kraach wei prate Noordhoek op him yn. Mei twa man holden se him beet. It wie net om oan te sjen. Ien foar ien foelen se om ûnder de drûge klik fan it sjitmasker, en wiene syn bisten net mear fan him. Hy neamde se by namme, seach har lêste kramp, stikte omtrint by it sjen fan 'e stûpen fan it keal yn in drachtich liif. It gong langer bûten him om, de weinen fan Rendac dy't kamen en gongen, manlju dy't boppe de motor út rôpen en regelen, de wiete snie

dy't har gisele, de ljochten, de kraan dy't lykmoedich it hiem fan de dea beploege.

Hy hie neat sein, Tilma wie yn 'e foarein, har mem hold har dwaande, wie ôfpraat, dit bleau har besparre. Mar ynienen wie se der. As hat se it oanfield, of wist se it fan Anke. Yn 'e bûthúsdoar fljogge har eagen it hiem oer, de deade kij sjocht se net iens, draaft op him ta en stiet al foar him en raast en skuort him oan 'e kleen: 'Nee, heit, myn geitsje! Nee, nee.' Hy sjocht har stean, de fertwiveling yn dat kopke, in skreau sûnder lûd, en hoe't dy fint it bistke oan ien poat mei in bôge yn de kontener smyt. Se skrillet tebek, de ûntsetting oer har wêzen, de triennen. 'Heit...' Wa hat se noch, dêr't se op rekkenje kin? Hy sjocht hoe't Hedzer Lameris in earm om har hinne slacht, har in hân op 'e eagen leit. En hy stie dêr mar, en die neat.

**M**EI IN KOART oanloopke fan twa, trije kear hinne en wer, lûkt Aaf Leenes har oan 'e kruk fan de bykeukensdoar behindich de drompelhelp oer. Dan rôlet se, mei de rammel fan lege flessen, fansels it aluminium hellinkje del nei it strjitsje fan it achterom. Se moat no earst mar, se hat neat yn 'e hûs en fan 'e middei komt dat fanke fan Jager. Mei in triuwke fan 'e rêch tsjin it bekling en in haal oan 'e tsjillen, hellet se de rolstoel in slach om. Koe skerper, Leenes, prevelet se, moarn wer model. Mei it hânsel fan 'e stôk om 'e kruk lûkt se de achterdoar yn it slot. Justermiddei fytste se hjir lâns, en doe't se út 'e hûs wei nei har swaaide kaam se even oan, en hiene se ôfpraat. Tilma, dat wie lang lyn. Yn gjin jierren hat dy hjir werom west, doe mei Wiger foar it lêst. Wat moat se hjir ek? Allinne Rochus is der noch, de oaren lizze al op it hôf. Mei foarse klappen op 'e triuwhoepen tsjoekt se it Tichelwurk del. It hie wennen west mei dizze nije, foaral it hûs út en yn. Mar Jaring hie har holpen mei de drompel, en mei har oefene om wat handichheid te krijen. Fan amputaasje nei revalidaasje; se hiene it bytiden útgierd ûnderwyls om dy slogan fan it folder. Och, se kin har rêde, mar it omslachtich bestean mei al dy helpmiddels makket har bytiden obsternaat, wês earlik. Op 'e tûn koe se it mei de krukken noch ôf, se moast wol dêr, mar it doarp yn wie it rôljen langer. Mei troch Jaring hat se der gjin spyt fan, dat se har âlde fertroude karke ynruile hat foar dizze Avantgar-



de. De luchtbannen allinne al, wat in weelde op 'e bonkige strijtsiennen hjir. En licht as er is. De healfingerwanten dy't se der fergees bykrige hie, mei fan dy gribelige kleurkes en patroantsjes derop, hie se earst mar oanstellerich fûn. Mar de leveransier hie der op stien, probearje se in kear. Doe wie it klear. Hy hie gelyk, sa'n greep as se dêrmei hie op 'e tsjillen. Dat frommis fan 'e gemeente woe har oan 'e scootmobyl ha. Op har leeftyd, yn har omstannichheden, mefrou, wat in genot, wêrom net? It koe út 'e wmo, wat soe it, sy regele de yndikaasje. Mar dat hie se wegere, sa lúks hoegde it ek wer net, der wie earmoed genôch dêr't de gemeente better wat oan dwaan koe. Dizze Avantgarde CLT koe it skoan dwaan. 'No, dan in aktyfrolstoel,' sei dat mins, se wie suver wat rekke. Kliëntûndersteuner, stie op it kaartsje dat se fan har krige. Se slacht It Foksegat yn, achter de achterommen fan It Súd lâns, dan bliuwt se wat út it sicht en it praat fan it doarp. Ja, dêr stie se ynienen foar de doar, Tilma. Even byprate, sei se, sa'n fanke, se skeelden in minskelibben. Yn it knisterige skulpsân lavearret se ûnder oerhingjend grien fan oanlizzende tunen troch it behurde spoar fan 'e foarige reis. Mei elke gisel oan 'e tsjillen sykje har eagen tusken âlde graffiti op 'e sketten om gjalpen fan nij protest of oar geprottet. Hokkerlêst noch hie se dat opskuor oer in hingplak foar de jeugd. Der stie wol wat leech, wat achterôf, wat wie it beswier? Mar in o heden yn 'e gearkomste, fan komsa. Al dy hokkelingen rûnom wei hjir yn 'e buorren, tink? Dat geraas, dy muzyk, sûperij oant djip yn 'e nacht, de kondooms yn 'e boskjes, se ferhuzen noch leaver. Se hie praat en praat. It gong om 'e bern, dy't se yn it doarp hâlde woene, en hjir in takomst gunden, wie it sa net? Mar nee. Op it lêst hie se by Heijmans NV, fanwege de Nije Dyk, in ôftanke boukeet beset. Mei de jeugd hie se in achterôf plakje fûn oan it Sylspaad. En doe't dy bern har nije ûnderkommen,

goed liep ek, BlierCity neamden, wie it klear. Einlings koe der by de âlderein wer in glimke ôf; it âld sear fan 'e MKZ wie beneamd, en stadichoan wie it gestúm oer dy sûpkeet ferstomme. Mar likegoed wie se by Toussaint oan it sket nagele: *Sels gjin bern, mar oarmans oan it sûpen?* It snijde har troch de siel, wat wisten dy lju fan har libben? Mar mei dy skellerij moatte minsken har frustraasje kwyt, om't it net giet sa't se ferwachten. In libben lang wrotte, har ynsette foar it doarp, altyd ree om in hântaast te dwaan, en dan sjen moatte, hoe't de ien nei de oar belies jout en fuortgiet. Foar de bern hyt it, om it wurk, it skoaltsje, it sleauwe ynternet, it heart reedlik allegear. Mar it is om fuort út 'e benearing, nei de reuring en de anonimiteit fan 'e stêd. Eins is 't om dy evenredichheid hjir, dy't har ferlammet, it algeduerich beslach op it privee, de ivige beskikberheid, oeral oan meidwaan moatte op sa'n doarp. Op in dei is it oer, en is hjir foar sokken net mear te wêzen. En dy't bliuwe melde it inoar, as in feroaring fan waar. Folle sizze se net, mar it docht sear. Hoe ferlern as se har fiele, yn 'e steek litten, ferret suver. Wêrom eins? Se koene dochs goed? Dy lju diene ek wol mei. Leech en iensum binne dy dagen, fol twivel oer harsels. It sangeret mar troch, de krimp. Dan praat se mei de minsken, it leit net oan har. Dy lju binne oars, se wolle drokte, feroaring no en dan. Sokken meitsje ommers al spul om in kâlde ierappel. Dan glimkje se even, en swije. Dat geredenear fan har is ferstân, se wit it, ôflieding, tiidferdriuw suver, it geprakkeseas wat ûntrinne. Mar it gefoel giet jûns mei op bêd, it gnaut, it fret har eigendunk oan. Dan raze se in kear út op it sket. Oan 'e ein fan 'e stege hâldt se yn, hymjend lûkt se oan 'e rem om even út te pûsten. Se rûkt de neisimmer dy't oplûkt út 'e tunen, de grûnige lucht fan bedjêr dy't al skaait nei de hjerst. Oer it doarp giet de monotoane dreun fan de asfaltmasjine,

it heart der al by, de seage fan it isolemint. De measte projekten joegen spul, mar *Masterset* en *Saxifraga* en de *Kopermyn* ek wol, rekken minder it eigen belang fan minsken. Se wiene fuort oanslein, as mienskiplik protest en bewiis fan eigen kinnen. Mar fan ûnmacht likegoed, dêrom binne de lju bytiden sa fûl. Se freget har wolris ôf oft se de moed der ynhâlde kin, as se rûnom dy boufallen sjoch. Der is gjin ein oan, en hieltyd it geïggewear en de tsjinwurking, en dan wer it jild. Mar as se har rûntsje troch de buorren docht en sjocht wat der al oanpakt is, leaut se der wer yn. Se set oan, se heart de fûgels al en hoepet it plein op. Boppe de masjine út besette protters tsjotterjend de Oranjebeam. Se harket in hoartsje nei it getsier en geprottel. De leagenbank is al wei ûnder in tek fan slym en drits, kwakken fûgelstront lûke in glysterige rûnte op 'e klinkerts om 'e beam hinne. En dy stank. Alle jierren itselde om distiid. Se moat Jager oan, dat er it oanpakt, elk hat syn taak. Spjochtich foaroer yn har sjeas dikeret se yn 'e boekebeam op, stikem docht se in taast nei de stôk achter har. Bernich is 't, mar se moat it wer in kear sjen en it hearre foaral. En gjinien dy't it sjocht sa bytiid. Foar de wissichheid rôlet se in eintsje tebek, dan slacht se feninich mei it hout tsjin de râne fan de fuotsteun. As in rûzende wolk komme de fûgels boppe in wite flut skreauwend út 'e tûken omheech. Finzen yn 'e kliber en de twang fan 'e trek, oarderje se yn in omsjoch har konsternaasje, sammelje har boppe it tsjerkhôf en brûze yn in triomfantlike formaasje it doarp út. Sa giet it noch dagen, hjir yn 'e Oranjebeam en yn 'e reidfjilden bûtenút, oant de trek foarby is. As se skean it plein oerstekt skampt har each de foarein fan Jager syn pleats. Al dy jierren heukeret er dêr allinne om. De iennichste dy't net meidocht oan 'e projekten. En Alting dan, en Toussaint ek amper. 'Eins haw ik der noait rjocht fan witten, Aaf,' hie er in kear sein. Sok healbakken

praat. Tsjin dy frou fan him koe er net op, mei har tsjerkefâldij en har oare praktiken, dat minske hat foar him gjin namme mear. Har mem, seit er, as se neamd wurde moat, Tilma har mem. Al dy jierren hat er him achter de *MKZ* ferskûle. Eigen stommiteit. Noordhoek en de romploech hiene har beklach dien, Jager hie se stiif flokt, net meiwurkje wollen, en ien fan dy mannen ôfturve ek noch. Syn administraasje doogde net heal. Hy hie in strafkoarting krige, fan syn fergoeding hie er gjin ko mear keapje kind, wie it ferhaal. In healjier hat er opnommen west, oaren ferhongen har, Rochus waard gek. Wat skiep hat er noch, in pear karavans yn 'e berging. Hoe komt dy man troch de tiid, lit er meidwaan. Mei koarte stjitten karket Aaf Leenes oer de hobbelige klinkerts. Guon wolle ha, se kontrolearret de minsken as se sa op 'en paad is. 'Wy sitte hjir net yn in strafkamp,' sei ien lêst yn 'e fergadering. Mar sa'nien as Wout Kelderhuis wie der fuort yn sprongen, yn dat taaltsje fan him. 'Moar d'r is wel in plan nôdig, mense, en reezjie, dat seg ik. Aars redde we 't nie.' Wout en Lidwyn komme út it Westen, in jier as wat lyn no. Wat se dwaan koene foar it doarp, hy en syn freondin? Operaasje *Spar&Wald* hiene se betocht. It hearde wat ûnwennich út dy oanwaaide mûlen, mar it stie as in hûs. Eins hiene se nei Sweden sillen. Mar op trochreis dêrhinne hiene se har besaud oer de romte hjir, en de stilte. Deselde ynbannige minsken, en dat taaltsje hie ek wol wat fan Sweeds. Wêrom soene se eins fierder? Nei wat praten wie har it âlde tramstasjon tawiisd. Se hiene it ferboud, joegen har der hielendal by, en fuortoan hieten se gewoan Kelderhûs, hear. Wout siet op 'e grutte feart, mar no by de Nuon wat yn 'e technyk. En sy pakte fan alles oan, ek yn 'e stêd. Thús wie Lidwyn 'dorpsvrouw' en keunstneres, bakte en plakte, en jûns op ôfspraak wie se noch kapster. Dat brijkjen en geswets gong har wolris oer de meuch. 'Kinders Aaf? Ik? Mot er nie

an denke. Hoe je fanonder wor opengeskeurd. Mot ik werpe, find je? Met die paar koters d'rbaai kroigt it durp de skoôl nie terug. De leefbaarheid, zegge ze, die veertien kinders? Skyt op. Hunnie toekomst dóar gaat it om, dink? En emansipasie, Aaf, ik loop feurop, ja. Mar al dat feminisearde onderwois, joh, papkinders worren it. Nee, ik maar nie. Wout moak 't nie uut. En stel, we gane evengoed naggeris nei Zweden.' It wie even wenne earst, dat wol, en oft Wout wat yn te bringen hie? Dat gong har fierder neat oan. Mar gouden folk, dy twa. Wat boppe har macht wjirmet se de lege flessen yn 'e kontener en harket se hoe't it glês útinoar spat.

Ja, *Spar&Wâld* hie in fynst west. Yn it lyts gebeurde it fansels al wol, mear as geunst en by tafal. Mar *Spar&Wâld* wie systeem, sei Wout. 'Een coherent geheel van elementen, die als een geïntegreerd geheel functioneren... Hoe vind je 'm, Aaf? Heb ik nie fan meself, hoar.' Ien, soms twa kear deis, hong ôf fan har wurk, nimme dy twa de boadskippen mei út 'e stêd. Fan 'e Spar. Ald sentimint, en MVO, E-label, Fairtrade en MSC. Yn 'e gevel fan de âlde wachtkeamer hat Wout lockers boud, mei in nûmer en in kaai en in boarchsom. Even nei de leketten, sizze de minsken. De measten hjir hawwe in abonnemint, mar ek as fersetsje gean se wol, even in praatsje, even ien sjen. In seremonieel is it hast: boadskippelistke, jild of pinpas achter it doarke en op slot. En oarsom: boadskippen, kassabon en eigendommen út 'e locker werom yn 'e tas. Online-bestellings ôfhelje kin ek, en tapjild tsjinwurdich, sûnt de jildautomaat nei in kreak net ferfongen is. Alles yn goed fertrouwen en mei in pear opsinten, oars kin sa'n service net bestean. Doe't it losgong mei in lytse seremoanje hie Lidwyn har yn it speechke de Avantgarde fan it doarp neamd, en se hie even trienfeie moatten. Net dat se it dêroer ha wol, mar se hie it wol aardich fûn, sa. No draait se lyk as elk oar, as

hie it noait oars west, it strjitsje nei de lockerwand op. Nûmer 40. Oan 'e ein fan de muorre hie Wout har sa'n klúske tatocht, moai op hichte, in rûn getal, en dêr swaaide it ek it maklikst mei dy hoepelkar, Aaf.

Se docht de boadskippen yn 'e tas ûnder de sitting, kontrolearret de bon en dan giet it, regel is regel, achter de tsjerke lâns oer it Skeanpaad werom, foar't aanst har gammelfoet opspilet. Op sokke ritsjes troch it doarp, de wyn yn it gesicht, beskôget se de weareld fan W. en betinkt nije plannen. En in momint yn 'e lijte fan 'e tsjerkhôfsmuorre, de sinne as salve op har wurge eagen, freget se har ôf wat de minsken hjir eins tekoartkomme. It stek fan it tsjerkhôf stie iepen seach se niis, sa komt se derop. Dy frou fan Rochus is yn in hertynfarkt bleaun, net lang nei't er wer thús wie. Ein fjirtich noch mar. Moaie Marij flústeren de minsken. Se wie net ûnsjoch, nee, mar mear om it goud en it sulver, dêr't se sneins mei behongen neist har man de tsjerke ynkaam. Wêr't se it fan die? Och, men wit mar better net alles. Hjirachter wie de begraffenis op in lytse merke útrûn. Doe't de kiste begûn te sakjen stie Tilma ynienen mei in rolfluitsje yn 'e mûle en pipe en die. Se dûnse der sawat by, en by elke haal rûn dat kopke read oan en rôle dy tonge him út, mei dat skiepachtich lûd. Der waard senuwachtich lake, minsken wiene dermei oan. En dan pipe se mar wer en wer. En gjinien dy't wat die, en wist wat er moast. Oant Wiger in earm om har hinne lein hie en kalm mei har hjir nei it stek ta rûn wie. Dat bern, tolve, tretjin, wie se. 'Wat gebeurt hjir allegear?' lake se juster oan 'e doar, doelend op 'e asfaltmasjine. Moai wie se, lykas har mem, en beret, in frou al, yn neat mear it stûfe fanke fan doe. De hiele jûn hat it har yn 'e holle ommeald. Har komst hat yn 'e buorren âlde ûnrêst wekker makke. As in sigentsje út it hielal is se hjir oanwaaid, mar se wit net rjocht wat se derfan tinke moat, as

it mar net op stoarm útdraait. Wêr hat se it oer mei sa'nien?  
It gemak dêr't se mei prate juster, sa'n lytse beweging by de  
fyts, dêr't se har bh mei teplak brocht. In lichtens yn alles dêr't  
sy mei har traachheid it near op like te lizzen. It fielt hast as  
oergunst, it moat net raarder, mei wat se fan har wit. Dat bern  
hat har opsykje wollen, as hat se in plan.

**A**MSÈL HIET DAT gat, op syn Frâns. Dy stienhouwer hie  
him fersind. Amel hat er derfan makke, sûnder s, in  
plakje yn België, dêr't er simmerdeis mei de karavan  
faak stie, de soal. Of dat heit it ferkeard opjûn hat, wit it mar.  
Hy hie it mei him skikt en it sa litten. De begraffenis en it  
transport en alles hiene him djoer genôch west, tink, hy woe  
der wol ôf. Ik wurd lilk as ik deroan tink. It wie Wiger mar.  
Dy twa koene net meiïnoar. Wiger woe foar gjin goud op 'e  
pleats. Bisten hie er neat mei, motors, dat wie syn libben.'  
'Ik seach dy fyts, en it iepen stek, sadwaande kom ik derop.'  
'Syn begraffenis heucht my as juster, mei al dy maten fan him,  
en mei Jan en syn band. Mar syn stien hie ik noch net sjoen.'  
'Dêrom bist hjir?'  
Se moat even laitsje om de toan dêr't Aaf it op seit. Dêr hie it  
om te dwaan west, no hat dy âlde it teplak.  
'No ja, der koe ek wat wêze, Tilma, mei jimme heit, of oars  
wat. En do bist hjir al salang wei, woe 'k sizze.'  
Se folget it lytse geheister fan de frou, dy't praat en freget, tûk  
en nijsgjirrich, en wend dat neat har ûntkomt.  
'Earst mar tee,' seit se. 'Yn myn keninklik teeservys, hoe fynst  
it? Spesjaal foar dy út 'e reserve opdjippe.'  
'Wat in eare. Apart, hear. Biedermeier hat it wol fan.'  
'Royal Albert, dame, Lavender Rose, Bone China. Kenst  
porslein mei sokke libbene en kontrastrike dekoraasjes? Mei  
dat wyt, sa suver as seeskom? As in skulp sa trochsichtich, en

sa distingeard fan model? Biedermeier, hie ik tocht. Victori-aans leaver. Sa'n suver Ingels dekor. Royal Albert, de standert!' Se laket om har sels. 'Moatst my hearre, ik ken de tekst noch út 'e holle.'

'Koest wol oandielen ha.'

'Se binne fan ús thús. As se by gelegenheid op 'e tafel kamen deklamearden wy as bern blyn dy reklametekst dy't noch yn 'e doaze siet, begripe diene wy it amper. Ik brûk se net faak, nostalgjy kin gjin brekken lije, moatst tinke. Mar se drinke sa licht.'

By it stoofke drinke se tee en prate. Laitsjend swalkje se troch it ferline. Oer de skoalle giet it, en master Flapper, oer it Winkeltsje-fan-Alles en Pekel Iel en oer de biblioteek en oare dingen dy't der al lang net mear binne. Dan is it even stil, se hawwe it oer fan alles al hân, oer Wiger ek wer. Aaf wit alles oer it doarp en de minsken fan froeger en no. Gefoelichheden hawwe se earst mijd, oer har mem, oer har thús, oer Amsterdam ek. Dan draaie se wat om inoar hinne en riede nei wat elk wit en ferswijt.

'Ik kin it hjir amper werom,' seit se. 'Ik wit net wat ik sjoch, it ferfal, de melankoly ast troch de strjitten fytst. En dy manlju yn it asfalt, wantrouwich, fijannich hast. Kleare anargy.'

'Wat hie sa'n Wiger hjir net dwaan kind op ien fan 'e projekten.'

'Sa'n doarpsman wie er oars net.'

'Dat seine wol mear dy't hjir oankamen, mar bleaun binne om't se in doel fûn hiene. Mar wat sis ik ek, it is sa rûn. Wolst noch tee?'

Drok krúst it minske, nettsjinsteande har proteze aloan troch it hûs, achter de rollator, tusken de krukken, mei de stôk, wat mar foar hannen is, en neigeraden har bestimminmg. Dan rint se pratendewei mei har op nei de keuken, hantlanget mei

kopkes en trompkes, of dangelet wat om oant Aaf yn 'e âlde crapaud by de kachel delstrykt. It ûngemak hat har tekene, mar yn har eagen twinkelet de selsspot, lykas de irony yn har taal. By it earste treffen juster wie it leeftydsferskil al gau fergetten. As ferstiene se inoar, as âlde freondinnen dy't oan in heal wurd genôch ha, en mei ferhalen inkeld it gat fan jierren hoeve te tichtsjen. Se hie harsels foarholden dat se dizze frou fertrouwe koe.

'Watfoar projekt hiest mý tatocht, as ik bliuw,' laket se om har út te daagjen.

'De bank ûnder de Oranjebeam,' seit se fuort, 'Om mei te begjinnen. Dy drekboel dêr, dy stjonkerij, it plein is suver ûnbegeanber. Jimme heit ferpoft it. Betink mar in namme.'

'Salang't de fûgels der binne hat it gjin doel, seit er. Mar ik sil 't him sizze, wa wit. It *Gasth fu du Tak* liket my wol wat.'

In momint sjocht de frou har oan, as is se trapearre. 'Bist aardich op 'e hichte, do, nei in pear dagen al.' Se is even stil en skoot djipper yn har stoel. 'Middeis nei it wurk mei ik graach wat yn 'e ensyklopedy omnoazelje. Dan lês ik wat, soms krij ik in idee. Mei sa'n papierke oan 'e muorre lis ik it mar fêst, in earsten idee fan in bestimming. Dan komt it wat tichterby, en kin 'k it in bytsje oanreitsje, sis mar. Want foar't sa'n plan in kear wat wurdt.'

'En mei sa'n ôfkorting nimt it ek minder tiid, tink, sa'n projekt?'

'Moast net oerdriuwe.'

'Mar it skeelt.'

'O, grif.'

Se laitsje en gekjeie en even is alle reserve fergetten.

'It Gasthús fan de Takomst sil it hite. Hoe en wat krekt, dat moatte wy mei in ploechje noch besjen. In projekt fan jierren, moatst tinke. Mar wy moatte fierder mei dit doarp.' Even is se stil, dan komt se dermei oan. 'Nee, fanke, dat is neat foar dy.

It Gasthús is foar Uruzgan, as er ienkear wer by de libbenen is.’ ‘Uruzgan?’ se prûst it út. ‘Ien út it doarp?’

‘Moannen lyn struts hjir in man del, ferwyldere, alhiel op ’e doele. Nei trije missys yn Afghanistan, moast ik begripe. Der wie amper mei te praten, gjin namme, gjin thús, gjin ferwachtings, allinne in sprakeloas ferline. *Friendly fire*, bazet er, ast by him komst, dan swaaie er mei wat foto’s. Wy litte him earst mar. Yn it âlde hús fan notaris Reiding rêdt er him sa goed sa kwea. Soms spûket er nachts yn kamûflaazjepak troch stegen en strjitten, dan is er op patrûlje. In gelûd, in beweging, in skaadbyld al jaget him oerein. Datsoarte dingen. Dan helje ik him deryn, praat mei him en praat, en nei in pear slokjes set er lang om let de nacht wer yn, werom nei de compound, sa’t er seit. In skeinde geast, in ruïnearre libben. Wêr wie it allegear foar noadich? Hy moat oan it wurk, om de kop wer fris te krijen, wer yn himsels te leauwen en der stadichoan wer by te hearren. Uruzgan hyt er salang. Der komme mear fan sokken, bin ik bang. Dêr is it Gasthús foar, foar de slachtoffers fan it ûnferstân. Wa kin better oer sa’n opfang gear as hy?’

Se swijt in skoft en sjocht yn it fjoer. ‘Dochst noch wat hout, Til? It wurdt jûns al frissich.’

Wat beweecht sa’n frou? tinkt se, moederaasje, opstandichheid, haast foar de dea? As is it har opdracht om de minsken it lêste oardiel te besparjen. Se wolle hjir net wei, wêr moatte se ek hinne? Ien moat sizze hoe’t it komt, rjochting wize, oerheden te wurd, it libben geande hâlde. Is it dat? Ien foar ien skoot se de blokken yn ’e kachel, sa’t se it Aaf earder dwaan sjoen hat. Se sjocht troch it glês oft it oanslaan wol en slacht de snipels fan ’e hannen.

‘Sa sawat, dame?’

‘Lúks, hear,’ laket se skel. ‘Ik sit hjir mar te kommandearjen. Wol noflik oars.’ Se lûkt de omslachdoek wat strakker om

har hinne. Troch it kachelsrút sette flammen har wêzen yn in waarme gloed, it skerpe gesicht, it koarte, grize hier dat as in helm om it kopke falt. As yn in âlde Skandinavyske roman, tinkt se, it bestiet eins net mear, allinne yn sokke útoarden noch. Alles yn hús is derneffens: de swiere meubels, donkere gerdinen mei koperen ringen oan houten roeden, de iken boekekast mei de ferkleure bannen fan de Standaard Encyclopedie en in âlde Petit Larousse, wrachjes, wat moat sa’n ien dermei? Op ’e middelste planke in Triotrack mei wat grammofoanplaten, trije goudfiskjen yn in akkubak, en paperbackbacks mei de swietige lucht fan fergien papier. Tsjin it barige behang lânskippen yn swiere listen, sierpannen fan reiskes by de Ryn lâns, en oeral doaskes en snypsnaren en steapeltsjes alde kranten. Boppe de tafel in swart houten rûne klok mei Romeinse sifers achter it bolle glês, en twa noasters foar it opwinen, en yn sierlike letters *Schmieder Chatteleraut*, en mei dat sulveren tingeltsje op it healoere. Op ’e plankenflier fersliten persen, en neist har crapaud in steande skimerlampe mei kralen franjes oan in heal teskroeiende kape, as in ferwaaide parasol yn in hjersttún. Se strúnt wat om. Op ’e tafel by it rût in âlde desktop mei in bypassende Epson, in sûvenir beker út Bonaire mei skriuwerk, boutekeningen, memobledtsjes en noch mear papier.

‘Dyn wurktafel?’ ropt se.

‘Myn buro, seit Jehannes, dat heart better.’

‘Ja fansels, hjirwei wurdt it doarp regeard.’

Ut ’e crapaud komt in licht genokker, dan is it wer stil, as slûget it mînske even tusken de praatsjes troch. Foar it rût bliuwt se stean en sjocht nei de antennes op de bemoaze dakken, nei de wynsjarzjers, de reek fan houtkachels, in lege strjitte tsjin itenstiid. De asfaltmasjine is stil, falt har op, it makket dizze wrâld helte lytser. Leech driuwe wolken oer de huzen

en benimme minsken it ljocht en de siken. Se woe dat Rudy no belle, even witte wat er docht, oft er noch oan har tinkt. Achter har heart se it knappen fan it hout, om har hinne de stilte fan it hûs, en yn har gedachtern dy stimmen wer by de gongsdoar. Se wie hast fergetten hoe't it fielde dy jierren. As se Aaf har hease lûd heart is it al oer en giet se by har sitten.

‘Jehannes is dyn fertrouwensman?’

‘No... no, dat giet wat fier, fanke. In bêste doerak is it, sis it sa mar.’ Se wiflet even. ‘Eigen folk, oanfleaners, swalkers, alles spaant hjir om, moastst witte. Guon haw ik yn alle neakenens meimakke, froulju troch alles hinne, manlju yn 'e niten. Men kin minsken te tichtoan west ha om noch fertroulik mei har te wêzen. Wy moatte it meiïnoar roaie, elk docht wat er kin.’ ‘En sa'n Reinder, by it asfaltfabryk?’ Se sjocht it ploechje by de loads wer foar har.

‘Elk nei syn kinnen, fanke. Tiid jildt hjir minder as regelmaat. Alle dagen gong sa'n jonge nei de sosjale wurkpleats, jûns sette it buske him wer ôf. Feilich en fertroud. Mar troch besunigings en bestjoerlike kluchten hold dat op. Hy waard in minske sûnder takomst. De lju hjir easkje net folle, mar stadichoan is dit doarp útmergele troch de tiid en it tal. Earst it molkfabryk, doe de skoalle en de Spar, de SRV, de bibliobus en de jildautomaat. Wy rendearje net, wy binne in swart gat op 'e TomTom. Bestjoerders huverje der tsjinoan om hjir hinne. Ienkear yn it jier drave se op. De joviale lease-wethâlder, dy't him takomme jier wer yn in oare gemeente ferhierd, wat kin it him hjir skele. En in boargemaster, dy't hannen wringend syn komplimenten útsprekt foar it pleatslik inisjatyf, de seal de beliedsyklus nochris útleit en ús winsken meinimme sil nei it kolleezje. Mar foar it bier binne se al wer fuort, feilich ûnder de glêzen stolp fan it steand belied. Ynstee fan te sizzen dat se it ek net witte, en mei oanskowe en drinke en meiïnoar it ûn-

mooglike plan betinke. Yn har eagen sjochst de ôfwizing, de twivel oan ús boargerskip. Krimp is har nachtmerje, moastst tinke. Krimp is it puzelwurd foar de skyt, dy't de keninkjes en lytse baaskes út 'e stêd oan ús hawwe. Wy binne de skeet út it moeras, de rotte appel yn 'e koer. Lit se fergaderje dêre.’

‘Neat te rêden, woest sizze? Mar moai gjin skoaltsje mear hjir.’ ‘Sa is it net, Tilma. En sok gesanger oer it skoaltsje. Achtjin bern en in âlde roek. Altyd wer ûnder de noarm, wêr ûntheffing, wêr mear jild. Wêr tsjinne it foar? Foar de leefberens, de status en de yllusy, en foar de lêbjen memmen fjouwer kear deis op it skoalplein. Mar sûnt twa jier is it ferstân werom en gean de bern, tegearre mei de kristliken mei de skoalbus nei de streekskoalle fiederop. Master mei pinsjoen, de luzememmen in kear oan it wurk, wat in deugd. En de bern hawwe takomst.’

‘It wurdt hjir wol in kleaster, sa stil.’

‘Krimp is gjin ramp, fanke. It is it stil protest tsjin de oerdied, tsjin de megalomany en de eksuberânsje fan de stêd. Op in kear wurdt it in taflecht, as skielk de ûntefredenens yn 'e stêd har mobilisearret en knokploegen frijút om har hinne slaan; in ûntwyk foar it diktaat fan 'e macht. Stilte jout minsken har weardicheid werom. Men moat deroer kinne fansels, stilte moast leare; net bang wêze foar de pine en de twivel en de oergunst yn dysels. Leechte en ferfal hearre derby. Op in dei krûpt it libben as ûnkrûd troch kieren en naden hjirhinne werom en nimt yn gebrûk wat wy achterlitten ha. Dan hat ús wurk net om 'e nocht west.’

‘En salang hâldt de r t v w de moed der hjir yn?’

Se swijt in hoartsje foart se dêropyn giet. ‘De omrop sizze wy. Ik wit watst bedoelst, Tilma. Do bist út 'e grutte stêd, do sjochst it hjir allegear wat oars. De omrop is foar de lju hjir it ramt fan 'e dei, dêr libje se neffens, wat hawwe se oars? It lytse

nij, sport- en praatprogramma's, wat fertroude muzyk, âlde dokumintêres, it waarberjocht, snie en iis, it ferbynt de minsken. It is de toan, it dialekt, it gefoel, in sentimint, moastst tinke.'

'It befestiget de minsken yn har tekoart en har isolemint, bedoelst? Ynstee fan har oer grinzen hinne te tillen. Besprekke se wolris in boek, in dichtbondel of in tonielstik, in skilderij? Wêrom sa gewoan, sa tefreden altyd, mei de kop yn it reid?'

'It kin wol wat mylder, fanke. It giet oer har libben, it is in part fan 'e minsken har identiteit. Mar tajûn, ik sit bytiden ek mei kromme teannen. Dan tinkst, kom op no, kom op dêr, in bytsje mear, hoe sil 'k it sizze, wat formaat mei ek wol. Mar it giet om 'e minsken, ik bin de noarm net.'

'No, de treast fan it fuottenein, hear.'

Yn 'e stilte tusken dy twa nimt de *Schmieder* it oer, mei in gûnzjend oanloopke slacht it oerwurk syn sulveren slaggen. Kocheljend komt de frou oerein.

'De seis is yn 'e oere, fanke, no meie wy wol wat. Tilma in gleske port? En in hapke? Ik haw net om 'e nocht te boadskipjen west, hoopje ik?'

As se in hantaast mei dwaan sil pingt har mobyl, en foar't se it negearje kin, is Aaf har al foar.

'Doch mar, bern, doch mar, wy hawwe it oan tiid, en sa'n ding krijst net koest. Datst ferbining hast is al in wonder, distiid fan 'e dei slacht alles hjir sawat op 'e rin.'

Har hert kloppet as in wyld. By it rût lêst se syn earste rigels, dan wol se net fierder, mei dat minske derby.

'In freondin út Amsterdam; even prate, mar dat kin jûn ek wol. Wy hawwe it hjir fierste gesellich.' It wurdt har licht yn 'e holle, se rûkt de rivier, de krûden fan de merk, se heart Rudy syn stim, dy't wiist en útleit. Even sweeft se troch de keamer, oant se delstrykt der't Aaf har hawwe wol.

'Goed nij, mei ik hoopje? Bist no yn alle gefallen even werom yn it doarp. Dêr drinke wy op.'

Yn 'e skimer nimme se inoar op tsjin it opljochtsjend kachelsrût, se sjogge nei de reade gloed yn it glês tusken har fingers en priuwe bedachtsum, mei ien bil op 'e râne fan 'e stoel.

'Kopke,' seit se smakkend en skoot behaachlik djipper yn 'e crapaud. 'Hat Wout my oanrikkemandearre. As 't us lije kan, Aaf, een pórt, je weet nie wat je proef. As sit je in de sauna met een fluwele manteltje an, nou ja, heel aors as da spul van de Spar, wi 'k mar segge.' Se gichelet om har tonieltsje en nipt wer oan har glês. Wout hie in geskikt adres, se hoefde mar te kikken. Wout wie geweldich, Wout fan Lidwyn. *Spar & Wâld* wie in segen foar it doarp wurden, gjin nee te keap. Doe't se eartiids by in gleske in namme foar it projekt betochten, wie it foar de helt nei Wout ferneamd, dat fûn er wol moai, 'Moar in jullie toal dan, hê!' *Wâld* wie it wurden, *Spar & Wâld*.

Se laitsje en nippe en swije. Se moat oan Rudy tinke, wêr't er omsweeft, en oft er wier wer yn 'e handel sit.

'In pear gram wiit kin ek?' Wêrom freget se it eins? Om te witten wat hjir omgiet? Ut balstjurrigens, om de evenredichheid fan dy frou dy't har nitelet, en om har skampers no en dan? 'Gjin nee te keap, seidest. Hoe hâldst de jongerein hjir oars?'

Se ferlúkt gjin spier, in hoartsje draait se it glês yn har hân.

'Wat net kin, Tilma,' seit se. 'Mar wêrom soe men Wout yn ferlegenheid bringe? Dy jonge is alle dagen foar ús yn it spier. En dat is it terrein fan Lyts Sion trouwens. BlierCity komt neat tekoart.' Se komt oerein en docht nij hout yn 'e kachel. 'Wolst ek wat ljocht?'

Se sjocht nei de frou, dy't hjir al dy jierren oerlibbet, dy't har rêdt mei wat foar hannen is sûnder in wurd oer har ûngemak; dy't jûns yn dit sigerige hûs dat ding oanknipt en achter har



gleske dreamt fan in nij projekt, en no yn it brunige ljocht fan dy skimerlampe de glêzen byjit.

‘Der is gjin ein oan hjir, Aaf,’ seit se. ‘Hoe hâldt in mins it út yn dit oarlochsgebiet? As sikest it op. Do bist Florence Nigh-tingale net, op dyn jierren. En altyd mar moatte.’

In skoftke is it stil yn ’e stoel, as siket se om in begjin. ‘Minsken komme erges telanne, Tilma, en net altyd yn Klûntsje-buorren. Troch tafal of eigen kar. As men bliuwt hat men dêr in opdracht. Ik bin opgroeid yn ’e jierren fan de weropbou en de Marshallhelp, jimme leare dat út boeken. As bern fan in jier as sân útfanhuze ik in kear mei heit by tante Froan, in healsuster fan him yn Den Haach. Wy makken in kuier troch it Bezuidenhout, in healjier sawat nei it bombardemint. Heale opgeande muorren dy’t de loft yn stutsen, gapjende iepen souders, iepenrutsen treppehuzen, ik wist net wat ik seach, hearde it dêr sa? Yn it pún fûn ik in lapkepop, in famke mei ferskroaide flechten en in skeind gesicht, dêr’t ien fan de kraaleagen yn miste. Har lyfke lei iepen, it seachmoal rûn der ta’n út. Mar se mocht net mei nei hûs fan tante, miskien dat har mem noch om har socht. Se fertelde oer de oarloch, oer de honger en de gearkeukens, oer de bommen en de brânen en de deaden, en dat minsken soms ûnder it pún wol flústerjen hearden.’ Ofwêzich wriuwt se mei har hân oer de leuning fan ’e stoel, oant se wer wit wat se noch sizze woe. ‘Wy hiene it net rom thús, wy rûkten nei de lapekoer, sis mar, wy learden dat freegjen net heart. It skuldich gefoel fan sunich en beskieden, en de skamte foar oerdied sitte ús yn it hier. Dat wurdst net mear kwyt.’

It docht har tinken oan ’e biblioteek, dêr’t se troch it pún wâde en it ek west hie as hearde se juffrou Osinga wer. Skilen fan jierren foelen fan har ôf, oantinkens krigen in stim, de stim fan ’e ûneinichheid. Miskien wie dat it geheim hjir, dat alles

opnij begjint en dat dêrom neat sloopt en weitôge waard.

‘Wêrom giest net fuort?’ seit se. ‘Do hast alles ûndernommen, do hast dien watst koest, oaren nimme it oer en gean troch. Sa benei hast de minsken west, datst dysels hjir net wêze koest, seidest.’

Nitelich skoot de frou nei de râne fan har stoel en sjocht har oan. ‘De wrâld is sa grut as it plak dêr’tst libbest, fanke. In mins ûntrint himsels net, dat witsto likegoed as ik. Der wurdt hiel wat ôf krimmeneard, ja, wer net? Mar hjir is it net út weelde. It libben ferrint net neffens de bucketlist. Wy libje hjir net ûnder de glêzen koepel fan de stêd, mei har droktemakkers, influencers, teatermakers en babbelskûten, mei har drokten en ferhâlen. Alles moat op it poadium hjoed de dei. En wy mar klappe!’

‘It narsistysk universum, woest sizze? Ha, ha.’

Se wifelet even. ‘Sa moai kin ik it net sizze, fanke, mar sa ûngefear. Hjir bart alles yn it echt, dat is it ferskil, dat makket it it wurdich. Ik bin mar in lyts talint, ik doch wat ik kin. Ik soe wolle, dat der hjir wat fan my oerbliuwt letter. Idel genôch, moatst tinke. Mar ik krij it net ôf, bin ik bang.’ Hymjend skoot se wer achteryn ’e stoel en sjocht foar har út yn it fjoer. ‘Anargy?’ laket se nei in skoftke, ‘anargy, seidest? Wy rekkenje opinoar, wa’t bliuwt docht mei, mear is it net. Elk ken de ôfspraken, en oars rêde wy dermei. Oerheden, amtners, plysje, se sjogge de oare kant op om de opstân te beswarren. Soms prate wy mei de dames en hearen, neat is fergees. De wrâld feroaret, gesach hat langer syn grinzen. Se witte it, it moat wenne, wy dogge it hjir sels.’ Se laket wat foar har út. ‘Wat praat ik hieltyd, fanke. Wy meie noch wol ien. Ik jit dy noch in kear by, miskien datsto dan ris wat fertelst. Ik hear neat fan dy, Tilma. Wat dochst hjir eins? It is net om dy stien. Ferskûlest dy hjir? Sikest soms ien?’

Nee, tinkt se, no net. It swit brekt har út. Se moat hjirwei. Der is wat mei dy frou, dêr't se gjin fet op krijt. Mei de hannen oan 'e holle beart se werom.

'Nee, Aaf, net mear, it kopke draait my fan 'e Kopke. In oare kear.'

• Jakubi

*Hallo, mati. Tan bun? Ga een weekje sjoppen in Leonsberg, logeren bij ome Komproe. Wat voor jou ook? Avondje naar het casino, liggen aan de rivier, eten by Anthony's, lachen en grappen? Laat van je horen, kom uit jouw schuilplaats. Ik ga jou vinden, mati. Mo syi.*

**D**E WIKEN NEI it romjen doarme er om as in siel yn 'e ivichheid. Yn syn Chevrolet swalke er troch de streek, dwaalde by ûnbekende wegen lâns, troch frjemde oarden, waarme him yn kafees, dêr't er oeren siet te drinken. Jûns let kaam er wer thús, sûnder te witten wêr't er sa'n dei úthongen hie. No't Tilma der is, komt it wer boppe. De stilte yn 'e stâlen, it hastich fuortsjen fan minsken. Eare en goede namme ferspile, neat om hannen, de rop fan generaasjes fergriemd. Dan krige de skande him by de strôt en fleach it him oan en moast er wer fuort. En net út 'e rie komme kinne. Lykas Simen Posset wol er net, dat is him te rou. Yn 'e Lynbaanstege, yn 'e waarme buert fan 'e stêd, dêr't er freedts nei de feemerk dan wol komt, hat er by dy fammen, doe't se trochhiene dat syn holle der net nei stie en er diskear net bleau en se ynienen fan neat mear wisten, mei gâns poeren en ekstra pleisters, in adres loskrige in ein fierderop. In âld bokser, mei in ferkloste noas en slanterich ljocht hier oant op it skouder stiet him te wurd. Yn in soarte fitrinekast mei rekken fol bandaazjes, salfkes, bussen creatine en oare supleminten yn potsjes en drankjes. Unwennich sjocht er om him hinne en seit dat er fan Vivian komt. De man ljochtet op, skoot in gerdyn fansiden, en yn 'e kromtaal fan ien fan 'e Balkan, skat er, noadiget er him mei in knik nei it tsjustere domein fan de échte handel. Yn it troebele ljocht fan in achterkeamer strûpt er in pear tinne wanten oan, en yn in kast

mei kassetteladen dy't er ien foar ien iepenlûkt, lit er him de kolleksje sjen. Pistoalen yn alle soarten en maten, fan allerhande merken en makkelei. It djippe lûd dêr't de man mei praat, geduldich aard en doel fan elk wapen oan him útleit, en de rêst dêr't elk stik sekuer mei werom yn 'e kasette lein wurdt, stroke net mei syn byld fan dizze brânzje, mar stelle him al aardich op syn gemak. Hy harket en sjocht, soms freget er wat of lit it him noch in kear útlizze. Foar de sjitferiening is 't, en foar de feilichheid ek, hy wennet op skreiershoek, begrypt er? De man sjocht him oan en knikt, en oan dy stielen eagen sjocht er dat er net wit wêr't er it oer hat, en dat syn optinksels him ek net ien fuck oangean. In Sig Sauer 1911-22 waard it. Om it behindich model, en om de roazehouten greep miskien ek. Hy heart de man praten, it measte giet by him lâns. In 9 mm kin it wol dwaan, begrypt er, in klassiker, mei in grutte presizy, en *ambidextrous*, links, rjochts like hânsum. Mei strutsen earm keurt de man it fizier, bromt tefreden en wiist noch op de dûbele tommebefeiliging, klasse! Dat wie it wol, doaske patroanen noch. Op in foech toanbank wriuwet er mei in doek in lêste fingertaast fan it stiel, pakt him yn floeipapier yn in doaze, en dan is er fan him. By it ôfrekkenjen wist er wat dat er him yn in skimerwrâld bejûn hie en tild waard wêr't er by stie. Mar wat koe er? Even hie it lucht jûn dat er safier al wie. Mar de dagen dêrnei hiene om beurten twivel en lilken him yn 'e macht hân. En doe't er op ien fan syn tochten yn in kroech oan de seedyk yninoar sakke en net mear bykaam, hie in ambulânse him ôffierd, en hie er in pear moanne bûten de tiid west.

In B-film dy't him foar de gelegenheid yn syn holle nochris ôfspilet, hoe hie er it betocht? Jûns sitte se swijend oan 'e keukenstafel, Tilma yn har boek, hy bûten it lampeljocht mei in tydskrift foar de sjeu, om te betinken hoe't er it allegear

ha sil. Yn 'e bûthúskast fûn er de Sig Sauer werom, oprôle yn in foech ûnderhâldsmatsje. Achteryn 'e finne, op in planke tsjin de mûnedoar, hat er him útprobeard. Mei elk skot en de weromslach yn syn earm, is de earste opwining stadichoan oanboaze ta in wraaksucht, dy't er earder net kend hat. Dêr hat er witten dat it de iennichste wei is om wat goed te meitsjen. Oerdeis sjogge se inoar amper. Foar it moarnsbrochje wachtet de ien op 'e oar, en harket oft de keuken hast frij is. Sûnt se de loop hat by Aaf Leenes bliuwt de itenswaar dy't er yn hûs helle hat, as mûzefoarried yn 'e kast. Soms prate se wat, as Tilma freget oer it doarp en wat hjir geande is, en hy fertelt. Dat de minsken har hjir langer sels regearre, en Aaf as de memmerôt de ploegen foargiet troch de geheime gongen fan har plan. Wylst sjocht er nei de trekken yn har gesicht, nei de rosse gloed fan har hier yn it lampeljocht, de fernuvering yn har eagen, dy't foar in momint alle foarbehâld opjûn ha. En it krykkraft yn syn liif fan har laits, om wat er seit oer dingen dy't har frjemd wurden binne. Salang leit it boek omkeard op 'e tafel, en fielt it as is se der foar him. En hy betinkt wat er noch mear kin om it ivich duorje te litten. Mar likegoed fimelet har hân mei de Samsung op 'e tafel, de beskermingel dêr't se gjin meter fan wykt. Hy skoot noch wat mear út it ljocht, om it prykjen yn syn eagen, om dy pear dagen dy't er mar hat om te sizzen wat noch sein wurde moat, foar't se weromkrûpt yn har boek. Doe't se hjoed fuort wie, hat er der in pear stikken yn lêzen om út te finen wat har dwaande hâldt en wa't se wurden is. Dy Pontus Beg mocht er wol lije, in plyseman yn in grinsdoarp, mei syn húshâldster foar ien nacht yn 'e moanne, en syn wodka en dat piipjen yn it ear. In Joad, mei dy tsjustere handelstjes fan him. Mar likegoed in evenredige keardel, mei in goed hert en dy berêstende kyk op it bestean, ivich op syk nei syn oarsprong. Mar dat it no boeide? In ply-

sjeroman, sa't er even tocht hie, wie it net wurden, spannend wie it net echt. De stikken oer dy swervers, dy't fan 'e grins oer de flakte op dat doarp oan swalkje, stiene him tsjin. Ofhiene him ûnrêstich makke mear, as rekken se himsels. Hy wie de tried kwytrekke, en doe sliepte er ek heal en hie er it opjûn. Wat se dêryn seach? Nei har stúdzje wie se yn 'e boeken belâne, lêze wie har wurk, naam er oan. As er ris by har wie yn Amsterdam wie dat inkeld wol fallen, 'myn wurk.' In wurd as in slachboom foar in terrein dêr't hy gjin tagong hie, en dêr't fragen, as er dy al stelde, oan hingjen bleaune as fodden yn 'e wyn. No't se wer frij is, hâldt er him dêr mar stil oer en wachtet ôf. Dat se by Aaf oanhâld hat jout him rêst, it hâldt har yn it doarp salang. *Aaf... betterave*, witst noch?' Tilma hie him oansjoen, mar doe wist se it wer, en lake dat se it Aaf ris fertelle soe. It beset him bytiden, hoe'n bytsje er him yn it sin bringe kin fan har bernetiid. Oft er der dy jierren net wie. Inkele bylden mar, dy't har aloan herhelje. Plakken dêr't er har gean sjocht, as op in filmstill, dêr't gjin beweging yn komt. Op 'e Mavo sil it west ha, se hiene krekt Frâns. Mei Anke hjir oan 'e keukenstafel achter har hús wurk, gierden se it út om de spotnammen dy't se betochten. Se kamen wol by Aaf op 'e tún, foar krewikes, in krop slaad, of wat. It kaam troch dat buordsje oan 'e dyk, dêr't se har reade byt mei oan 'e man brocht. Dagen hold it oan: *Aaf... betterave*, yn alle toanarden, op 'e gekste mominten, en mar giere en mar wer. Oant har mem weromkaam fan in pear dagen nei famylje, en de stilte en de nearens it hûs wer yn 'e greep hie. Oan dizze tafel hawwe oantinkens har plak ynnommen, en komme op dagen as dizze wer ta libben. Oer Wiger syn stien wie se begûn, en doe gong it troch. Se siet noch mar krekt yn Amsterdam, doe't se him thúshelle hiene. Hy hie him wer ynskreaun foar Parys-Dakar dat jier, en op in

jûn hjir yn 'e keuken op 'e kaart de rûte oanwiisd en ferteld. Tilma, mei in earm om syn skouder, frege en prate en hope, dat it diskear slagje mocht, Wiger, ferdoary. It jiers dêrfoar hie er de tocht mei in trochbrânde motor nei in wike opjaan moatten. 'Moai foar iten wer thús', hie er sein, doe't er nei de weromreis de doar ynkaam. Wol grutsk dat er sels alteast oerein bleaun wie, mar stiltsjes en ûnrêstich as er jûns op RTL7 de lêste etappes foarby gean seach. En dat skokskouderjen by it einklassemint: No 76 - Wiger Jager - *abandon*. Mar dat jier, mei syn Honda NXR 750 hie er mear fermogen, it moast slagje. Alle jûnen stuts Tilma op 'e kaart in kleurige spjelde by it etappeplak fan dy deis. Se koe de nammen út 'e holle: Sète, Algiers, Quatre Chemins, Tit, Temaouine, Gao, dan fierder nei Timbuktu yn Mali en troch Opper-Volta nei Tambacounda yn Senegal. En nei 10.000 km soe er dan oankomme yn it Lac Rose yn Dakar. Hyp Hoi! Se folgen alle tv-stasjons, en jûns let wachten se op syn kreakerich telefoantsje om noch even te hearren, Tilma mocht earst. Ut Ouled Djellal hie er noch belle, alles gong bêst, amper maleur, moarn gongen se de woastyn yn, dan hiene se gjin ferbining, mar se seagen him grif op tv. Nûmer 98, mar dat wisten se wol. As se earst Gao mar hiene, dan wie it minste achter de rêch. Mar safier soe it net komme, it doarp hold de siken yn. Yn 'e sândunen fan de Tadrat wie er al in kear ûnderút gongen. Hy woe it net wêze, mar in oanslach hie it west op syn kondysje en op it moreel. Jûns hiene se ek noch lang sleutelje moatten om it materiaal wer yn oarder te krijen. De sechsde deis tusken Quatre Chemins en Tamarasset, op in trail yn 'e Hoggarbergen wie er slipt en tsjin in rotsblok kwakt. Trije kertier hiene se wachtsje moatten foar't dêr in helikopter kaam. Hy wie reanimeard, krige bloed, krige soerstof. Under in reiden dakje, dat lju út it neilizzend Amsel tsjin 'e gleone sinne foar him optúgd

hiene, waard er noch opereard. Mar ynwindige bliedings, it tiidferlies, alles, hy makke gjin kâns. Syn maat, Jan Baas, de mekanijsjèn fan it stel, fertelde it koart foar de telefoan, en oardelwike letter yn biten en brokken hjir oan 'e tafel. Hoe't it gebeure koe, hoe't mei it wachtsjen yn 'e woastyn de hoop stadichoan ferfleach, en hoe't alles ferrûn wie de dagen dêrnei. Tilma hong him om 'e nekke, as wie hy tenei har broer, en se frege mar en gûlde, ... *en Jan... Jan...*, en dan wist se it net mear. Se hiene Wiger ophelle fan Eindhoven, dêr't de kiste nei oerflein wie. Op 'e weromreis siet se by Jan yn 'e auto, ticht tsjin him oan seach er wol, as hie se no oars gjint mear. Nei de begraffenis hiene se hjir noch wer sitten en praat. En doe't it tiid wie, hie se Jan frege oft er har nei Amsterdam bringe woe, of nei it stasjon dan. Sa wie it gongen. De wrâld wie foargoed feroare. Sûnt hie se hjir gjin boadskip mear, se hie hjir neat mear te sykjen.

Yn 'e keuken heart men allinne it sûzeljen fan 'e koelkast, it knisterjen fan papier no en dan, en troch it iepen rûtsje yn 'e fierte de fûgels op it plein. Hy sjocht hoe't se opgiet yn har boek, even oerein komt en de side omslacht, en wer ferdwynt oan 'e oare kant fan it ferhaal. Hy wie bliid dat se meigongen wie, mar mei de dagen begrypt er al minder wat se hjir eins siket. Moarn sil er noch ien kear nei de mûne, dan moat it ek wêze. Hy folget har eagen oer de rigels, as se wer omslaan sil begint er deroer.

'Moat ik de stien noch feroarje litte, fynst?'

Tsjin it ljocht yn sjocht se syn kant út, ôfwêzich helle se de skouders op.

'Wy hiene it deroer, dy plaknamme ommers.'

Wifeljend nimt se him op, se hat alle tiid. Mei it kin op 'e sneed fan it boek, dat se tusken de hannen klamt, bûcht se har foaroer oer it taffelsblêd. De eagen yn 't kier stoarret se foar har út, as berekkenet se de sprong nei har proai.

'Hie Wiger gelyk? Heit wist derfan.'

**S**E IS FAN de Stille Generaasje brot se, as sa'nien as Lidwyn seit dat se net sa sunich moat. It libben mei wol wat feestliker, Aaf. In nij mobyltsje, it hûs ris oanpasse litte oan har jierren, in brommobyl, kin se makliker by de projekten lâns, en ris in rit meitsje bûten it doarp. 'Of eris een nuwe proteze, wat docht je d'rfan? Gaan ik mee nei de ortopeet. Jai ken het toch doen? Je ben in filosoof, jai. Die ouwe anwensten fan jou, wor eris wat moderner? Het letste himd heb geen búsen, segge jullie, toch?' Der binne net folle dy't Aaf Leenes dêrmei oankomme kinne. Sa is se, like hurd foar harsels as foar oaren. Se is fan foar de oarloch, seit se meast, as it te praat komt, dat kinne minsken noch neikomme. Mar âlde gewoanten? 'Je hearre by in bloedgroep, Lidwyn, dat feroarest net.' Se hat har útlein, dat earmoed en driging in mins leare ûnsichtber te bliuwen, en jin pas te oppenearjen as it nypt. 'Oanpasse, fanke, omstean leare, oars rêdest it net, it libben wie op 'e bon. Us generaasje is berne sûnder idealen, en grutwurden ûnder oarder en gesach. Dwaan wat dy te dwaan stiet, leare dysels te fermeitsjen.'

Net dat se har derop foarstean lit, och heden nee. Se wit mar al te goed, dat se de oansluting by dy fjirtigers en fyftigers mist, mar se is se nedich. Hat de krimp har net leard, dat in mins it mear by himsels sykje moat as yn alle drokte rûnom? Tsjin Wout en Lidwyn kin se soks sizze, dy nimme de dingen

sa't se binne, oanpakke, net seure. Mar dy babyboomers kin se min oer. Bedoarn folk, altyd easkje, kapsoanes, de bek yn it wiidst iepen. Yn 'e fergadering ek geregeldwei. Gjûn idee dat krapte om beskiedenheid raast. Altyd tinke yn eigen belang, mar ien sigentsje en se sitte by de dokter. Doe't de bibliobus noch kaam, hat se ris in boek lêzen oer de generaasjes fan Henk Becker of Backer, no ja. Doe hie se better begrepen, hoe't tiidsomstandichheden minsken foarmje en byinoar driuwe ta in kohort, sa hiet dat. Sokken binne tekene troch mienskiplike ûnderfinings, se ûnderskiede har yn noarmbesef en wurdearring fan oare generaasjes. It hat har leard har del te jaan, as yn 'e fergadering net it bleate nut fan projekten, mar ferbylding en streken de trochslach jouwe. Krekt polityk, seit Uruzgan. Hy is ien dy't, as er nochteren is, har yn it hert sjen kin. 'Wêrom sjit it net op, Aaf, leit de Taliban wer dwers? Do bist te goed foar dit folk. Gun my it Gasthús, dan lit ik it sjen.' Se hie wollen dat lotsferbûnens de minsken wat tichter byinoar brocht. Mar sokken as Alting stelle har boppe de wet, en der is altyd wol wat. 'Jai ferwacht te feul fan deuze wirreld, jai,' seit Lidwyn. 'It is *wheele and deale*, weet jet? Koik eris om je heen.' Ja, se mei ek net kleie, se wol wolris te hurd. De *Ko-permyn* rint as it spoar, se hawwe okkerdeis wer foar in kaptaal oan kabel ferkocht. En *Masterset* krijt rûnomwei mear klanten. De dyk by de feart leit der al út, de grûn wurdt freesd, de kavels ferkoch. Jehannes docht alle dagen even ferslach, fûl as er is. Woe er de asfaltmasjine in oere langer oan it wurk ha, in oerke mear leven yn 'e buorren, it soe wat, se koene de fraach net oan. Mar dat hat se keard, se moatte hjir yn frede. Oare wike pakke se de Nije Dyk oan, is it doel, de *Unnoadige Dyk* neame se him al. 'Kin Gaats dêr ek oan 'e slach, Aaf, mei har *SeksyFragina*, hyt har projekt sa net?' Dan gnysket er wat, en wit se wer dat dy man net los fertroud is. Gefangenis út, ge-

fangenis yn, froulju en drugs, en dy motorbinde elk wykein. By sokken as Jehannes draait it om de fluit en de duit. Mar se moat him brûke, en hy is ûnder de pannen. De Unnoadige Dyk jout har trouwens soarch genôch, yn 'e fergadering ek. Wat tinkt sa'nien wol, wurdt der flûstere, kin sa'n Aaf tsjin 'e hege hearen op? Mar se weagje it derop, de oare doarpen dogge mei, grientetunen wolle se dêr ek. De *OeDee* hyt it projekt, yn 'e koade dy't ôfpmaat is, meiïnoar derfoar. Dan moat se tinke oan Munsterseveld, dêr't se inoar der ek trochhinne sleepten, as op dat famme-ynternaat de strafek-sersysjes fan 'e nonnen oanhouden. Guon hiene op sa'n stuit de koffer al klearstean op har chambrette om nei de bushalte ta en foargoed dêrwei. Mar likegoed bleaune se, om't se net wisten wat se sûnder inoar moasten. De lêste tiid komme oantinkens oan dy kostskoalle faker werom. Ut it neat, op in rit troch it doarp, by in gerucht op 'e tún, by de lucht fan bjinwaaks by Jarich en dy thús. Samar ynienen. Aloan leit it grom fan it ferline op 'e boaiem fan har gedachten. Jierren lyn hat se in kear werom west foar in reuny. Nijsgjirrich nei dy oaren, en wat it bewâld op dy skoalle oan spoaren neilitten hie. It *Pensionaat van de Zusters van Onze Lieve Vrouw van Amersfoort*. It gebou oan it Hoofdkanaal stie dêr noch like kant as fyftich jier earder: it reade dak mei de kapellen, de roedefinsters yn 'e straffe gevel, de trap nei it portyk mei de koperen trekbel by de iken doar mei it traaljelûkje fan suster portier. Har eagen dwaalden by de ruten lâns: de sliepseal, stúdzjeseal, kapel, de refter, de rekreaasje. In libben op seal hie it west, ûnder it tafersjoch fan bitsige nonnen, ferskânze yn wantrouwen en kapen as periskopen. Even wie de wjersin har wer troch it liif wâle, lykas by it weromkommen nei de fakânsjes eartiids. Mei de rêch tsjin de waarme bakstiennen gevel hie se de opstiging om werom nei hûs oerdriuwe litten, doe wie se de treppen op

krukt.

Fan har klasse wiene se der hast allegear, kreaze, oplape froulju, goed yn 'e klean. Bella Volker, dy't neist har siet yn 'e kapel en ûnder de mis kaugomplaatsjes sjen liet fan Frankie Laine en Humphrey Bogart. En Sari Blom, dêr't se dy jierren yn 'e trein mei opreizge wie. Yn in hoekje fan 'e kûpee fertelden se inoar oer de fakânsje, oer skoalfreondinnen dy't har net mear koene, en hoe't se har ferfeeld hiene en elke dei wol nei it ynternaat werom wold hiene. Achter it rût wei swaaiden se nei soldaten op it perron, en praten oer jonges en letter. Nei Swolle begûn it stikeme gejang, it nimmenslân tusken thús en skoalle. Swijend seagen se nei de reek fan 'e lokomotyf, dy't yn flarden nei de wolken waaide, en nei de telegraafkabels, dy't fan peal nei peal by it rût lâns dûnsen. Sleau fan 'e kadâns fan 'e tsjillen, stoarren se oer it earmoedige turflân út dat stampend foarby skode. Dan wiene se der hast en koe it nije trimester bejinne.

Márika Rijksschroeff koe se earst net werom, troch de botoks en troch dy namme fan har eks, dy't op 'e list stien hie. Riek hiet se gewoan. Riek van 't Sas út Amsterdam wie in jier letter oankommen as sy en rûn yn alles foaroan. Se hie útfûn dat se *Op Munsterseveld* siet, om dy roomse litany net opsizze te hoeven. It hearde ek moderner, en fuortoan sieten der mear *Op Munsterseveld*.

Ans de Kock wie der, neat feroare, mei dy dikke brilleglêzen en dat aksint fan it grinsgebiet. Ans hie lêst fan rommeljende terms hân, dy't faak opspilen as ien yn 'e klasse de beurt hie. Ynienen rôle it ûnwaar troch it lokaal, hapere, en rommele wer fierder, piipjend en blazend troch ynwindige nauten, en mei grânzjende bassen yn 'e djipten. Sa benaud as se dan om har hinne seach, de azem ynhâlde, en knypte en die om dy fanfare ûnder de bank yn touwen te hâlden. Mar likegoed be-

gûn it opnij. Earst waard der flústere en earmkestompt, dan briek de spanning en waard der lake. En Ans wie de lider, en koe derút; nei de direktrise fanwege obstruksje. En nei fjirtich jier moast Ans sels nochris mei dat ûnferjitlik ferslach foar de tried: '*Och fanke, ja, wat sil men derfan sizze? It lichem is in lichtsinnich oargeltje, sis mar, men hat alle registers net altyd yn 'e macht. Mar sa'n oargeltsje spilet soms sa moai, dêr moat men mar sunich op wêze.*'

Koosje Burgers kaam net, wist Ans ek. Koos waard in bytsje, no ja... en har hân gong as in rútwisker foar dy brilleglêzen hinne en wer.

Kitty hie ôfsein, Floor lies har brief foar. *Wat jammer nou toch, dat ze er niet bij kon zijn Ze hadden een galanteriezaak gehad in Maastricht, tot André vorig jaar plots overleed. Ze hadden in Spanje een huis gekocht voor na hun pensioen. Daar zat ze nu, niet ver van de kinders, die daar waren getrouwd. God, wat had ze er vandaag graag bij willen zijn, iedereen nog eens zien, met elkaar zingen uit De Nootenboom. Munsterseveld,... wat een tijd. Maar ze had alvleesklier, dan weet je het wel. Nou daaag allemaal, groeten, Kitty Stroucks.*

It hie wol aardich west dy dei. Se hiene praat en lake, harke nei wat elk dien hie, yn it ûnderwiis, yn 'e winkel, de ferpleging. Mar al gau kamen de bern en wie it eigen libben ek oer. Hearrich hiene se west, sei Ans, en dat stimden oaren wol mei. Provo, Dollle Mina, de anty-rookmagiër sneons op it Spui, Flower Power, Woodstock, Vietnam-demonstraasjes, se hiene it sjoen op tv, de Beatles yn Blokker mar it protest fan dy tiid wie har eins frjemd. In wrâld yn swart-wyt. De sechstiger jierren wiene oan har foarbygien, se wiene taskôger bleaun. Middeis ûnder in kuier by it kanaal lâns mei Bella en Sary, hie se even de neigalm bespeurd fan de ferlittenheid en ûnwissens fan doe. Mar foar't it sein wurde kind hie, heakken

oaren by har oan en wie âlde yntimiteit ferflein yn gelaak en lûdroftichheid. Se hiene noch songen, sa'n fyftjin reunisten, it âlde repertoire, kanons foaral, in jonge non achter de piano. Floor hiet se, gewoan Floor. Ek yn har klean herinnere neat oan it bluisterich ferline fan it ynternaat. Allinne de skamte wie der noch, sei se, benammen sa'n dei as hjoed. It pensjonaat wie opheft, in tehûs foar geastlik handikapte bern soe it wurde. Moaier koe net, dêrmei wie it ferlinne in bytsje ferjûn, hope Floor, fergetten fansels net. Doe woe iderien ek fuort, bûten stiene auto's mei draaiende motor te wachtsjen. Noch in hantsje, in hastige tût, en dat wie it. Bella hie har nei it stasjon ta brocht, dat skeelde in bus. Dat fan Frankie Laine wist se net mear, nee wier. En *High Noon* dan, dy film dêr't se op in sneontejûn stikem mei syn trijen nei útpykt wiene? *Do not forsake me oh my darlin?* Bella hie de skouders ophelle: 'De tiid giet hurd, Aaf.' Doe wiene se der ek. Sa ticht mooglik by de yngong besocht Bella: 'Hjir mar?' Foar har lâns hie se it portier iepenklikt. 'Komst der sa wol út?' Moarns hie se fuort har ferhaal mar dien. It ûngemak yn dy eagen, de stiltes yn it petear, se fregen om antwurd. Se siet yn 'e wykferpleging, in tritich jier lyn. Underweis nei har wurk wie se op in dei skept troch in frachtwein. Mei fyts en al ûnder de tsjillen rekke. Sawat alles wie stikken, brutsen ribben, ynwindige kniezings, dy komplisearre breuk, de amputaasje. Se wie fiif moanne hinne, alles wie oer. In healjier en langer hie it ferge. It wie lestich bytiden, mar elk hie wol wat. Doe't se nei de revalidaasje wer thúskaam wie de sjeu der wat ôf, in proteze, in kruk, in rolstoel op 'en doer. Har man koe der net oer, dat hie de bedoeling net west, sei er, doe wie er opstapt. Nei in heal minskelibben stie it wat bûten har tinken, mar op sa'n dei fol sentimint, dêr't âlde dreamen nochris hifke waarden, kaam alles foarby. Yn 'e wyk koe se net mear, se wie op it kan-

toar kommen, haad bûtentsjinst, regelje, roasters, oplieding en sa. It wie wenne, mar se wist foar wa't se it die. Mar doe't regels en foarskriften har smoarden, en ynklauwers it foar it sizzen krigen, wie se opstapt. En no wie se drok yn har doarp, mei de minsken en har deistich ferlet, it bestean hie noch doel. It measte hie se der mar net sein, elk hie syn ferlies en syn libben. Mar it hie der wol oan, se rûn der wat út, mei dy foet, en dat eigensinnich bestean. Miskien lei it oan har, se wie oars. In himelbestoarmer, hie Mária sein. En sa't Bella har neise-ach troch de foarrút, en mei sa'n krabbelhantsje neiswaaid hie doe't se it stasjon yn rûn. Sa ûngefear hie it field dy dei. Mei hoarten en stjitten hie de lege trein har werombrocht nei de werklikheid. De ienriedigens fan doe op it pensjonaat hie gjin doel mear hân. Fernedering en willekeur hiene se oerlibbe, elk hie syn wei fûn, se koene fierders sûnder inoar. Se hiene dêr leard om har oan nimmen te hechtsjen, dat jilde foar altyd. Se wiene oantinkens wurden, fergetten gefoel, ferstienne reliken dy't men bewarret, mar dy't gjin libben mear ynha. Op it bankje achter hûs sit Aaf Leenes te dreamen. By de measten ferdwûn de fantoompine mei de tiid, hiene dy dokters sein. Spegeltery en oare keunsten hiene net holpen, se wie in apart gefal. Soms koe it nei jierren ynienen noch ophâlde, mar salang moast se dermei libje. Mei de stomp yn 'e amer sjocht se út oer de bou. Ekers mei grienten, de iepen broeibakken mei slaad, rigen beanstokken, de beibeamkes achteryn. By it lijsket in hoekje tabak foar de manlju fan 'e projekten, in aardichheidsje, as it slagge alteast. Daalk komme de skoalbern foar de plôk, noch even dan begjint de wek al wer. Foarich seizoen hat se in kursuske jûn foar dy út 'e wENhuzen. Dy froulju mar laitsje, wekke, ha, ha. Se kochten dochs in friezer as se hjir bleaune? Mar se woene alles meimeitsje, dêr wiene se hjir foar. Foar Kryst wiene de measten fan dy haspels



wer fuort en stiene dy huzen wer leech. In projekt fan Jan-Ewout en Max, proefwenje foar miljeufolk út 'e stêd. Se hiene de fabrykshuzen opknapt, koene se nijkommers winne foar it doarp. 'Mei hoofdletters, hear, Aaf, WENhuze, oars begripe se it net.' Sa sekuer yn alles, mar nei acht jier stroffelet Max noch hieltyd oer de taal. Mar bêst foar it doarp, hear, dat stel. Yn it kâlde wetter lûkt de fantoompine stadichoan út har skonk. Se giet te lang troch, se wit it, mar salang de tún it freget. Foarôf set se in amer pompwetter klear, dan kin se har rêde. Sa'n skoftke op 'e bank tinkt se nei, oft se frede hat mei it bestean. Nei Munsterseveld hie se studearje wollen. Mar thús wiene de oaren oan beurt, se moast oan it wurk. As learling wie se yn 'e ferpleging bedarre, sikehûs Zuidwal. En nei de oplieding wie se dêr hingjen bleaun, om't it stedslibben alle snaren yn har bespile, Den Haach paste har as in waarme jas. Mar doe't it Zuidwal tichtgong moast se oer nei de aperots oan de Leyweg. Doe hie se har nocht derôf hân, en wie de rop om in kear werom nei it Noarden op 'en lûdst. Se hie har dêr tjerde dy jierren, mar de tiid op it ynternaat hie se doch noait ynhelje kind. Se wie ferhuze, hie har oantekening helle, en wie as wyksuster begûn. Se miste de stêd no en dan, mar de frijheid, de romte, de beweeglikheid yn har wurk wiene nij. It anonime patroan fan ynstituten, fan roasters en protokollen hie se achter har litten. Der waard nei har útsjoen, op elk hiem wie se fan nut en harke se nei al dy ferwachtings. Se wie mear as de namme op har revers, se wie ien. Nei it ûngelok hie se foar altyd witten, dat it paradys in plak is dêr't mar in inkeling oankomt. W. waard har bestimming, de minsken rekkenen op har. Se wist wat har te dwaan stie, gjin twivel talitte, geduld dwaan en neat ferwachtsje. Mar sûnt Tilma Jager der is, is it ûnrêst yn har holle. It mei gjin namme ha, mar in Jehannes dy't der foar de telefoan wat fluensk oer begûn: oft

se de helptsjinst fan de wapperjende simmerjurkjes soms ynsekeakele hat? Dan wit se genôch, en opskuor kin se net brûke. Mar dat bern sil har plan mei Lyts Sion net bedjerre. Noch ien kear riert se de stomp troch it wetter, rikt nei de handoek, se moat har klearmeitsje, in kertierke dan binne de bern der foar de plôk.

**S**E SIET NOCH út te pûsten op 'e *leg press*, doe't er foar har stie mei de bidon. Wie dy fan har miskien? 'Ik had hem daar bij de *rower* sien staan, weet je.' Se nimt him oan en glimket even. Omstandich bedipt se har gesicht om fan him ôf te kommen. Mei de handdoek foar de mûle sjocht se by him lâns nei it klubke fan it Thomashûs. De measten ken se fan namme en fan har keunsten: Teunis' dûnske fan de horlepyp, de brulboei-act fan Adri en Bassiaan, de koerende dúfkes op 'e loopbân, Pat en Bet. En de liedsters fansels, dy't har folkje by de apparaten oanmoedigje en de gaos yn dy bliere mongoalse kopkes yn 'e stokken hâlde. Faak moat se har derta sette om nei fitness ta, al dat gedoch, mar woansdeis giet se dêr kopke-ûnder yn it syndroom fan Down en leaut se even yn 'e ienfâld fan it bestean.

'Kom je hier vaak?' freget er. De glêde opmaat nei in praatsje, dêr't se gjin nocht oan hat. Yn 'e seal gûnzje driuwriemen en -rêden, heart men ynholden gepraat, en út 'e lûdsprekkers walmet it wenstige muzykreperoire. Sokke middagen yn 'e sportskoalle fielt se har frij en anonym. Ta in hichte is se hjir thús, yn it swijsume ferbûn fan swittende liven, dy't dommich foar har út stoarje en har oefeningen dogge, en ferdôve troch it ritme fan beweging en muzyk meidriuwe op 'e wolken fan de jazzy Caro Emerald: *I have never dreamed it, have you ever dreamed a night like this*. Dêr past sa'n plakker net by. 'Bist fan 'e statistyk?' blaft se werom.

Hy glimket en jout gjin krimp. Surinaams skat se, de Hindoestaanse útjefte, mei in spoarke Javaans. Slûk swart hier en freonlike eagen, en sûnder bybedoelings liket it. Knap, yn in swarte tanktop en griene short, en sa't er laket.

'Nee, van de inspectie, ha ha'

Se laket mei en jout har oer. Se prate in skoftke, oant it wol ta kin en it har tiid ek is. Lang duorret har oandacht noait. Sa gau't se de kramp fan it ûngemak opkommen fielt siket se om in útwei, foar't fierdere ferplichtings har oantsjinje kinne. De oare wyks past se foar de sekerheid har skema mar oan, nei it wykein is er har wol út 'e holle en kin se werom nei it wyklikse ritme fan wurk, fitness, hurdrinne, lotgenootegroep, yoga, en wer opnij. In toar patroan fan libjen, dat se harsels as earste jiers oplein hat om oan 'e leechte te ûntkommen. Leafde en aventoer komme yn it rychje net foar, al wrimelje dy bytiden as kjifkrobber om yn it bynt fan har gedachten.

In pear wike letter dûkt er ferdraaid wer op yn 'e biblioteek. Se hat krekt in literatuergroep hân en sit yn it lêskafee yn 'e kranke, as er mei twa bekers kofje oan har tafeltsje stie. Hat se it yn 'e sportskoalle dan oer har wurk hân? Of hat er sneaky-sneaky dy wiken har gongen neirûn? It makket har al net mear út hoe't er it flikt hat, hy is der en se fynt it wol aardich eins.

'Ek tafalich!' Oerstadich teart se de kranke op om him yn te wriuwen dat se har betinkingen hat. Hy makket in gebaar as kin er it net helpe. 'Het is zo gelopen.' Rudy Kanthaar, wat ferlegen stelt er him foar. Syn hân fielt sêft en waarm, syn lûd is as in bourdon, en yn syn wite iepen himd op dy brûnzen hûd is er ûnwjersteanber. Heallûd fertelt se oer har wurk, en dat se anst noch in groepke hat, dat er it alfêst wit. Oardeljier lyn hat se de baan hjir oannommen, om net foar de klasse te hoeven, net echt, yn in skoalle. Mar hoelang't se it noch wol? It benearret har hjir, dy sealen fol boeken, dy oermacht

oan wittenskip en ambysje, dy't wachtet en swijt. In bastion, dat in mins yn ien libben net oankin. As in ûnmachtige eunuch beheart se hjir skatten, dy't se sels net ken. En it fielt wat as ferrie, fynt se, as se yn 'e Wikipedia har boadskippen docht, om har in dwaaltocht troch katalogi en registers, en de ûntmoedigjende gong troch magazinen en bestannen mei har ferlamjende oerdied te besparjen.

'Dus toch voor de klas maar?' Mei it plestik leppeltsje prutst Rudy Kanthaar wat yn syn bekerke om. Hy harket teminsten, en hy freget en se prate en gibelje om in dream dy't se hjir lêsten hie. Foar iepeningstiid hie se tusken de kasten yn de Jacques van Hattum-seal har joga-oefeningen dien. Plat op 'e flier, as út in ravyn seach se by dy stellingen mei boeken omheech, dy't galerij nei galerij as in koepel oer har hinne spanden. Bûten hearde se it ferkear op it Oosterdok en it dreunen fan in hei. Se telde de slaggen mei fan it blok, en it stelde har gerêst, dat it libben bûten dy seal alteast noch net ta wittenskip bestjurre wie, en dat se dêr elk momint as se woe oan dielnimme koe. Se fielde har lyts ûnder dat ferwulf, dêr't dy boeken troch de trillings fan 'e hei in kear losreitsje moasten. Earst ien, dan by earmfollen, en op it lêst soene se as in stjerrerein op har delstoarte: tsjerkfaars, trageedzjekriuwers, ensykliken en reisgidsen, traktaten en streekromans, perkaminten, stripboeken, ynkunabels en bernebibels, alles trochinoar. Earst klom se noch by de ljedders omheech om dy boeken wer te plak te setten, dat wie har wurk. Mar mei't it geweld oanboaze foelen de ljedders om en rekke se bedobbe ûnder bergen lear en perkamint en papier, as ûnder in smûgende reus. Se stikte omtrint ûnder al dy gelearden, en doe waard se wekker. Mar gjinien dy't har leaude, doe't de doarren iepengongen en it publyk mei tassen en ruilboeken de seal yn kaam.

'Jouw koffie', seit er en knikt. Hy nimt har op, as wit er net rjocht wat er derfan tinke moat. Dan fertelt hý, mei dy flamjende eagen en ernstich en soms even in hân op har earm. Hy praat yn toverformules, mei gebaren, gelûden, grappen, oer Suriname, oer syn famylje, en wat mear dat se al net mear heart. Wat er krekt die, wat foar wurk er om hannen hat, se soe it net witte. Se sjocht allinne mar, nei dat gesicht, nei dy eagen, dy wite tosken, knettergek is se fan him. Dat er meikoarten nei Paramaribo moat, dat tetteret der dan wol wer yn. En it is der al út foar't se it wit, dat se wol mei wol. Se slacht de hân foar de mûle om dy krantelêzers yn 'e seal; en om 't se net mear werom kin, no 't er 'Ja' sein hat.

Paramaribo waard it bedwelmjend paradys fan de leafde en it aventoer. Rudy wie de folsleine minner, dy't har opswipe en sparre, har bedimme of rûch bûten sinnen brocht, al neigeraden se har oerjoech en it ferline fergeat. Dy wiken hie er har oer it rif fan har ôfhâldendheid tild. Yn alle kieren hie er it fjoer oppookt en de lust út 'e djipste spelonken opdold. It paradys wie har ûndergong wurden, mar spyt hie se net. Hy hie reserveard yn Torarica, *Top of the bill*. Unwennich stiet se yn 'e lobby om har hinne te sjen. Flústerjend protestearde se, dat it fier boppe har budzjet is. Mar it kaam wol goed, alles kaam altyd goed. Had hij geregeld zo met z'n vriendjes. En ze betaalde met wit toch? Hy laket as se it net begrypt: 'Sneeuw, weet je, dat hebben wij hier *bogobogo*.' Dan stean se al oan 'e baly om yn te checken, en bûtensletten toch it Sranan dêr't er alles yn regelet, lit se it earst mar. Op har keamer komt de aap út it hok: *By the way*, hie er al sein dat hy útfanhuzet by famylje yn Leonsberg? Die had hij lang niet gesien, en als zij hoorden dat hij hier logeerde, se souden hem nooit meer willen sien. Sa soe it faker gean. Se moast wenne oan in libben

per tsjinstberjocht. Mar se hie har oan him opkrongen, en skikte har nei't it aventoer him oantsjinne. As se moarns oan it swimbad leit te lêzen is er der ynienen wer, mei twa *cherry summer* en in floed oan nijsgjirrige ferhalen. En se harket, oant er har út 'e lisstoel meitrait nei har keamer. Dêr lit se har strippe, hy makket har gek, en se neuke oant de keamerfammen gicheljend oanklopje, oft se de keamer hast dwaan kinne, mefroe? Letter swalkje se troch de stêd en de Palmbosk, ite by *Anthony's Corner* yn 'e Domineestraat, en dan giet it fierder troch dat luie, ferwaarloaze doarp yn dat gisele lân, nei de moskee, de synagoge, Fort Zeelandia of de katedraal, en alle dagen eindigje oan 'e Waterkant. Dêr sjogge se nei de minsken en nei it wetter en de boaten op de Surinamerivier; helje in hap iten by it diske fan *Uncle Ray*, en prate oer alles wat se noch net faninoar witte, oant de nacht ynfalt. Rudy útfanhuze by ome Komproe, in healbroer fan syn heit, dy't er net kend hie, en dy't syn mem as bûtenfrou oan ome neilitten hie. In lamsek wie it, mar in goeie fint wol, dy't al jierren by syn mem omhong, wat foar har kluste en nei in pear dagen wer fuort wie. In los-fêst soarte styfheit wie de man foar him wurden. Syn mem wie al dea, en ome Komproe dy't er nei har foarbyld by de achternamme neamde, wist noait, as er der nei frege, oft syn heit noch libbe, of yn 'e lytse goudwinning siet miskien, of yn Nederlân úthong. Miskien wist er it net, mar hy woe it der net oer ha, dan bromde er wat. Mar fertelle as er koe, as se oant djip yn 'e nacht ûnder de kankantry sieten en in *jonko* smookten. Oer de plantaazje, dêr't de famylje generaasjes lang taholden hie, op Groot-Marseille oan de Cotticarivier, nr 109 yn 'e registers, 95 slaven, grinzend oan Souburg en Libanon en La Paix, ek sûkerplantaazjes. Dy ferhalen hie er fan syn pake, dy't dêr as jongfeint noch arbeide hie, oant er op Ketu Koti frijman wurden wie. Dêr kamen de Kanthaars

dus wei, Groot-Marseille, yn it Sranantongo Jakubi, nei syn stichter Jacoby. Dêrnei gong it praat oer op 'e famyljes yn 'e sted, dy't er per neef en per tante determinearre. De helt wie oerstutsen nei Nederlân, hie dêr studeard en aardich fertsjinne, mar it ferdomd om werom te gean om *disi Sranankondre* mei op te bouwen ta in modern lân. Mar ja, dyselden wiene goed foar syn handel, dat it moast sa mar wat bliuwe. Rudy hantlange wat, Komproe wie op 't lêst famylje. En dit lân makke him siik fan ûnwennigens, hjir hearde er eins, en ek wer net, mar in pear kear jiers moast er hjirhinne werom. Soms hat er wat by him sa'n brodzige jûn. Mei de holle op syn skurte, langút op in bank of yn it gers oan de rivier, fertelt sy oer har doarp en de minsken en de feesykte thús, en dan snûve se een kleintje. As it har licht yn 'e holle oplûkt en de frede loom troch de ieren giet fertelt se oer Margje, en hieltyd mear, oer dy man, dy't nei skoaltiid har keamer ynkaam. Hoe't se stoar fan eangst by de fuotstappen op 'e trap, as dy mûtse troch de doar stiek en hy har ûnder de tafel út loek en it kapke opdie en sa troch; oant se stikken op bêd achterbleau en fertwivele en ferlegen fan 'e pine koarjend nei de wasktafel kroep. Smoarch, en sa'n dweil as se har fielde. Dan strykt Rudy oer har hân, en nei in skoftke mompelet er dat er net wit wat er sizze moat. Hy sil him wat oandwaan, hy sil dy fint noch in kear. En se laket dat er him hjir snein op 'e fugeltsjemerik echt net tsjinkomme sil. Hoesa, hy sil him in kear? Praatsjes seker? Hy kin it besykje, in readnek, as er de goede mar fangt. Nei in wike Paramaribo moast se it binnenlân yn, oars hie se Suriname net sjoen. Op in knûkelich kaartsje wiist er hoe't se sawat reizgje sille, mei in man of fiif, seis. Mei in Twin Otter nei Kayana en dêrwei yn in korjaal oer de Rio Grande nei Awarradam. Dêr bliuwe se in nacht foar de brulapen en it reinwâld, en foar de stilte en in stjerrehimmel sa't se noait

earder sjoen hat. Troch de streamfersnellings giet it de oare deis fierder nei Kumalu, foar in nacht by de Marrons en foar in besite by de Granman, it opperhaad fan de Saramaccaners, dy't fertelt oer de streek en oer syn toverkeunsten, en jin foar in flesse Black Label de takomst foarseit. De fjirde dei troch nei Djumu by de gearrin mei de Pikin Rio, dêr't de Suriname-rivier begjint, en nei de airstrip foar de reis werom. Syn finger wiist rûutineus oer it snústerich papier, en even hat se it ûnsalige gefoel dat se de safolste is dy't er de wyldernis yn loadst. Mar dêr wol se net oan tinke. Se harket, har hert bonket yn it sicht fan in nij aventoer, hy hat alles al regele. Nee sels gong er net mei, seit er, as se op *Zorg en Hoop* stean te wachtsjen om yn te checken. Hy koe it dêr no wol, hy hie noch ôfspraken mei vriendjes, oer fjouwer dagen helle er har wer op. Tsjinstberjocht 7. Altyd dy vriendjes, dy't se noait sjocht, dy't as skimen om har hinne waarje en in web fan erchtinken spinne. Se wit it stadichoan, yn dizze lakerige wrâld is neat fergees. Se kin it fan froeger, it geflúster, de stikeme knik ûnderinoar, it skampere glimke om safolle ûnnoazelens. Se hie leard harsels út te skeakeljen as it nypte, yn te skikken mei wat oaren fan har easken, om slimmer foar te kommen. De oarder fan it bestean, in steat fan gefoelleazens, dy't har beskerme salang't de besiking oanhold. Dêrnei kaam se as in reid wer oerein, stalde har nei it ljocht en de wyn, en liet de sinne behelpsum oer de knoeien gean.

Hy hie har fan it fleanfjild helle. Hoe't it west hie? Had hij teveel gezegd? Har ferslach fan de reis giet foar it measte by him lâns, fernimt se. Yn in hierwein bringt er har nei *Torarica*, attint as altyd, wat stiller miskien en wat earnstiger as oars. As er har tas yn 'e lobby set, moat er mei in hastige tút wer fuort, ome Komproe, hy fertelt it har moarn. De oare deis oan it swimbad fielt se dat it feest op 'e ein rint. Aanst stiet er achter

har, en nei in praatsje troant er har mei nei har keamer. Mar hy pakt har net út lykas oars, net massearje oant se him der yn wol, en se neitiid lam nei it plafond lizze te sjen en laitsje om dy fammen achter de doar. Se sil har part yn it aventoer opbringe moatte, en hy bepaalt hoe. As er dermei oankomt skatteret se it út, fan alteraasje en út protest, as se sjocht dat er it mient. Kin dat net oars, Kanthaar? Hee? Rudy? Kalm leit er it út, het is ongemakkelijk, *mi sorri*, mar de rânen binne slypt, sa glêd as wat; de feilichste wei om troch de dûane te kommen. De tinne platen kokaïne binne yn model stanst as meunsterlike ynliskrúskes, mei in top dy't achter yn in behindich sadel útrint, en fóar yn in soart fan miggeflap. Troch de tinne foly hinne betaast se har opdracht en stelt har foar, hoe't it skaaft en broeit, de hiele reis mei twa fan dy platen opinoar yn har krús. En hy lit har de plakken sjen foar yn 'e bh, wier, se bûge mei, en as se in T-shirt oandocht en in koltrui... ja? Suvere coke wie it, so wit als sneeuw, sie je? Als se het in Amsterdam versnijden hebben se *bigi bigi* handel daar, en jij krijgt jouw deel. Se heart him praten, se hat gjin kar, se docht it foar him. Se fielt har fiis en ellindich en laket har triennen fuort, as er freget wat der is. Middeis bringt er har nei Zanderij, mei noch in tsjintberjocht. Ferfelend, mati, ferfelend, mar ome Komproe wie net goed, hy kin dy âlde no net achterlitte, dat snapt se. Hy gong no net mei, oer in pear dagen kaam er har achternei. Even konkelet er mei in unifoarm by it loket, dan is er der wer en kin se troch. Alles komt goed, hy swaait har de dûane troch. Yn it fleanútich sit se oeren mei in boek, sûnder in wurd te lêzen, se doart amper te bewegen. Soms slûget se even, dan sjit se wer oerein. Hie se dy Black Label mar ynset. No moat se it dwaan mei faleriaan, en slûch en wurch fan 'e spanning jout se har oer en falt yn 'e sliiep. Op Schiphol moat se yn 'e rige, mar alles ferrint like glêd, wêrom ek net? In

moaie, reade, bytsje oerallige bibliotekaresse op reis, wat in kont, wat in titten. Mei in knypeach jout dy maresjese har it paspoart werom. By de dûane moat de koffer even iepen, mefrou, mar nei in pear grepen yn har klean kin er wer ticht. Wat oars, neat te rêden.

De stilte yn har flat fljocht har oan. En op har wurk is it net minder, mei it deadse ritme fan lessen en tsjinsten, tiimoerlis, rapporteare, dy sealen, dy kasten fol boeken. It jaget har dy dagen hieltyd mear. De oeren yn 'e sportskoalle kin se noch tinke en plannen meitsje. As Rudy letter dy wyks einlings lânskomt foar de coke en har fertsjinst is se op ien ein. Wannear hat er de folgjende reis yn gedachten? En dan in kilo of sa, Ruud, dat set wat mear oan. Ferheard sjocht er har oan. 'Wat denk je, so gemakkelijk kom jij er niet altijd doorheen, mati. Je hebt wat te verliezen, jij. Je werk, je flat hier en so.' Mar sa wiene de plannnen dochs net? Se wol it witte, wannear? Se wol in oar libben, se wol by him wêze. Har baan hat se al opsein. Hee Rudy? Wêrom seit er no neat? Kloatsek. Dêr wie it doch allegear om begûn?

'S KEAR 'M DER ÔF,' raasde se dan, stampend fan lilkens, en gûle en in heisa. 'Ik skamje my dea foar Anke, dat ding.' Hy woe it net hearre, in tik krije koe se, dy kluchten. Wat hie dat bern? By sa'n oanfal koe se der ek samar hinne falle, wyt weilutsen, it skom op 'e mûle. As se wer bykaam wist se nerges fan. Stiltsjes en bleek en op harsels fernaamst har oeren net mear. It hie syn útfallen, in oare kear wie it allegear toaniel. By de tafel fantasearre se in heks, dy't snein nei iten, as heit yn 'e grutte keamer in knipperke die, de skieppeskearder út 'e skuorre helle en stikem, hoasfuotling tichter- en tichterby sloep, en dan grgrgrgrgr seage se dy pûkel der ôf. Sa wie it ek hast gongen. Yn swarte lapen, in hoed fan har mem op 'e holle en slepend op dy har hakken, hie se de sneins mei dy tondeuse al in skoft nei him stien te sjen, doe't er wekker skeat. Kjel en ferheard wie er oereinkommen. Sa't dat bern dêr stie yn dy ferklaaiersklean, en hoe't in ridel fan wearze troch dat famkesliif gong. Mar meast kaam sok teater der net oan te pas, en wie it klear razernij. Soms foel har mem har deagemoedereard by, as begrutte de skamte fan dat bern har likegoed: 'Hast gelyk, fanke. Fykje him der ôf!' It mins, de oansetter fan it kwea, se bedoelde wat oars, mar dat gong Tilma aldergeloks foarby. Bûten harsels fan drift raasde se dat mem har net helpe mocht, wat miende se wol, rotmem! De oanlieding like ek net langer oarsaak fan 'e hystery. It earste jier fan 'e Mavo wie it net oars, de oanfallen waarden

fûler hast. As wiene ferwachtings, dêr't se wihoe lang op rekkene hie, net útkommen. As hie se hoop hân, dat mei de nije skoalle alles feroare, om't se langer fan hûs wie, by de dei it lesroaster ferskilde, om de oanrin oan hûs fan dy fammen fan 'e fytsploech, wat hie se net allegear betocht? Mar der wie neat feroare, de rezjy wurke op oere en tiid. As lei it oan har, dy oanstellerij. Koe se net mei dy fammen, of fiede se har op dy skoalle net op har plak? In skoftke ferskûle se har yn 'e biblioteek, hie er útfûn, as hie se gjin thús. Ja, doe't er der ienkear fan wist, of better, doe't er der lucht fan krigen hie, dat der wat spile. Yn sa'n oangelegenheid kin men net oer ien nacht iis. Wat is wier, wat is lekskoaiery? Ien oanjaan út eigen doarp, dat is ûnmin foar ivich. Achternei hie er Wiger syn fragen mear achtslaan kind. Tilma en hy koene goed, hy fiede har oan. Mar Wiger hie faker de bek yn beide hannen, wat in stedsjer, dy jonge, gjin noasje mear fan it libben op in doarp. Of paste it him gewoan net? Fansels, hy hierde lân fan dy lju. Mar men moat saken wol útinoar hâlde. Wat er himsels ferwyt is dat er Lameris gauris yn 'e bek hong. Mar dat gesjanter fan dy man, ûnpeilber bytiden. Mar mei in noas foar ûnried, gjin beweging ûntkaam him. En dan gjin wurd tefolle, allinne dat knikje nei de foarein: 'Fergadering tink?' Mar hy hie wol wat oars oan 'e holle dy dagen. De мкz dy't gong, letter de útbraak op eigen hiem. Nacht en dei yn 'e wapens, de rûzjes mei Noordhoek. Mar hoe hie er it sizze kinnen, oanstellerij, kluchten? It hie Tilma har needgjalp west. Foar de spiegel lûkt Rochus Jager mei koarte setsjes de hûd tusken wangbonke en mûle strak en manûvreat de Remington hoeden om it bolwurk hinne. Sydlings wie er der by de dokter in kear oer begûn. *Verrucca plana* hie er sein, in platte wart, in kluster fan warten eins. Syn type hûd en syn berop fansels, spilen net swak by, it wie firaal. Hy koe in krêm foar-

skriuwe, mar in stikstofbehandeling wie de baas, wat er woe? Hy soe deroer neitinke, mar fierder wie it noait kommen. Tichter op 'e spiegel besjocht er it resultaat, de skrale, ferwारे kop mei it stribbige hier, de bonkige noas, de hingjende eachlidden. Dat is er, Rochus Jager, hy sil dermei rêde. Doe't er okkerdeis it pistoal út 'e lapen tearde en by de mûne de ynslaggen telde, hie it even field as yn syn bêste jierren. Hy soe goedmeitsje wat er in famkeslibben lang fersomme hie. Jûns yn 'e keuken hie er oan Tilma fernommen dat er wat mear praat hân hie as oars. Hy krijt de Pitralon fan it plansjet en dipt de aftershave mei de fingereinen op 'e skrinende hûd. Dy lucht, dy namme, ek sa'n argewaasje. Anke har heit hie Calvin Klein, mei in spray, hu, dy wie modern.

Hy moat der suver om gnyskje. Soks hat er eartiids syn eigen heit tasnaud, as dy nei it skearen mei in blokje alún stie te beklûken. Yn syn tsjinsttiid wie er der in kear mei thúskommen, brún fleske, read etiket, Pitralon, moast heit ris prebearje. It wie de tiid fan Kees Vellekoop, fan Onkruid en Duyvendak, alles soe oars. It spruts him wol oan, syn libben oer de kop, foargoed út dat doarp wei, hy waard aktivist, tsjinstwegerer waard er. Hy hie in brief skreaun mei ûnoerkomlike gewetensbeswieren. Mar nei it petear mei de psychiater, en it ferhoar foar de kommisje, en wer in ûndersyk, wie er gjin pasifist, gjin anargist, net links, gjin Jehova of homo, gjin S5. Neat wie er eins, blik, neat oars as in boerelul, dy't net libbenslang yn in úthoeke yn 'e rein op in pleats tahâlde woe. Nei de foerier koe er, mei syn geswets, en sechstjin moanne by de ordonânse. Hy hie it troffen. It koe minder. It koe eins net better. Hy makke al plannen om foargoed yn it leger, of by de maresjese of oars by de plysje. Mar doe't heit fan 'e astma kwalik noch sykhelje koe, en er dy syn fersyk om frijstelling te freegjen net langer negearje kind hie, wie er nei tsien moanne as kostwin-

ner werom op 'e pleats. Net foar lang, swarde er, de wrâld wie grutter as dy sompige hûndertfjirtich pûnsmiet. Hy sette in feint op it wurk, sels gong er foar it boereponteneur en de fergaderbaantsjes. Nei goed in jier wie er mei dat stedse typke thúskommen, och hea, wat waard der praat. Dy gong it om it jild, om 'e status; wat in fratsen, dat ding, dat waard neat. Mar it dearde him net. Hy telde hjir yn 'e omkriten, hy wie ien, en oars sy wol. Oant Wiger op in snein ûnder iten mei it boadskip kaam dat er net op 'e pleats woe, heit, hy woe yn 'e auto's en motors. En oant net folle letter de МКЗ oer him kaam. Mei de handoek wynderet er him de gleonige hûd drûch. Allinne de Pitralon wie bleaun, it sùvenir fan in mislearre revolúsje. Nee, Tilma is der jûn net. Se soe te dûnsjen, trof se wat âlde bekenden miskien. Wat dy yn 'e holle hat? Se bliuwt mar en bliuwt, as sjocht se der tsjinoan om wer op harsels. Se hat har ferklaaid en fuort wie se wer. Sûnt se op 'e bus stapte om nei Amsterdam, is se in frjemd foar him. Hy heart it har noch sizzen, se wiene te betiid by de halte. Let yn augustus, de geur fan gers fan it lân, soms even in hân omheech nei in bekende; tusken har yn de nije koffer, in nije rêchsek, de grutte stêd. 'Heit kin wol nei hûs, hear,' hie se sein, it ferjit him net. Dy earste wike hie er alle dagen by de bushalte stien, yn 'e hoop dat se op in dei útstappe soe. Om't se it dêr net úthâlde koe, heit. Unwennigens ken gjin ear, gjin wraak, gjin goed en kwea; it is de lege keamer fan it bestean, ferwachtings dy't opstookt wurde achter de hoarizon. Mar idele hoop, hy hie it allegear fantaseard, se kaam gewoan net, se soe har rêde ommers fuortoan. Se wie in frjemd foar him wurden. Alle kearen dat er har ferhuze wie it wer wenne. Sa hie er dy freondin in kear troffen, Margje hiet se, in jiergenoat, in apart fanke. 'Kom effe un bakkie doen, rooie, even zien waar je nu weer zit.' Tilma har tsjinpoal, mar op ien of oare manier leine

se inoar. Ut splinters ferhalen moast er begripe wat dat bern meimakke hie. By elke ferhuzing foel dy namme wol in kear: Margje hie de stúdzje deroan jûn, Margje hie in blommesaak hân, wat dien by in útjouwerij, no hie se in winkeltsje yn brûkte klean. Ja, se seagen inoar noch wol, 2e De Riemerstrjitte siet se no, dêr't altyd wol ien of oare slampamper ûnderdak by har hie. As er der letter nei frege, hoe't it mei dy Margje wie, fernuvere se har deroer dat er it noch wist. Mar dy pear minsken dêr't er har oer hearde, gongen him oan as wie se it sels. 'O, hie se dat noch net ferteld? Margje siet no yn Peru, hostess by Sawadee, groepsreizen, werris wat oars; se freegje al wannear't se in kear kaam.'

Hy blaast de Remington skjin yn 'e waskbak en prutst it apparaat werom yn it etui. It is al moai, dat se der is, tinkt er, hoe'n bytsje er har ek sjocht. It neimiddeisljocht strykt oer it doarp, lange skaden kleurje it read en brún. Foar it sliepkeamersrút sjocht er út oer it reidlân, dat al mar tichter tsjin it doarp oan krûpt. 'As de plommen aanst oan dyn ruten ta stean bist te let, Rochus,' sei Lameris lêsten, 'ferkeapje de boel. Oan in longspesjalist, of in notaris, ien dy't yn 'e wykeinen sykhelje moat. Dochst de skiep op 'e keap ta.' Mar wat moat er dan? Jûns hat er de tv, mar distiid fan 'e dei? Soms set er ûnder yn 'e keamer in cd op, dat hat er út 'e tiid yn Lankwert, fan Herman fan 'e muzykterapy. Dy poppekast woe er earst net oan, mar doe't Herman ít derút hie dat er in blaumoandei tromslagger by it korps west hie, wie him in trom yn hannen treaun en siet er fuortoan yn it УВО, it Unit B-orkest. 'Wa't op slot sit moat op muzyk,' sei er. Herman draaide plaatsjes fan Enya en Clanad, dan siet er te snotterjen yn 'e groep. Herman liet him prate en harke en brocht dy moannen de moed der wer wat yn. 'Muziek Kan Zalven,' hie Herman sein, 'МКЗ, in grapke mut derbij, Rochus.' Troch syn triennen hinne hie er him



oansjoen, en it hie field as begûn it libben opnij. Alles soe oars, hy soe him melde foar Aaf har projekten, meidwaan mei it doarp.

Doe't er nei in pear moanne wer thús wie, hie er as earste de pacht opsein. Op in middei ried er nei Lyts Sion, omstandich hie er it Bonsen Alting útlein. Hoe koe it rinne yn in minske-libben, Bonsen, de iene oerkaam it, de oare hie gelok. Him wie it oerkommen. Hy moast dat lân kwyt, dat koe er begripe. Gjûn fee, gjûn ynkomsten, gjûn lân. Hy siet noch oan it kontrakt, fansels, mar koene se wat skikke, makke in oar der ek gading nei? In ramp wie it, Bonsen, dat koe er meifiele, tink? De âlde hie him oanheard, in piip stoppe yn syn stoel by it rût mei sicht op it weetlân. Hy hie derfan heard, ja. Tongblier, sei er? Sa gong dat, man, yn ien kear kening sûnder keninkryk. Mar kontrakt wie kontrakt. Dat waard dan Nije Maaie, Jager. It is al jierren lyn, mar by de mûne kaam it lêsten wer boppe, en syn skot waard der skerper fan, ferbeelde er him.

Om dy snuorje hat er noch in missy, helte nuodliker, har mem. As in berch sjocht er der tsjinoan, mar nei Lankwert kin er der net mear foarwei. Hy hat him taret, sa goed sa kwea. Kalm moat er, rêstich sil er deroer begjinne. Se moatte it ris oer Tilma ha. Dat fanke mei har buien, wat hat dat bern? Net daalk bewear, mar freegje, hoe't sy dat sjocht. Dan wol hy syn betinken jaan, wat er heart, wat er sjocht, dat it praat jout, dy man hjir geregeldwei oer de flier. Oanlieding genôch foar wa't kweatinke wol. Kinne dy fergaderinkjes net bûten-doar, dat soe al helpe? Dan giet it oan. Se sit yn 'e opkeamer, yn pontifikaal lykas meast middeis. Op 'e tafel har tas, oantekenboekje, Casio-rekkenmasynsje. Troch it glês-yn-lead boppe de hege ruten strykt sêft ljocht oer har reade, opstutsen hier mei de hoarnen kammen, en oer de bleke hals mei it git-yn-gouden keatling fan syn mem, dat se op har swarte jurk

it leafste draacht. Moai en foarnaam is se, soms sjocht er it noch. Mar sinnich, hinne en wer en withoe lang al wers fan de leafde. Mar hjit op jild en keapsiik as in ekster. Klean, tassen, sieraden, snypsnaarderijen, alles komt se mei thús. Hy freget al net mear wêr't it foar tsjinnet, it jout mar spul. Se is út it stjerrebyld Taurus hat er ris lêzen, Bolle, ljochtjierren fan him ôf. De priis foar syn balstjurrigens, tinkt er soms. Se paste yn it aventûr en it protest fan eartiids. Mar it doarp hie it wol sjoen, fierste jong, dat frommins paste hjir net, dat mins wie him oermânsk. No libbet hy achter, hjir yn 'e foarein is it har domein. Tusken âlde pronk, ûnder de foarfaderlike portretten rûnom oan 'e wand stiet er te wachtsjen oant it past. En it is as draaie dy skimen mei in smeulske glimk de holle fansiden, om dy kneukelhower fan it achtenearre laach. Wat har generaasjes yn glânzjende medaljekasten bestindige hawwe, hat hy yn ien reis foargoed ferspille. De siken fan it ferline, de oarder en de stilte yn dizze muffige keamer ûntregelje him. Hy heart it doffe wjerlûd fan syn ynstudeard gehakkel, syn dûbelsinnige fragen, it bûnzjen fan syn ynhâlden drift. Koart en kalm ûnderbrekt se him healwei. Wer hat er it oer, Jager? Mei dy kâlde, griene eagen nimt se him op. Hoe betinkt er it, wer hat er it wei? Se blêdet al wer yn har húshâldboekje, it binne har saken fierder, begrepen? Hat er oars noch? Neat bliuwt der oer fan syn stratezjy, fan de kalmte en weromhâldenheid dy't er himsels oplein hie. En hy faget har tas fan 'e tafel, triuwt stuollen om en driget har... Dat bern, ferdomme, ús Tilma, wat hellet se út mei dat fanke en dy Alting hjir hieltyd oer de flier? Dit komt har te spiten, hy sil oanjefte dwaan, dit bliuwt net sûnder gefolch. In skandaal wurdt it, foar de famylje, foar it doarp, it komt mar sa't it komt. Smûgend, triljend fan ûnmacht stiet er foar it rût, leunt mei beide fûsten tsjin it kezyn, it swart foar de eagen. En achter him heart er dy

izige stim. Hy docht mar, Rochus, hy docht mar. Mar dan is er soer, dat fersekeret se him. Dy eskapades nei de freedsmark yn 'e stêd alle wiken, hoe passe dy yn syn ferhaal? Se lit har skiede foar oerhoer en ûntrou, it fersykskrift fan 'e advokaat leit al klear foar it gefal. En hy kin wol optelle, tink? De helt fan 'e pleats, en fan it lân, en fan 'e bank en de namme gongen mei, dat sil er begripe. Hy tinkt der marris oer.

‘**M**OAT MAR NET, Tilma,’ ropt se út 'e keuken. ‘Yn 'e kast neist de klok leit it damasten kleed, twadde planke, steapel rjochts. Taffelsreau fynst yn 'e glêzenkast, boppeste laad.’

Oft it net wat makliker koe, hie se roppen. ‘Foar de tv, even nijs sjen en dan David Attenborough. Pasta seidest? Maklik genôch ommers.’

‘Studintemanieren. Moatst ris ôfleare, do.’

Yn 'e keamer heart se it genokker fan it fanke, en it piipjen fan 'e kastdoar as teken dat se har derby dellein hat.

‘En as't safier bist..., ik set de skalen en alles hjir op 'e trolley, rydsto 'm nei de keamer? Skeelt my in bokkesprong.’

‘Handich hear, sa'n karke,’ seit se, as se der even letter út 'e keuken mei oanrôljen komt. ‘Kin 'k moai mei de doarren bylâns foar tafeltje-dek-je, as ik hjir bliuw. Begjin ik in cateringbedriuwke. Ja, wêrom eins net? Aow: Ast 't Oars Wolst, offe... Alles Op Wielen. Aardige nammen wol, fynst?’ Se docht it derom, tinkt se: as ik hjir bliuw. Se moat har net opjeie litte troch dat bern.

‘Do dochst mar, fanke, as myn trolley mar foar iten werom is.’

‘Sette wy dat yn it kontrakt.’

‘No, bin 'k der al in stik gerêster op, leau 'k.’

‘Mar ik moat hjir earst wol in geskikt húske fine, fansels.’

‘Dan moatst Jehannes mar oan.’

‘Hè, dy? Fan *In nomine patris*...? Dy syn seggen sit ik no daalk

net op te wachtsjen.’

‘Dy, ja. Niks is fergees, fansels. Mar wy sjogge wol, as’t safier is. Do mei dyn gestook ek.’ Se prottelet noch wat nei. Dat fan Jehannes wie net sa aardich, Leenes, mar se lokket it ek út. Tegearre sette se de skalen en komkes op ’e tafel, en ûnderwyl ljochtet se har keunsten ta. ‘Tagliatelli mei wat bledsjes salvia, wylde salm fan John West, út blik, parmesaanse tsiis, to-matesaus mei in tikje basilikum, pesto genovese, en hjir noch tomaat, komkommer en oliven. En dan de kroan op it wurk: in Nero d’ Avola. Hmm, moatst sjen, sa’n waarmbloedige Sisiliaan.’ Klokkend jit se de wyn yn ’e glêzen. ‘Dat it dy mar smeitsje mei, fanke,’ seit se as se sitte.

‘Prachtich sjocht it derút, hear. Bist de Jamie Oliver fan ’e streek. Ast skielk mei pensjoen giest skriuwst *It Lyts Itensiedersboek foar de krimp*, ja? Nij projekt. En dan dêrmei op tv.’ ‘En do mei de itenspanne op ’e skurte foar it skerm, tink? Binne de Batavieren wer werom yn it lân.’

Se laitsje, priuwe en beare oer smaken en kleuren, en se klinke op dat boek dat miskien in kear komt, en op it doarp dat ek nochris klear moat. En dan klinke se nochris wer en ite se yn stilte. Nei in hoartsje begjint se der wer oer.

‘Mar alle dagen weroan, Aaf, hjir sa oan ’e tafel? It is feestlik, hear, mar wat in wurk ast allinne bist. Wat ûnnut, wat in ûnsin eins, sis no sels. Goed, do bist út in oare tiid, do hast alles meimakke yn dyn libben. Mar lit it ferline in kear achter dy. Yn dit doarp libje jimme ûnder en boppe de wet, grutter frijheid kin in mins him net winskje. En do mar fêsthâlde oan dy âlde gewoanten. Skodzje dy konvinsjes in kear ôf.’

In skofkte heart men allinne it tikjen fan ’e klok en de lûden fan it itensark yn ’e boarden. As is dat fanke aloan út op har gelyk, op har gram, liket it wol. Se leit it reau del, bedipt de mûle mei it servet en nipt oan har glês.

‘Op ’e middelbere skoalle liezen wy by Ingelsk in ferhaal oer in misjonaris erges yn ’e reinbosken fan Afrika. Alle jûnen makke er de tafel klear ûnder de beam yn ’e tûn achter syn staaasje. Taffelskleed, board, itersreau, alles oardere er mei soarch teplak. Yn syn kreaze tropepak gong er dan by de tafel sitten, tearde it servet oer de knibbels, en op in teken tsjinne de boy him neffens de ynstruksjes it miel op. Allinne by de tafel, betocht op it minste blyk fan ûnferskillicheid yn hâlden en dragen, sa siet er dêr. Soms stie er himsels ta tusken de gongen yn in boek te lêzen. Inkeld kaam der ris in ambtgenoot at del, of in ûttekkingsreizger op trochtocht, mei in brief fan ’e kongregaasje en in âlde krante, en wat oanspraak oer it nijs yn ’e wrâld, wiken farre stream ôf oant de mûning fan ’e rivier. Mei dat deistige ritueel en dy flinters beskaving hold er him dêr yn de wyldernis oerein. Doe’t ik hjir in skoft wenne kaam dat ferhaal my yn it sin, en ynienen begriep ik dy man en syn yslieke dissipline. Is ’t fan Burton of John Henning Speke, dat ferhaal? Fan ien fan dy Ingelske skriuwers moat it wêze, dy’t troch koloniaal Afrika reizgen. Seit it dy wat? Yn ’e ensyklopedy fyn ik it net, en op Wikipedia ek nerges, as haw ik dy man sels betocht. In sindeling stiet my by, in ûndersiker miskien. Ik sjoch him sitten yn it skaad fan ’e waranda, dy steile blanke, yn ’e wite kraach fan syn unifoarmjaske, kalm en konsekwint en iensum as de niten, moatst tinke. Dat ik it ferdoarje net wit. Is it fan Conrad soms, Joseph Conrad? *Heart of darkness*? Dy sfear hie it, dy benearing, mar nee.’

‘Dan wie it Kurtz,’ seit se, ‘de ivoarhanneler. Ek sa’n sindeling yn eigen eagen, mar tûk op handel. Grossier yn goede bedoe-lings, god tusken de wylden dêr oan de Kongo-rivier, mei syn drank en syn wapens. *Apocalyps Now*, moat ik oan tinke, kenst dy film? Dêr stie er model foar. Wol wat in oar type as dyn persoan trouwens.’

‘Myn persoan hie him in opdracht steld. Hy koe it tsjustere grinsgebiet tusken beskaving en ferwyldering. Hie in fermoeden alteast fan it tinne flues tusken goed en kwea. Mei dy deistige seremoanje wapene er him tsjin de ferfrjemding. Hy wie de oare kant fan deselde medalje. Mei dy Kurtz wie it al ferlern, dat witst. As Marlow him yn opdracht fan ‘e *Company* nei in eindeloaze tocht oer de rivier einlings fynt, om him, sa siik as er is, op syn boat nei de beskaafde wrâld werom te bringen, wit er net wat er sjocht. Yn syn hut yn ‘e jungle, achter in pallisade mei opspytste negerhollen, libbet in bist, in kranksinnige, dy’t alle noarmen ferlern hat. Gek is er wurden fan de stilte, fan eigen wetteloasheid, fan de nutteloazens fan it bestean dêr. De wyldernis is yn him krûpt, seit Marlow fan him.’

‘Dêr wie er sels by, net? Dat woe er doch, frijheid? Eigen kar.’ Dat bern, tinkt se, mei al har ûnderfiningen noch ûntkenne en blaze om oerein te bliuwen.

‘Tochst, ja?’ seit se. ‘Hoefolle frijheid kin in mins ferneare, tinkst, foar’t er derûnder strûpt? Macht, drugs, geweld, eigenbaat, folle net genôch, de measten ferdwale yn ‘e jungle, bin ik bang. Frijheid is gjin eigenskip, it is de krappe romte tusken de regels fan it spul. Dêr meist dy tjirgje, dêr moast leare boppe dyn ferbylding en foaroardielen út te kommen. Hoe faak hast wat te kiezen? In mins is syn ferline, konvinsjes, gewoanten, bespotlik bytiden. Mar it is dyn hâldfêst, it jout struktuer yn ‘e wyldernis.’

‘Dan bist dysels al net mear, dan hast al ferlern. Ast ophaldst yn dyn frijheid te leauwen joust foargoed belies.’

‘Miskien,’ glimket se. ‘Frijheid is in opdracht, mear as in rjocht, tinkt my. Lit ik foar mysels sprekke. Hoe lang set ik my hjir al yn? Mar geregeldwei jou ik hjir belies, tsjin myn bedoeling yn faak. Mear as wat ynskikke, giet it bytiden tsjin

dyn oerstûging yn. Bytsje by bytsje wurd ik hieltyd mear fan mysels kwyd. Mar wurd ik dêr minder fan?’

‘Der is ek soks as dyn rjocht.’

‘Och ja, ik soe it hast ferjitte, fanke,’ snúft se, ‘it rjocht fan de glêzen koepel, witst noch? Rjocht op jins gelyk, rjocht op eigendunk, rjocht op oarmans organen, op in genderneutraal ID, de dea op bestelling, op wat net? Mar wat kinne krimpers dermei? It rjocht fan paad is it iennichste dêr’t se hjir yn leauwe. Hjir ha wy allinne rjocht op elkoar.’

‘Dat heart frijwat kannibaalachtich.’

Yn ‘e stilte dy’t falt begjint de klok te koeren en koarret syn sulveren drippen de keamer yn. Se rikt nei de flesse en jit de glêzen by. In momint sjocht se op eachhichte tsjin it ljocht fan it rût yn nei it waarme read fan de wyn.

‘Nim noch wat,’ seit se en skoot de skalen oan, ‘fan praatsjes wurdst net fet, en oars bliuwt it oer. Nee, ik net mear.’ Se heft even de hân en leit har servet op ‘e tafel. Rjochtop tsjin it bekling fan ‘e stoel sjocht se nei de gebaren fan it fanke dat yt. ‘Wat sil ik dêrop sizze, Tilma? Wurden as rjocht en frijheid skampe allegeduerich by de werklikheid lâns. Taal is in ljedder fan ûnbegryp, bytiden.’

‘Do fynst it mar kulpraat?’

‘De wrâld is te yngewikkeld foar de wierheid, dan dogge wy it mei it surrogaat. Wa sil ús riede, dumny’s, de media, de polityk, de oerheid? Och leave siel, sjoch om dy hinne. Wy moatte sels. Dêryn ha wy inoar hjir alteast begrepen. Doe’t ik hjir kaam te wenjen learde ik it dialekt, om derby te hearren, om inoar te ferstean. Kursussen, lêze, kassetbantsjes, do kenst it. Hakkeljend knoffelest oarmans taalgebiet yn. Dêr sitst dan yn dyn tropepak, in bliuwend ûngemak, ynsnuorre yn ‘e kraach om dyn strôt. Do swalkest hinne en wer tusken de taal fan it tinken en dy fan ‘e spraak. Einlings hast it troch,

der mist in gefoel, in âld sentimint, in ynderlik begryp. Do bliuwst in frjemd. Eigen kar, seidest?’

‘No ja, salang’t dit doarp noch bestiet, salang de wet jimme ferdraacht. Yn alles hjir galmet de echo al troch fan de stêd. Mar jimme wolle net oars, ûnôfhinklik op jimme pôle, jin geduldich behelpe, wachtsjend op feroaring en erkenning. Tsjin better witten yn, dat witst. Yn eigen taal tekenje jimme it fonnis fan de achterstân.

Mei de foet fan de romer draait se lytse sirkels oer it kleed, dat de wyn walst yn it glês. ‘Wat wolst no sizze, Tilma? Dat it libben hjir ferdamp, ferstiennet? In mins leveret yn mei de jierren, de slyt komt deryn. Wif op ’e gong, wif oer eigen waarnimmen, wat al net, dokter? Mar de siel dwarrelet hjir om as in flinter, moatst witte, like nijsgjirrich, ûngeduerich, ûngrypber as wêr ek. De leafde wurdt mear fan it ferstân as fan it hert, grif, mar de tawijing bliuwt, en de opdracht fansels. Jimme mei jim rjocht en jimme passy en kabaal, doch jim wurk. Sjoch wat de minsken hjir út ’e wei set ha. Oer hoe’t it ôfrint tinke se net, allinne hjoed telt. En as it ús hjir al ris oer de meuch giet, hiero wy in bus om nei Soldaat van Oranje De Musical ta, of nei Eijsbouts klokkejitterij, of twa dagen nei de Harz. Moatst sjen nei sa’n reiske, hoe’t it doarp wer brûst fan it selsgefoel, en hoe sterk se troch it doarp gean. Alles brekt wer los, as in maitiid nei de winter: de yoga, it tsjerketeater, de alfabetisearring, it shanty, workshops-oer-de-himel-wit-wat, de bouwerij en alles wat troch de hearen fierderop troch de fingers sjoen wurdt. Sa libje wy hjir, ferliezers, sûnderlingen, oanridders, heale-kriminelen, útstjitten of fergetten. Mar wy kinne opinoar oan. Dat is ús rjocht, as’t it sa wolst.’

Mei de hannen oan ’e taffelsrâne wippelet Tilma wat mei har stoel, as hat se der noch wat tsjinyn te bringen. Mar se swijt en rjochtet de rêch, der komme se letter wol wer op. ‘It wie

lekker, Aaf. Hiel wat oars as in studintemiel.’

‘Moai te hearren, fanke. En dat by de tafel, en sûnder tv. It giet dy ridlik ôf, moat ik sizze.’ Se gnysket. ‘Dan nóch in âlde gewoante, dy’t ik ôfskodzje moat: in dessert?’

‘In pracht fan in tradysje, frou Leenes,’ laitsjend slacht se de hannen yninoar. ‘Guon gewoanten wurde antyk, dy moatst poetse en wriuwe, net fierder oan prutse. Wat stiet der op ’e kaart?’

‘Iis of tiramisu?’

‘Ik kin net kieze, witst.’

Se steapelje en gekjeie en sette pannen en guod werom op ’e trolley.’

‘Do wolst wol wer even by de doarren lâns? Bliuw ik sitten. Fynst de skalen yn ’e koelkast, komkes stean al op it oanrjocht.’

Se sjocht har achternei en harket nei de lichtens dêr’t se mei laket en ropt en docht; se heart har yn ’e keuken omsteuterjen as is se hjir thús. Stel je foar dat se sa’nien oanstelde op it Gasthús. It soe altyd broeie, it soe in kear útkomme en wat in dalje soe it jaan yn it doarp. Se skowe wer oan, mei leppelpuntsjes mûzelje se fan it iis, fan de tiramisû, en beare sûnder wurden en prûste it út. Underwyls ferrint de tiid, se witte it. Omslachtich sykje se om in yngong, betinke achterommen, en skermje har wer ôf, as de oar te tichtby komt, se keuvlje mar troch. ‘Hoe skriuwt tiramisu eins,’ freget se, ‘mei ien of twa s-en? Do moatst it witte, do bist fan ’e taal.’

‘Stiet wol op ’e ferpakking oars. Kin beide, leau ’k.’ Se pakt har mobyl en siket. ‘Dizze fan AH is mei ien s, mar dy fan Gordon Ramsey... Ja, hjir: *tiramissu po česku*... enne... *tiramissu – Postup přípravy receptu*.... Ha, ha, begrypst? De Slavyske talen meie it leaver mei twa s-en. Moatst dêr in opstel oer skriuwe of sa?’

'Nee, samar. No, meist it ek wol witte. Foar it boadskiplistke foar *Spar&Wald* is it handich te witten. 'k Wol net heal dat Lidwyn my derop oansprekt, in skoaljuffer as dat is bytiden, ûnder ús sein.' Se sjocht har oan en lûkt even de wynbrauwen op. 'En in ien-persoans poarsje wurdt dan in tiramisûtsje, tinkst net?'

'Dy fynst net yn 'e super.'

'Nee, mar as...? Yn in oare winkel.'

'Ja, as? Ast it yn 'e sinne setst wurdt it in tiramysoadsje...'

Se laitsje en swije en skraabje it lêste út har komkes.

'Flau, hen?'

'En moalich; 'k bin ek in bytsje tipsy.'

'Koffy dan mar?' No moat it wêze. 'Hoelang bliuwst noch, Tilma?' Se begjint ôf te romjen, as giet it mar om wat praat, it makket it har fierders net út. Mar yn 'e stilte dy't falt rôlet har fraach as in blok nei de djippte, dêr't de echo har al dagen fan troch de holle galmet: 'as ik bliuw, as ik bliuw...'. En salang bliuwt it ek stil op Lyts Sion, dat kinne se net brûke. Hedzer lameris hâldt har op 'e hichte, mar it sjit net op. As se oerein sil fielt se Tilma har twingerige hân op har earm.

'Wa wie it, Aaf?'

Se falt werom yn 'e stoel en sjocht har oan. 'Och, dêrom bist hjir?' Mar kâns om har derôf te meitsjen kriget se net.

'Draai der net omhinne, Aaf. Do kenst it doarp, do witst alles fan iderien, do kenst dy man.' Bleek en ferlutsen sjocht se har oan. 'Dy reade, pûsterige nekke, dat is alles wat ik wit. Do moatst 'm kenne.'

'Hee, ja, as kin ik hjir elkenien ûnder de klean,' laket se skel.

'Wat tinkst eins?' Rimpen lûkt se har earm werom.

Ferslein sjogge se in skoftke foar har út. Troch de ruten krûpt de skimer de keamer yn; de klok dy't slacht, it oerallich sykheljen fan dy froulju, dy't it úteinlik noch oer it mêd kommen

is. Dan heart se har azem dy't in oanloopke nimt, en fuort begjint dat bern wer, kalmer no.

'Hast nooit ris wat sjoen, wat heard, der waard doch oer praat, stel ik my foar? Do witst wat hjir omgiet, minsken nimme dy yn fertrouwen. Ik moat dermei ôfweevje, begrypst? En heit is as in oester.'

Se knikt en draalt. 'It is lang lyn, witst. Jimme pleats wie noch yn bedriuw, ik kaam dêr amper, jimme mem en ik leine inoar net. Praatjes ja, praatjes gean altyd. Tagelyk slute minsken har op yn in stil ferbûn. Se mijne sa'n saak, se wolle it net witte. Se swije út selsbehâld, dan is it der net mear. Doe breek de мкz út en loek in wale oer it doarp en syn geheimen. Dy pear wike waarden in jier en langer yn it belibjen fan minsken. Net folle letter gongsto nei Amsterdam en wie dat oer.'

Se priuwt elk wurd, fernimt se, folget elke trek yn har gesicht. 'Heit seit neat. Soms tink ik ek noch dat er der gjin weet fan hie. Mar neitiid, wêrom die er neat?'

Omstandich jit se it lêste stealsje yn 'e glêzen en betinkt wat se sil. 'Ik wit it net, fanke. Wat witte wy wat der omgiet yn dy man? Mei lege hannen siet er thús. Doe hie er dat proses, doe stoar jimme mem ynienen, doe letter Wiger noch, tefolle foar in mins.' Se pûlket oan it etiket op 'e lege flesse. 'Wat sil ik sizze? Dy jierren wie Lameris by jim yn it wurk, wit ik wol, kinst him ris oan, wa wit?'

'Al dagen fyts ik troch de streek. Praat mei minsken dêr't heit wol mei ferkearde, of dêr't ik mei Anke wolris kaam. Doch my foar as ûndersiker of wat, se kenne my ek net. De measten komme net fierder as de tongblier, dan hâldt it op. In inke-ling, dy't noch wat wit fan praat dat gong. Dêrjinsen, yn it doarp.'

'Hiest no better út west, tink?' se wiist nei har telefoan op 'e tafel. 'Mei #metoo, en sa, woe 'k sizze?'

‘Hâld op, Aaf, ju,’ skamperet se. #Metoo? #Metoo is foar it lyts gefimel en foar de kwerulanten. Dat wurket hjir net, sa lyts.’

‘No ja, asto it seist.’

‘Jout neat. Mar juster hie ik einlings byt. Op Leechmarren brocht ien my op it spoar. It wie him ûngemaklik, murk ik, dat er yn myn freegjen meigien wie. De oare kant fan it doarp, oer de slink, achter it reidlân, fan hearren en sizzen, dêr. Dat bakkes fan him gong mar op en del, as in snoek op it drûge.’ Se giet oerein. ‘Wat is der diskant fan it doarp mear as Lyts Sion?’

Mei de rêch nei har ta stiet se foar it rût. Wat wol dat bern? Koartlyn hawwe se by him west, Hedzer en sy, mei de foto’s fan syn *drone*. Hoe’t it kaam mei dat wütfjild, Alting? Heechhertich die er it ôf, wêr hiene se it oer? Oant Hedzer de foto’s as in kaartspul op ’e tafel kwakte. As dit útkaam wie er der by, dat snapte er wol. Mar hy joech gjin krimp, klandestine teelt op oarmans lân, hoe faak kaam it net foar? Se makken him neat. Doe hie Hedzer ek mar trochpakt, piipje soe dy man. Dan wie der noch dy kwestje fan jierren lyn, mei dat frommiske fan Jager, Bonsen. Hast fergeffen troch de tongblier, mar net ferjierre. Se holden har net langer stil, dan wiene se meiplichtich. Mar der wie in oplossing fansels. Hy levere stroom oan it doarp, en sy holden justysje fan syn hiem. Hy tocht der marris oer. Twa wike, dan woene se wat hearre. En doe lâne hjir, o wûnder, in pear dagen letter dizze ingel yn it doarp.

‘Wat wolst no, Tilma, mei dyn gepook?’

Se draait har om, de billen tsjin it finsterbank, de earms oeri-noarhinne foar it boarst.

‘Hoefst neat te sizzen, Aaf. Do bist der foar it doarp, okee. Ik freegje dy gjin plak, gjin pleats, gjin namme. In ja of in nee,

dan rêd ik my fierders wol.’ Kalm nimt se har op, as wol se har sparje.

‘Do wolst nei Lyts Sion?’ har stim slacht even oer.

‘Ik moat dy Alting sjen, wa wit.’

Se moat har ynhâlde, se wol gjin spul, dan is it ferlern. ‘Moatst dwaan, Tilma, moatst mar dwaan. De âlde Bonsen is al in pear jier dea, en de jonge siet yn Kanada dy jierren.’

#### • Jakubi

*Lang geleden, mati. Kostte veel tijd. Dagen op internet gezocht en gebeld met vriendjes. Hij zit in de handel heb ik ontdekt. Ik ga hem vinden. Ik kom dichterbij, of je wilt of niet. Koluku koluku, in het Sranan. Laat jou weten als ik er ben. En voorzichtig, seg ik jou, alleen ga jij het niet redden daar, mati.*

**D**E TIID FERRINT hjir sûnder kalinder. Foarnimens, ferwachtings, alles wurdt lyts yn dizze see fan tiid en romte. Yn it praat fan 'e minsken ferskronfelet it allegear ta neat, ta wát. Wat lêze, wat prate, wat ite, wat op 'e tún. As is neat eins fan betsjutting, allinne wachtsje. Wat fytse dan mar. Ast hjir lang genôch bliuwt begjinst te malen, net oars as yn Nieuwersluis. Dêr begûnen de muorren op it lêst te weauwen as palmen op 'e wyn, de seloar waard in risseljend blomkegerdyn nei it strân by Braamspunt.

De tredde reis gong it mis. Schiphol waard al rûtime, se woe nei hûs. It seksistys praat fan dy fint by de dûane makke har wyld. Se hie har net ynhâlde kind en him in snuter jûn. O, sorry, hear, sorry, sorry, se wie wurch fan 'e reis. Ja, dy wiene der wol mear, mefrou. Oft se mar even meikomme woe. In pear froulju yn unifoarm hiene har binnenste bûten keard: fûllearje, de scan, de strip, de wc, der wie gjin rêden oan. Stadichoan wie it ta har trochkrongen dat it net mear om in spultsje gong, mar dat se yn *Poltergeist* belâne wie. Ut de selwei gong it in wike lang yn in buske op en del foar ferhoar. Se hie Rudy der bûten hâlde kinnen mei har geliich. Dealers wiene anonym yn dy handel, net? Se wie op fakânsje en benadere as *runner*. Foar ien reis earst, in skarreler yn Leonsberg, dy't har oansprutsen hie by de rivier. It wiene in pear reizen mear wurden, ja. Yn Amsterdam wie se klear, dan gong it fierder mei in pizzakoerier, Hollybak, Boekoe, fan dy nammen. De

rjochter hie har oer syn bril sawat opnommen, in skyldpod mei sicht op syn pensjoen. Mei tsjinsin en suchtsjend blêde er yn har dossier om. Oft se soms fan Honkie Tonkie wie? As flerken flodderen dy mouwen oer de tafel, hy bûgde him foaroer. Mei permissy, mefrou, mar mei har oplieding, ûnnoazeler hie er it net meimakke. Se koe mar better werom yn 'e boeken, en jûns op tv Flikken Maastricht, dat wie spannend genôch. Fjirtjin moanne wie it wurden. Nachts op bêd rint alles trochinoar. As se wekker sjit fan 'e kreakjende treppen of de rammeljende souderdoar, is it de wyn mar, dy't as bibberkoarts troch it bynt giet. Dan wit se wer wêrom't se hjir is. Se set de fyts tsjin de keet, midden yn 'e graffiti. Alle kearen as se BlierCity oandocht wurdt se meisûgd yn 'e wûndere ferbylding fan skilders en spuiters op it planken beskot. Fisioenen yn 'e wûnderste kleuren en stilen, yn *dripping*, yn *urban of wyldstile*, en oeral hearsket de tongblier. Duvels mei ynjeksenullens slûpe oer de hiemen, romploegen poke brânsteapels op. Oaren mei gasmaskers op skowe yn kroaden kadavers út 'e stâlen it lân yn, as sille se wer weidzje. Brânsputmannen litte draken op mei pòllen strie oan 'e sturt, dêr't fjoer en tarre út dript op 'e reiden tekken. Oan in taffeltsje by de homeie betellet de boargemaster mei it amtskeatting om, foar elke ynlevere kowekop it skeabedrach út. Yn 'e Oranjebeam pikke fûgels in baarch de eagen út, troch de reidfjilden komt in mannichte swaaiend mei heafoarken op it doarp oan. Ien makaber doarpsfeest is it. En elke kear as se hjir lâns komt sjocht se nije tags. Yn it each fan 'e B fan Blier dat jûpend steltsje, dy fint mei in bivakmûtse op, dat is nij. Der wurdt praat, se moat Hedzer ris oan.

As se op 'e doar kloppet bliuwt it stil. Yn 'e boskjes lizze fytsen, freedts nei skoaltiid kaam it libben der dêr wer yn, sei Aaf. Mei ien foet op it trepke rammelet se oan 'e kruk. Nei in skoftke



heart se it wifeljend lûd fan 'e skoattel. In spjochtich fanke mei skrikeagen stekt wantrouwich it kopke yn 'e kier, mar like hastich lûkt se de doar wer ticht. 'Dy Tilma,' heart se har sizzen, en nei geflúster en gegibel giet de doar wer iepen en nimt in freondintsje it oer, foarser, brutaler. Koart nimt se har op, en seit dat se der wol even ynkomme mei, hear. Yn it sunige ljocht fan in healiepen lûk hingje posters, foto's fan jongelju op in berch kratten, opprikte krante-artikels, in hânskreaune korveelist, soksawat. Achtern yn behindige bar mei in trochgonkje nei noch in doar. Neist de yngong in bank fan pellethout mei âlde matrassen.

'Do bist Tilma?' seit de foarse. As meidieling mear, nei oardel wike is elk wol op 'e hichte. 'Ik bin En, Enna eins. En sy is Saap.'

'Saapké,' snaut de oar. Opteard op 'e bank sit de spjocht achter oplutsen knibbels ôfwachtsjend nei har te sjen.

'Moaie keet wol,' seit se. Yn 'e broeierige stilte spilet se oandacht foar ien fan 'e foto's, en noch ien, en lit har ûnderwyl frijmoedich begnuve. Foar in âlde poster fan David Bowie weaget se it derop.

'Jimme ferwachten in oar?' Fansiden sjocht se dat de twa even seine.

'Wy wachtsje op 'e jonges', seit de earste wer, Enna eins.

'Ja,' pipet it fûgeltsje op 'e bank, skodzjend oer de hiele lea knypt se de holle tusken de knibbels.

'O sa.' Se strúnt fierder. Oan it latsjesplafond bewege papieren mobyltsjes oan triedsjes op 'e luchtstream fan it lûk. Fjirtjin, fyftjin, skat se, âlder ek net.

'No, dy binne like senuwachtich as jim, moastst mar tinke.'

'Huhu. Dy net, hear. Dy dogge se hjir allegear.' Breaal sjocht Enna har oan, as lokket se har út.

'Dan meie wy nei it dûnsfabryk, witst.' Skrikeachje plettet

it kopke no tusken de hannen en skoot nerveus op 'e matras hinne en wer. 'Dan hearst derby,' follet se harsels oan, Saapké. Se moat tinke oan it fiadukt moarns op 'e fyts nei de Mavo. Yn kalkletters stie it op it beton: *Saapke is die ik wil*. Se hiene gjin Saapke yn 'e groep, mar as spultsje ûnderweis ferwikselen se de nammen fan jonges út 'e klasse en betochten wylde aventoeren. Dan klapte se ticht, dy jûns hie er wer west. En dan begûn it geklier fan dy fammen, wat wisten se eins?

'Docht it sear?' freget se ynienen, Enna.

Wel ja, wêrom net? Se skarrelet wat by de taap om; lytse spielbak mei in slang troch de flier, glêskast tsjin 'e muorre, in beker mei kondooms achtern. Alles kreas, it wykein kin begjinne.

'Hee, Tilma?'

'Mwa. Soms. Giet wol, hear.'

Achter de doar in lytse w.c., kraan, berging, amer en dweil.

Dan sit se mei in hipke op 'e bar en sjocht pleagerich nei dy fammen, dy't spits as ringsturtmakys op 'e bank it nijs ôfwachtsje.

'Deade boel hjir,' seit sei se. 'Gjin pilske te finen. Wat dogge jim sa'n wykein? Kaartspylje, wat damme? Mei hoefolle binne jim?'

'Huhu. Grapke seker?' Even komme se los, se stroffelje oer inoars wurden. 'Wout bringt aanst in hiel krat, wat tochst? Alle freedtejûnen feest, hear, en sneons. En Nyk regelet de wiit. Krekt noch mei Lyts Sion belle. Sjen?' Se swaaie mei har smartphones. 'Elk docht wat. Mei hoefolle?' Se telle yn nammen. 'Mei dy út 'e streek derby, tsien, soms tolve.'

Mar gong it dêr oer? Dy fammen doale al wer hân yn hân troch de bosk fan aventoer en ûntheistering. Enna wer:

'Ja dus. Mar slim of in bytsje? Ik bedoel, gewoan sear of wat? En bloed ek? Wat moast dan dwaan?'

Se moat hjirwei, aanst komme dy jonges en sit Kim Holland hjir te orearen. Har skonken bongelje foar de taap hinne en wer. As is se al hûndert, se soe mei dy bern ruilje en it oer-dwaan wolle. Likegoed hat se mei dy fammen te dwaan. 'No ja, moatst goeie wiit ha. En net ferkrampe. Komme litte, azemje, ûntspanne. En in bytsje stjoere, dat skeelt ek.' Prûste dy twa, en heech laitsje; tsjininoar opkrûpe fan 'e senuwen en gibelje. En har grut hâlde ek, Enna, dy't noch mear freegje wol, mar sa gau net wit wat. En Saapké, de siel, mei beide hannen stiif foar de earen sit se yninoar krûpt op 'e bank. Sa giet it altyd wer, tinkt se, op gelyk of ûngelyk. Se lit har fan 'e taap ôfglydzje, wat kin se noch? Yn it foarbygean tikt se dy fammen even op 'e hân. 'Jim rêde it wol op, komt wol goed, it is ek leuk. Ik gean no mar, oars binne se dêr aanst. Moai dat ik even sjen mocht.' 'Komst moarn ek?' Enna, dy't de doar foar har iepenhâldt. 'Miskien,' seit se. As se de fyts keart, heart se de skoattel wer.

Miskien? Se hie al besletten. It wie in twadde natuer om tasizzingen út 'e wei te gean. Om, foar't ferplichtings har opjagen nei it ûnomkearber momint, ûnsichtber te wurden yn 'e dwaaltún fan frijbliuwendheid. 'Miskien. Sjoch wol.' Aaf hie har oanpuond nei dat gedoch oer Lyts Sion, net sûnder bedoeling hie se it idee: 'Dyn lêste kâns, fanke, oars bist dysels net wurdich. Fynst miskien wêr'tst om sikest.' In dei of wat hie se op sketten en beammen de eigenmakke plakkaaten lêzen, oant elk it wol wist en it reinnacht de printerinket ûnlesber makke.

DÛNSJEN  
YN IT ÂLDE MOLKFABRYK  
MEI  
DE BLIERblastedCITYBAND  
EN MIKKY FLIT  
SNEON O.S. 20 OERE — TAGONG €10

Unferskillichwei slút se oan yn 'e rige dy't op 'e doar ta skoot. Heakket yn it gedrang soms even yn op it praat om har hinne, ûntwykt it geloer en freget har al ôf wat se hjir eins moat. Yn 'e jeksbûse pingelet har mobyl. Rudy. Aanst mar, bûten it gedrang. Alle dagen sjocht se út nei syn lokrop, syn praatsjes en aventoeren en syn obseniteiten, kin neat skele. Wie er der mar, foar ien jûn. Om mei him te dûnsjen en alle geile plannen út dy boerekoppen te reagjen. Tusken lawaaïich jongfolk wurdt se in hellinkje op treaun en troch de doar de hal yn parst. Yn 'e stream mei keapet se in kaartsje by in taffeltsje mei oerstjoere fammen en siket in plakje foar har jek. Hjir ken se it noch, de giele tegelmuorren mei rigen wite overals eartiids, en it kantoar, dêr't se mei heit wolris kaam. Troch klapdoarren lit se har opdriuwe, in gong troch en wer troch klapdoarren, dan stiet se yn in rûzige seal. Op it poadium fan steigerbuizen de band fan in man of acht, yn rûtsjeguod en lear en folle hier, dy't har ynspylje mei in medley fan nûmers fan se wit sa gau net hokker bands. Tsjin de sydmuorre de stielen trep nei de boekhâlding, dêr't se mei Wiger in kear op west hat om te stampen foar dy stielen galm. Oan taffeltjes treffe minsken inoar mei high fives en tuten en opsette kielen fan 'e muzyk. Jongfolk, hingboarsten, mongoalen, oersketten fjirtigers,

alles wat de wyldernis fuortbringt. Yn 'e flikkering fan in diskobal skeuvelje de earste glêzen bier fan 'e bar werom nei har plak. BlierCity. Ferlern sjocht se om har hinne. Yn in nis yn 'e muorre gebare twa fammen dat dêr plak is.

'Allinne?' seit in swiere blondine yn it wyt en sulver. Op in bank mei kessens makket se in beweging as skoot se in eintsje op. 'Kinst keet ha jûn, hear, hjir komt fan alles.' Pratendewei leit se har glittertaske werom op 'e sitting en speurt de taffeltsjes ôf. 'Komst ek foar de bunga bunga?' In smel typke mei donker hier en kaugom en eagen as gitten, bûcht har foar Blondy lâns. 'Mei Mikky op 'e drums, jong, dy makket dy gek.' Ja, se komme hjir bêst faak wol, hen? Foar Mikky en foar de afterparty foaral. Super jong. Nee, se binne út 'e stêd, fan Utbuorren dan, flakby it fiadukt, ken se it, ja? Se praat tsjin 'e muzyk op, laket en kôget en tipt har mei in knypeach even op 'e earm. 'En dyn jild yn 'e bh, hen, ast oan 'e swier giest.' Fierders gjin fragen, se heart der al by. By de fammen fan-dowitst-wol.

'Sjoch wol hoe't it rint', ropt se. 'Bin hjir foar 't earst.' De oaren knikke, de band is no los, op 'e flier skowe al mear pearkes troch it flikkerljocht. Dy mei it kaugom wurdt as earste lost, troch in Zalando-type yn slim-fit blau en mei in hege kúf yn *undercut*. Sa'nien dus net. Se meunsteret de kapsels dy't by har lâns sweve en wer weiwurde yn it healtsjuster. De David Beckhams en dy interbollen mei spoilers kin se ferjitte. De matsjes moat se ha, de fetkuven en pompadoers. Se swaait even as de donkere wer by har lâns komt mei har *dreamboy*. 'Dy sjochst jûn net wer,' ropt se tsjin 'e freondin. Se wit net wêrom, om't se der tsjinoan sjocht aanst?

'Kyp hat alles mei. Dy kin it op 'e rêch fertsjinje. Altyd feeste, wille en holderdebolder.'

'Kyp?'

'Kypra eins. Har mem hat har oprûn op in Gryks eilân, bewear't se. Kyp neamt se har, fynt se seksy.'

Se swije wer. Yn 'e swingende mannichte speurt se nei koppen dy't se ha moat, de wetlooks, de Bradley Coopers, dy punky matsjes dy't se by de yngong al seach. Se sil krektsa moatte as Kyp, kleve, by him op ride, mei har omsoalje litte, dan hat se kâns. Ein-tritigers en fjirtigers, *singles* dy't hjir omgeile, dy foaral. Tagelyk wurde se oppikt. Blondy troch in *buzz cut* mei in slach yn 'e noas, in bokser of in oankommend marinier, dêr't se nei opsjocht as is de simmertiid no begûn. Sels wurdt se meilutsen troch in skot aftershave, in bear fan in fint, mei in plaat ielt yn syn hân en fet achteroer kjimd hier. Sûnder in wurd lûkt er har de flier op. Op 'e desibels fan 'e band lit se har opdriuwe, keare, oankrûpe as it moat, en har yn 'e lijte fan syn earmtûke troch de dynjende massa pompe. Skilich nimt se him op. It stiet har tsjin dy rauwe knûst, de neite fan dat manneliif, en achterop dy hân, dy't fan 'e mul hieltyd nei ûnderen dwaalt. Yn it gewoel krijt se in stomp en sjocht yn 'e fjurrige eagen fan Kyp, dy't achter har bungaman feninich in mulfinger opsteekt en knikt en al wer oplost it gedrang. Se tinkt oan Rudy en syn appke, mar se hat it sels wollen. Yn in krappe draai fielt se dy hân wer, har eagen skampe in momint byinoar lâns. As kin se dy kop. Se twifelet. Alde bylden weakje har los út 'e permafrost.

Hoe't se dy kears ûnder syn mûtse wei ynienen dy tatoe sjoen hie. As dy fint fan har ôf wie, hastich de klean oanstrûpte, dy bivakmûtse wer op, dan gong as lêste har blynkapke ôf. Hy stie al yn 'e doar, dy mûtse yn 'e haast mar heal oer de holle lutsen, se koe al wer sjen. Kotse moast se derfan. Pears en read en gleon, as in ronfelich bist dat út syn kraach wei by de nekke op it hier yn kroep. In wynplak fan komsa. Se hie it Rudy in kear úttekene letter, in pûstich, kronkelich skiereilân, sa

ûngefear; mei hjir fan dy kraters en raffelige spelonken, en dêr dy aaklike pearse kwabben, as rêchkammen fan draken; gadjasses, as se der wer oan tocht, en se hie it kleurpotlead op 'e tafel smiten. Ruud frege noait, hy harke foaral as se deroer begûn. Hy hie dernei sjoen, fan syn fûsten hie er in fierrekiker makke, wylst sy de tekening omheech hold. 'Kamsjatka, sou ik denken,' sei er, 'geen twijfel aan.' Hy hie even neitocht en har oansjoen. 'Kamsjatka, daar is te komen, toch?'

'Of bisto dy fan 'e grintmole?' ropt se by syn ear. 'Jehannes? Ik hie it net sjoen, sa kreas, de earringen út.'

Hy laket wat skean. 'Hiest in oar foar, hen?' Hy sjocht by har lâns en set wer oan. 'Kin sa treffe.'

'Do kinst elk hjir wol, tink?'

Hy gniist. 'Bonsen bokje.'

'Hoe bedoelst?'

Mar de muzyk bûket elk wurd oan grint. Se sjocht dy tatoes wer foar har, de Spiritus Sancti en dy draak ûnder syn himd. As de band in koart skoft oankondiget wringt se har hastich werom nei de nis. As beroaide juffershûntsjes lizze har taskes te wachtsjen op 'e bank. Wêr bliuwe dy twa? Sûnder dy fammen fielt se har hjir neaken en bleat.

'Ik hie dy wol sjoen, hee.'

Se skrikt op fan dy stim. Troch de make-up sjocht se it earst net. 'Enna, fan BlierCity?' It fanke ploft neist har op it kessen, as kenne se inoar al jierren. Fertroulik, heal tsjin har oan, stekt se daalk fan wâl. 'It foel ta, hear, do wilst wol. It die net iens sa hiel sear. Ik haw dien watst seidest. No sa.' Glânzjend sjocht se har oan, twa kear âlder as justermiddei troch de pleister en dat hier.

'En Saap, is Saapke der ek?'

'Ah Saap, dy doart neat, daalk panyk. Se raasde deroer. Sjoch.' Mei in lyts hantsje wiuwt se nei de stielen trap oan 'e oare

kant, dêr't jongfolk op hinne-en-werret en achter de spilen mei fleskes en plestik bekertsjes omkliert. 'Dêr, healwei, dat is 'm. Sjochst? Dy't dêr swaaait.'

In fint mei wat burd stiet lallend mei in bierflesse oan 'e reling en winkt dat se komme moat. Achter him skriuwt in filtstift yn koweletters op 'e tegelmuorre har lytse histoary, en mei syn allen balte se it yn koar: *En?En?Enna?Jaaa!* In jûchhei brekt los, minsken sjogge op, it gestamp op 'e trap rôlet as tonger lby de muorren lâns.

Se laket wat sneu. 'Dan moat ik mar wer.' As wifelet se en wol se noch prate. 'Wat kinsto dûnsje, hee, koe ik it sa mar. Se sjogge allegear nei dy. No, doe, bliid dat ik dy seach.' Se giet oerein. 'En Saapke pas ik wol op, hear, datst it wilst.' Even strykt se har oer de earm, as heart dat sa tenei. 'Komst noch in kear del yn 'e keet? Do wilst sa'n soad, hee.'

Se sjocht har nei, hoe't se tusken de taffeltsjes troch wynt, mei dat opstutsen hier en dy linige kont, dy't hjir in libben lang trillebilje, en bepraat wurde, en lang om let ferskronefelje sil. Enna hie it begrepen, se koe de gewoanten fan it doarp, se hie har net ûnderskiede wollen en har ûnder de rituelen deljûn. No heart se derby, ûnoantaasber giet dy fuortoan har wei. Op in dei nimt sa'nien it oer fan Aaf, stelt se har foar, hjir is har bestimming. It jûchei en it bonkjen op 'e trap sizze dat se oankommen is en ynhelle wurdt.

Se fielt de trillings, krekt as yn Nieuwersluis nei it luchtsjen, as op 'e gong de seldoarren tichtsloegen en trochdinderen yn har liif. Dan lei se de middei út op har bêd en tocht oan Margje. Fan har hie se leard dat woede har op fuotten hold. Earstejiers wiene se. Yn 'e yntreewike hiene se inoars ôfhâldenheid werkend, in koele distânsje, in primêre niteligens út in fier oerwâld, dy't by it minste opflamje koe. In jûn by Hoppe, doe't se 'm al aardich om hiene en stoer praat him oploste yn

fertroulikens, wie se dermei oankommen. In soartgelikens ferhaal krekt even oars. Oer in heit dy't har jierren oanien ferkrêfte, op oere en tiid de doarren yn it slot, nimmen te beroppen. En dy't der op in kear, mei al syn pillen en kwalen, yn bleaun wie. Hoe't se, doe't it oars gong as oars, en it net woe en it stil waard en dat einlings ta har trochkrongen wie, him âljend fan eangst as in deade baarch fan har ôf treaun hie. No en dan hie se lake, doe't se it fertelde, as by in tafallich ferhaal dat se ris heard hie. 'Wy spoare net, Til,' sei se, doe't se derút leine yn har jier. By Margje sloegen geregeld de stoppen troch, dan makke se heisa. By it hânbaljen, yn it kafee, wêr net? Alde woede dy't in útwei socht. Dan sleepte se har mei nei wer in oar kafee, en se praten en sûpten oant slutingstiid, en jagen de nacht as wolven troch de stêd. 'Sa moatst', raasde se yn it earste moarnsljocht oer it Spui. 'Miskien wurde wy sa noch in kear mins.'

Se skrikt op, de muzyk set wer yn. Se wegeret gjinien, se sil him fine. Laitsjend lit se har keare en keile en hinget sa'n hurk om 'e hals. Se sleept se mei yn 'e broeierige latin en de jive, geilt se op, sluert de heup tsjin syn skonk en strykt justjes in tit by syn earm lâns. Dan skeart se yn 'e draai achterlâns, taast yn 'e flecht wei yn it nekhier en wit al genôch. De haast, de missers en de tiid driuwe har hieltyd mear. Hy sil der jûn doch wol wêze? De wikselingen en pauzes, de ûnrêst jeie har op as in deunske merry. Net dat it went dy hân op har billen, net taastendewei langer as earst, doe koe se it mei in draaike of in grapke noch skikke, mar rou en bretaal oanhelje, knipe en rosse, en sûnder pardon: 'Gjin flauwe kul, dû, woedest dânsje, net?' En wylst krioelt se yn dat hier om yn 'e hoop op dy ronfelige woekering. Likegoed is se bang yn dat broeierich geweld, dêr't se gjinien mear ken. Yn it geheister sjocht se Blondy noch in kear, ranend yn 'e hannen en plannen fan har

marinier. Se fielt har ferlern, de treppen is leech, dy fan 'e keet binne al fuort.

*Fear needs its metaphores.* Rinne, rinne is it earmoedich lot fan de hazze. Pang. Ut dy nis wei koest it oankommen sjen. Tilma Jager goaide har te grabbel. Woede makke har blyn, neat te ferliezen. Yn it lawaai wie se dêrwei ek net te beroppen, it wie al te let. Kamtsjatka, hoe fûnen se it út.

Yn 'e draaikolk fan lust en obsessy ûntkomt it har dat se bûten de ljochtsirkel draaun wurdt. As rekket se út har baan, wurdt de swiertekrêft opheft en is se har evenwicht kwyt. Hastich sil se oerein op dy glêde flier, skammet har dea en grypt yn it wylde wei om in hân. Fuort wurdt se optild, se sweeft troch de romte. Batsend op in brankaar fan earms wurdt se tusken fiif, seis keardels it tsjuster yn fierd. As se it troch hat en oerein sil, de seal yn ropt om dy fammen, smoart in hân har lûd. Gapsjend nei de siken sjocht se by dy koppen lâns, oft se ien ken dêr't se om Aaf of heit noch op rekkenje kin. De hân lit los, se krijt wer lucht. It is ek mar gekheid fansels, in doarpsjûn, wat gekjeierij, alles moat kinne, gjin panyk daalk. Se hâlde al yn, foaroan wurdt even praat. Yn it healtsjuster wurdt se in muorre gewaar en ruten en in doar, himel nee. De brankaar komt wer yn beweging en krimpt. Se slacht oer de side, se stikt hast tusken dy liven, dy't flokkend en lakerich it doarsgat yn skoffelje. Ienkear dertrochhinne wike se wer en falt se werom op 'e rêch. Foeterjend sykje se yn it tsjuster in wei, hompe tsjin meubels op, it skynsel fan in smartphone swaait troch de romte. 'Dêre,' seit deselde. Swijend kipelje se har op in tafel, se heart se hymjen, praat wurdt der net. Ien ropt dat de doar ticht moat, sjamme. En fuort heart se de band strjitten fierderop en wit se dat it ferlern is. Sa hastich as alles gong. Se docht wat se altyd die as er it keammerke yn kaam. It

iennichste dat se kin, bite, klauwe, raze as se oerein wol, oant de tape oer mûle en polsen har smoart. Mei trijen skowe se har op 'e tafel te pas en tape har ankels oan wjerskant oan 'e poaten fêst. Kalm, kalm, harkje no, it ferstân derby. Achteryn knipt ien in ljocht oan en dan sjocht se dy skaadbylden tsjin it plafond, dy't amper bewege en smûze as trollen yn it Demsterwold. Se partsje, se poffe derom, monkeljend krijt elk syn beurt en slút oan yn it rychje.

As se skopte en sloech om him te ûntkommen, seach se dat gnizen yn 'e splitten fan 'e bivakmûts. Mei in knibbel op har boarst hold er har yn bedwang, as er de riem om har polsen strûpte en oan de bêdspilen bûn. Dat hitsich grommen yn dy klots, wannear't er har it blynkapke op die. Dan waard it stil. Yn it pikketsjuster socht de eangst om syn echo, as in flearmûs yn 'e nacht: in rits, it rûzjen fan klean, in skoech op 'e plankenflier, in bosk kaaien rammeljend op 'e tafelsblêd. En gjin wurd, gjin stim dy't him ferriede. Inkeld in sacht fluitsjen tusken de toskan as er har strûpte, in ynholden flok as in bokse even heakke. Safierhinne wende it noch, ju, skampere Margje letter, mar dy hannen, jong, oeral dy hannen, yn dyn klean, yn alle naden fan dyn liif. Se beneamden it mar soms, de panyk as er kaam, it ûnbedaarlik triljen, de woastyn yn har kiel, en de flymjende pine as it mes har iepen rôp. Wannear't er fuort wie en se wer tinke koe, fiis en ferrêden boppe har húswurk siet te janken en net wist wat se moast, dan hearde se de do op 'e naal, it krassen fan syn neilen op 'e pannen, syn mankelike rop oer de buorren. It iennichste skepsel dat alarm sloech. Under gjin gelûd te fernimmen, oan itenstiid ta bleau it stil yn 'e hûs.

Hjir kin se sjen. De trollen binne ferdwûn. As se de holle optilt sjocht se har gedaanten ûnrêstich foar it rût. Der is wat te rêden. It ljocht achteryn floept wer út, de doar nei de seal

giet op 'en wiidst. Yn it tsjuster ritst ien har hastich de tape fan 'e lea, as wiskje se har spoaren. Yn 'e seal heart men laitsjen en hantsjeklappen, de band set in nûmer yn. Se ken dy deun, de earsten sjonge al mei. Healoerein sjochst se hoe't dy kearels even twivelje en dan yn it lawaai achterinoaroan weiwurde yn 'e skimerrânen fan 'e seal. Dêr sette de minsken sjongend op 'e yngong ta as helje se ien yn. Robbie Williams, no wit se it wer, *She 's the one....* Dea-ynein lit se har fan de tafel glydzje, mei de foet taast se oer de flier en strûpt yn har pumps. Se wriiwt har klabbige polsen, har ankels, súntsjes nûnderet se mei op it feest fierderop, *We were young we were wrong, We were fine all along.* Yn 'e spegeling fan it rût skikt se har klean, har hier. *If there 's somebody calling me on, She, she 's the one...*

Troch de opkroade taffeltsjes hinne wrot se har in wei nei de útgong. As hat se it witten, doe't dy trollen it net fertrouden. Tusken de sjongende hage troch sjocht se har, *Yeah, yeah, she 's the one.* Aaf Leenes hjir midden yn 'e nacht? Foar it podium hâldt se stil en swait de Avangarde nei de seal ta. Mei de flikkering fan 'e diskobal wjukket it ljocht oer dat âlde wêzen. Mei ien hân omheech hat se de minsken ek stil, en skel krast har lûd troch de romte. 'Tilma?' en nochris, de oare kant op: 'Tilma?' Se harket, as ferwachtet se antwurd. 'No, ast der mar bist.' Der wurdt lake, echo's galmje nei yn dat opstode dûnsfolk. Se hawwe it no wol hân, se wolle de flier op. Achterútwei sjocht se it oan. De band makket him klear foar de lêste set, dy wolle nei hûs. Yn in omsjoch stiet se op in tafel, en tsjin it ljocht fan it podium yn swait se mei beide earms boppe de hollen út yn 'e hoop dat se it sjocht. Fuort keart de rolstoel ek, it rubber kriest op it parket. De band set al yn mei de lêste nûmers. Yn 'e nis fynt se har taske, it iennichste dat net mei is nei de bunga bunga, se siket om har mobyl.

• Jakubi

*Zo ver gelukt, mati. Heb al twee dagen zicht op Kamtsjatka, je weet wel. Bonsen Alting, heet die kakkerlak, die sakasaka. Heb mij door relaties hier in laten huren. Die man heeft een landje white widdow in zijn mais, maar hij wil verder met THC en olie en combi's. Dat moet hij leren, dat is mijn werk. Later een lijntje naar de coke misschien? Ik doe mijn best, ik kan niets anders dan deze handel, dat weet je. Het fabriekje hier is vóór op het erf. Achter zijn de stallen, daar is de man voor de koeien. Jur heet hij, die praat niet zoveel. Uit Leechmarren komt hij, woont bij zijn oude vader. Jur weet van niks, zegt hij, alleen van de koeien. Dan trek hij een tronie en knikt naar vóór. 'Ik bin treeje aapkes, Rudy. Ik sjoch neet, ik heer neet, ik sis neet.' Van hem ga ik geen last hebben. Verder is hier niemand, alleen die sakasaka Alting. En Cleddy, zijn vrouw, die zet 's morgens twee kinderen aan de weg voor de schoolbus. Afen toe de melktank op het erf bij de stallen. De hele dag hoor je het geslurp van de pompen en klappen van hekken in de stal. Geduld moet ik hebben, en op-letten hoe hij doet en waar op het erf. Hij gaat hangen, mati, had ik beloofd toch? Taki odi. (deleten ja)*

**D**E O E D E E D E L, it is even om, mar dan hat er de minste kâns dat er sjoen wurdt. Tilma plúst op 'e fyts meast de westkant ôf, safier't er wit, dy sil er dêr net treffe. En Aaf komt op har ynspeksjetochten amper bûtenút. De weromreis sjocht er wol wer. Rochus Jager poetst syn Chevrolet, hjir en dêr in haal, de holle skean tsjin de reek fan syn sigaret. Fierste grut dat ding, doe al, mar har mem hie derop stien, in kear in kreaze auto, en gold metallic. In Impala 2000 wie it wurden, it hie him tsjinstien, mar it mocht him noch barre en oars wie it spul. Ynruilje wie der nei har dea net fan kommen, hy wie der oan wend rekke, der mankearde fierders neat oan. Oerspuitsje hat er wolris tocht, oeral sjogge se him oankommen yn dat opsichtige ding. Dêr siet de oast, hy hat him Tilma al in pear kear oanbean: as se ris in dei nei de stêd woe. Mar se fytste mar leaver. Fytse, en fierders sit se by Aaf, wêr komt se eins foar? Nitelich smyt er it poetskatoen yn 'e hoeke en stampet de peuk út op 'e flier. It moat no wêze, no't se der noch is. It fielt him as de dagen fan 'e МКЗ, leech, nerveus, dagen opsletten yn syn gedachten. Wat der ek fan komt, der sil praat wurde, as er opbrocht wurdt ûnder de eagen fan it doarp. Mei de fûst huft er op 'e knop oan 'e doarstyl en hoarterich krûpt de roldoar oer him hinne by de souder lâns. Yn it skiere ljocht dat fan de greiden it weinhok yn falt, stiet er even te sjen en wifelet wer. Hoe lang is it al lyn, wat hellet it út? Mar dan hat er dien wat er al earder dwaan moatten hie, en dan is

it oer. Hy start de motor, hingjend oan it stjoer taast er oer de side noch in kear yn it dashboerkaske en slacht de klept wer ticht. As er it sels ris sjen koe, hoe't dy auto stadich it hok út skoot, driigjend it hiem ôf slûpt, gjin mins te sjen yn 'e winige strjitten; hoe't yn 'e spegel in ûnsichtbere hân de doar achter him ôfrôlet en yn it slot falle lit; dat pistoal yn it dashboerd, it kriezen fan 'e grintmole as oankommend ûnwaar boppe it doarp. As yn in film fan Van Warmerdam. Mar Jager is mear fan de westerns, in held op 'e bank, en sûnt syn eksersysjes by de mole is elk rikjend pistoal op 'e tv in Sig Sauer 1911-22. Wêr begjint er oan? Mar miskien gebeurt it net echt, of rekket er mei in ynfarkt yn 'e sleat, of is dy man op Lyts Sion al in wike dea en begroeven? Hy prakkesearje tefolle, avensearje moat er. Hy rydt it pleintsje op, om de slipeende Oranjebeam hinne en rjochtút, de ferwyldere achterommen fan it Súd foarby op BlierCity oan. By de rotonde linksom de Unnoadige Dyk op, dan is er al hast út it sicht,. Dêr kin er sykhelje, greiden en loft sa fier't men sjocht. Allinne mei himsels op 'e romte is Jager op syn bêst, dan tinkt er nei oer de dingen fan it bestean. Sokke mominten nimt er him foar him mear by it doarp te jaan. Mei syn âlde masjines kin er by ien fan 'e projekten noch hiel wat betsjutte. De helt fan dizze dyk sil derút, se kinne him brûke. Mar dan moat er mei Jehannes, of mei ien as Gaats mei har sweverich praat oer Inyat Khan, of mei dy wylden fan 'e Kopermyn. 'Do hast gjin kar,' sei Aaf doe't er der in kear oer begûn. 'Wa't bliuwt docht mei. Wy sille it hjir bewenber hâlde, al wit gjinien krekt foar wa. It jout doel oan dyn dagen, Rochus, en salang ferdrage wy inoar. In kear is it oer, dan fynt ien dy op 'e tún dea tusken de stronken, of ûnderoan 'e trep yn dyn hûs. Dy't noch kinne, drage dy út en sille dy weardich begrave. Mar salang dochst mei.' Dat gepreek fan Aaf mei er net hearre, en sa waait sa'n foarnimmen dan wer oer. 'It hoeft

net altyd mei it hert, man,' sei se in kear, 'soms kin it troch omstannichheden allinne mei it ferstân. Wa wit groeit it hert nochris wat oan, jong, mar dêr kinne wy net op wachtsje.' Troch it healiepen rût rost de wyn troch syn hier. Hy fielt it dripkjen fan it swit ûnder syn earms. Mei wat boadskip komt er dêr oan? Foar it lêst hat er dêr west oer de pacht, de âlde Alting libbe doe noch. As er der wer oan tinkt. It is om Tilma, mar dûbele wraak kin ek helpe. By it gaspompstasjon stiet ien te swaaien. As er tichterby komt sjocht er it. Achter it stek, tusken ferware buizen stiet Hedzer Lameris mei de hân omheech. Eins moat er troch, mar it ferdive dearret ek wat. Lameris hat in pear jier by him yn it wurk west. Oant de pleuris útbriek, seit er der dan by, om syn cv oersichtlik te hâlden. Te pas en te ûnpas docht Lameris ferslach fan syn libben. Nei in skoft op 'e wylde feart hie er tekene by de Marine, foar de oplieding ta helikopterpiloat. Op 'e Lynx hie er flein, kustwacht, drugspatrûlje op 'e Antillen, oeral wie er wol ynset. Nei syn kontrakt wie er oerstapt nei de offshore, rûch, Rochus, mar better foar de ponge. Cargo en wikselploegen nei de boarplatfoarms bringe, dat wurk. En rescue fansels, yn waar en wyn. Syn earste wie de crash fan in Sikorsky op de Brent Spar; sân deaden hiene se út see optakele. In jier letter wie er sels oan 'e beurt. Yn syn Cougar ûnderweis fan Aberdeen nei de Brae Oil Field foar de Skotse kust, wie de bliksem ynslein, de sturtrotor rampoai. Se wiene rêden, mar doe wie it genôch. Hy hie de offshore achter him litten, en wie in man fan trettjin ambachten en in grut ûngelok wurden. In swetser is 't, mar nei de МКЗ hie Hedzer foar de beropskommisje foar him pleite om 'e skea te beheinen, dat wie him noait fergetten. Hy hâldt en draait it rût fierder iepen. 'Rochus op reis?' 'Even derút. Hoe is 't, de konsessy al binnen?' ropt er werom.



Oan 'e oare kant fan 'e sleat slingeret Hedzer Lameris him oer leidingen hinne nei de râne fan it platform en slacht de hannen yn it gaas. 'Aaf wol der net oan. Earst mei de Gasuny akkordearje, seit se. Bang foar eksploazjes en opskuor. Mar wol op 't skik, doe't se de opbringst fan dizze stekken en de kompressor ynbarre koe.'

No pas falt it him op dat allinne it stek oan 'e dykskant noch oerein stiet. 'Moatst sjen wat hjir stiet,' raast er wer. 'Dy put is leech, ast de Gasunie bellest wurde se senuwachtich, se wolle neat kwyt, mar fan in relaasje dêr wit ik genôch. Wêrom wachtsje? Seagest dy leidingen by de grûn om 't ôf, ôfsluters ticht, noch in kear ôffakkelje en op in meanfjild ôftichtsje. Ik wit wat ik doch. Wat dit net opleveret hjir.'

Lameris praat as in fakbûnsman, bot en ferûngelike, en sûge om wat oan 'e weet te kommen. 'Soe moai wêze, ja.' Mear kin er net betinke. Rochus Jager is gjin prater, dat witte se hjir. Alles wat er seit bliuwt healwei stykjen, as leaut er der yniennen net mear yn. Of leaut er alteast net, dat oaren it fan him oannimme. En sa bliuwt it altyd lyts en skraal wat er seit. Hy leit de hannen op it stjoer, hy wol fuort, hy hat wol oars oan 'e kop.

'Moatst in dream ha yn dizze wyldernis, Rochus, oars wurdst gek. Wy komme om yn lyts gepiel, it ferlammet ús tinken. Mar wy hearre hjir, jong. As dit âld izer in kear ta jild makke is keapje ik in ôftanke helikopter. Begjin ik in taksybedriuw: minsken en fracht op en del tusken de doarpen, dy Poalen út 'e Terpen nei de bou yn 'e stêd, âldelju nei it sikehus, wat tinkst? Alles wurdt mooglik, man. In jûntsje nei de bioskoop, in reiske nei Schoonenberg? Ik kom deroan. Dizze streek sil om my raze: *Lameris kom weer ris*. Dy fan Einum sil ik skielk noch evakuearje, moatst tinke, as it oan fersûpen ta is en it lêste libben der dêr ûnderstrûpt. It sil hjir opbloecie, jong.

Minsken wolle hjirhinne foar de stilte, foar in stjerrennacht, in dei as wat yn in B&B yn it reidlân. As wy der mar yn leauwe, jong.' Mei de hân raspet er oer it gaas, as jout er syn dream in gisel mei. '3x3 komt it te hiten: Ferkear is Fertier is Fertsjinst.' 'No sa. Mar ik sil ris fierder.'

'Mei Tilma alles goed? Ik seach har lêsten.'

'Ja, alles goed.' Hy knikt en skeakelet alfêst. Soms komt Lameris him te ticht op 'e hûd, as bedoelt er krekt even mear as er seit. 'No, it bêste mar wer.'

'Ast tafallich yn 'e buert komst, moatst der ris om tinke wat dêr omspaant by dy Kanadees. Frjemd folk dêr tsjintwurdich. En al mar djoerdere auto's dy't hjir lâns fleane nei Sion.' Mei de holle tsjin it stek, de hannen heech yn it gaas folget Lameris syn bewegingen, as hat er troch wat er sil.

Under in leaden himel krûpt de Impala as in mûs troch it ûnlân, it âlde slinkgebiet, dat troch fersâltsjen oan ferwyl-dering oerjûn is; mei fersutere kampkes kostgrûn hjir en dêr, en ferlitten bousels dy't yn it seizoen tsjinje foar reiders en jagers en inkeld in swerver. De Tuskenlannen hyt it hjir, om de leechte en de oergong nei de hege grûn fierderop. Dizze asfaltbaan moat men lâns om nei de Terpen. Rochus ek tekenje? hiene se frege, doe't it protest mei in list de doarpen lâns gong. *OeDee Nee!!* Hy hie wegere. Net dat er it dermei ûniens wie, al dy grûn, wat in jild, wat in argewaasje. Mar him hiene se ek stikke litten, doe't it wetterskip hokkerjiers it peil ferhege en it reid syn lân oanfriet. No leit dy dyk as in groede yn it lân, dy't by elke rit wer iepenskuord. Mar nei acht jier is de streek it iens, de westlike baan giet der út.

By it elzeboskje kriget men sicht op Lyts Sion: it machtige pandak boppe de beammen út, de toersilo's, rinstâlen, it spandak fan 'e dongсило, wynmole, in antennemêst sûnt koart. Fan it âlde steed is in bytsje mear oer. Fuort nei de MKZ

wie de soan foar in staaazje nei Kanada ôfset, by de Altings moast it altyd grutter en oars. Op in kweade dei wie de âlde Bonsen der derhinne fallen en moast de jonge haljetrawalje út Alberta werom. Einlings thús, wie de âlde al wei, en sûnder dy syn ynstruksjes hie de soan frijspul. Greide, mais, masines en trije kear wyks de tankwein fan A-Ware, dat is langer alles wat men dêr sjocht. Bûtendoar gjin fee te bekenen, yn alles eigensinnich, op minachtsjen ôf. Mei't er de slink ynrydt rekket de pleats út it sicht. Diskant it doarp komt er net faak, om't er neat hat mei it lân hjir, en om sokken as Alting, dy't hjir regere en dogge. Hy fielt it switterige himd op syn hûd, wêrom giet er net werom. Alles litte sa't it is? Dy Alting is ek mar sa'n idee, Tilma hat er noait oer him heard. Mar as soe er wolle, de fangrail driuwt him nei syn doel. Nei it lêste reidrûch giet it by de klaaiwâl omheech, en dan is er ek hast by de ôfslach. Ridendewei knoffelet er in sigaret út it pakje, taast ûnder it stjoer nei de oanstekker en sûcht him fol moed. It is om har, se sil it beleve. By de bushalte nei Kleastersyl hâldt er stil. Dagen hat er repetearde: it pistoal út it dashboerd, mei in tik fan de flakke hân de patroanhâlder yn 'e kolf, fuort trochlade ek. Dêr hat er oer twivele, mar hoefolle tiid hat er aanst? En as er de trekker blokkeart kin dat ding yn 'e binnenbûs gjin kwea. Hy smyt de sigaret troch it rût, makket it wapen klear, en dan wer starte. Stadich as de fendetta rydt er de reed op nei Lyts Sion. Sa heart er him oankommen op it pún. Dy auto, ken er dy net? Bonsen Alting wachtet him op it hiem op. Loswei stapt er út, de hân even omheech, in earste praatsje mei de earm noch op it portier, dan om 'e auto hinne kollegiaal op him ta. 'Lang lyn dat se inoar seagen. Wit er it noch, dat jier fan 'e МКЗ, alle wiken by him oer de flier? Tsjerkfâlden ûnderinoar?' En it makket net út wêr't er him opwachtet. Mei ien greep hat er it pistoal út 'e bûse. Yn beide hannen strak

foar him út rint er de lêste meters op him ôf; mei in slach yn 'e strôt, mar sûnder genade. En dy man him beprate, Jager, wêr hat er it oer? Smeke op 't lêst, as er sjocht dat it tinken is. Sa ûngefear stelt er it him foar.

Ferrammele troch dy púnreed bliuwt er even sitten; ferweesd troch it lege hiem, de wiid iepen skuordoarren, in line mei wask, in bernefyts yn 'e hage. Gjinn mins te bekenen. Hy draait it rût iepen om lucht, heart it rûzjen fan 'e beammen, hoastjen fan fee, klapstekken fan 'e melkrobots yn 'e stâlen fierderop. Ut 'e skuorre walmet him in swietige fleach temjitte, as fan hea, mar oars. Alles hjir is oars as er ferwachte. Hy sjocht om him hinne, hy moat wat. As er útstapt heart er roppen, foar hûs sjocht er de frou, dy't nei de line sil en him ferheard temjitte komt.

'Jager, jo hjir? Ik kin wol riede wêr't jo foar komme. De Lagerwey, tink, de fergister en dat? *So sorry*, Bonsen is der in pear dagen net.'

De wyn slacht it hier yn har gesicht, hy heart har sjongerich lûd, de beammen dy't mar oangean. Mei de earms tsjin 'e auto hâldt er him oerein. Dûzelich wachtet er oant it draaien yn syn holle oergiet.

'Is 't wol goed mei jo, Rochus?' Hy heart har tichtby, Cleddy hyt se, soms sjocht er har op it plein. Oft it al wat bekomt? Mei in hân oan 'e kiel nimt se him op, glimket ôfwachtsjend. '*Oh fright*, wat te hastich út 'e auto stapt, tink. Even sitte, wat wetter.' Foar't er wat ynbringe kin hat se him op 'e bank by de hage. Hy fielt har liif tsjin him oan as se neist him sit en praat en praat. 'Gjin dokter wol? It bekomt al, leau'k?' Dat kaam derfan, safier fan hûs, laket se. Se wie krekt sa bliid mei wat oanrin op 'e pôle. Se sjogge inoar dan wolris yn 'e buorren, mar fierder, nee. Tilma wie syn dochter? Se hie har lêsten yn it doarp sjoen, *nice girl*. Mar no earst wetter.

Hy sjocht har achternei, floatich en blier; hoe't se mei in knikje yn 'e rêch even hâldt en troch har spikerbroek hinne wat teplak lûkt, foar't se de foarein ynsjit. Sa sjocht er har thús achter it gerdyn wei, mei in rêchsek ûnderweis nei *Spar & Wâld*. Wurch jout er him del tsjin it bekling. Hy fielt it pistoal yn syn ribben en ferskikt de jas om it gewicht. In opluchting is 't dat it sa rint. Lûden út 'e stâlen waaie oer it hiem, longerich snúft er de rook op fan kuil en bisten. Dy bedwelming wie de sin fan syn libben. Doe't mei de dea fan har mem it geskamper ophold, hie er him derby dellein. Mar as it sa tichtby komt as no - hjir is oer Tilma har bestean beskikt. En wêr is er hjir om 'e nocht. It is noait út syn kop, blyn jachtet it troch syn tinken, as in molwrot yn syn rillen. It wurdt him swart foar de eagen. Wat hâldt him tsjin?

Hy ken it paad, it strjitsje nei de foarein, de gong mei de portetten fan de heechhertigen. Yn 'e keamer de pronkkast mei it sulver, by it rût de briedstoel fan dy âlde, dy wist fan gjin tongblier. Se stiet by de tafel mei in glês wetter, yn 'e jurk dêr't er har wol mei yn it doarp sjocht. Cleddy. Se laket ferheard en ûnwis. 'Rochus? Alles goed?' Se set it glês wetter op 'e tafel, dat fynt er no wol? Unnoazelwei sil se achter him lâns nei de doar, mar hy hat har al beet. Sydlings trapet er de doar ticht en lûkt har mei nei de bank. Har hege laits noch om dit spultsje, Rochus, you?' Yn har eagen sjocht er it bang fermoeden, en de eangst as er har mei ien haal de jurk iepenskuort en yn 'e kessens triuwt. Se slacht, se skopt en skreaut. Sa gong it op dat souderkeamerke, al mar wer. En gjinien dy't it wist, dy't wat hearde. Gjinnier om troch te ûntkommen. Ferlamme, gjinnier macht mear om te tinken, wat koe se, Tilma? As in rôl yn 'e fâle, se moast har mar rêde, hy wie der ommers noait. Yn 'e skimerige keamer heart er Cleddy ûnder him, har ynholden stim dy't op him ynpraat, sawat grapket en ûnferhoeds oerein

sil. Mei ien knibbel hat er har yn betwang, rou plakt syn hân op har mûle tsjin it razen as er oerskrank op har krûpt. Foaroer op it bankje bringe fuotstappen him werom yn 'e werklikheid. As er oerein sil glûpt it pistoal út syn jas, kletst op 'e grûn en glidet troch oer de grûn. It skaad fan in beweging strûst foar him lâns en set syn skoech op it wapen as er it oppakke sil. Ferheard sjocht er omheech tsjin in wite overall op, en in swarte man dy't him opnimt en pesterich it pistoal even loslit en wer taslacht as er it opkrije sil. Hy rûkt de skerpe, swietige lucht fan niis no tichtby. Wat seit er tsjin dy fint? Hy is derby, it bewiis. Sleau stuitet er werom nei de bank, alle fragen yn it weinhok giselje him wer troch de kop. Dan heart er Cleddy roppen: '*No problem*, Rudy, goed folk, Jager wie heit syn pachter. *It's okay*.' Ferheard nimt de man him op, as is er it spoar even bjuster. Hy stekt de hân nei har op, dat er it begrepen hat, en tikt yn 'e gong wei mei syn skoech de Sig Sauer behindich yn 'e hage. Dan draait er him om en hompelet as in romtefarder werom nei syn planeet. Ungemaklik, sûnder wat te sizzen sjogge se him nei, as getugen fan wat net foar him ornearre wie. '*A worker*,' seit se flak, as er yn 'e skuorre weiwurdt. 'In nijeling.' As makket it noch wat út yn saken dêr't men net fan witte wol.

Hy sjocht har stean, it glês wetter fergetten yn har hân. Salang kin er neat, hy moat dat ding hjir earst mar litte. 'Dan gean ik marris,' seit er. 'Ja,' seit se. '*So sorry* dat it om 'e nocht west hat.' Mei in swaai flutst se it wetter yn 'e hage en sjocht him nei. 'k Sil him sizze dat jo west ha,' ropt se, as er yn 'e auto stapt.

• Jakubi

*Wat moet ik denken, mati? Kwam hier vandaag die man met een pistool. In een gouden Impala, je zult hem kennen. Met een puist op zijn gezicht, beetje Kamtsjatka. Had jij hem gestuurd, de pistoolman? Pech, dan, die Alting is een paar dagen weg. Voor zijn handel zal ik denken, Jur doet het werk. Hij zal toch niks van mij weten? Niet praten, heb ik jou gesegd. Heb dat pistool van hem gehouden, die man was in de war. Een Sig Sauer, geen speelgoed, misi. Heb hem geprobeerd, maar hij had maar drie patronen, zuinig, die man. Zit nu zonder en ik kan hier niet weg, dat gaan ze merken. Zal hem bellen om nieuwe, maken wij het toch samen af. Krijgt de pistoolman dan zijn blaffer terug. Geen grappen, versta jij? Anders heb jij een probleempje, mati. Dit doe ik zelf. (deleten, ja)*

‘SILLE WY IN slach om? It asfaltfabryk is stil, even troch-waaie. Sjen hoefier’t se binne by de feart of sa.’  
Se sjocht de ûnrêst yn dat ranke liif, dat troch it hûs op-en-dellet, doelloas foar de boekekast stiet en dan wer foar it rût.  
‘Krijst it hjir benaud, fanke? Bist wat te lang yn BlierCity?’  
Fan ’e middei waaide se wer oan, sûnder doel en net botte praatsk. Der hat wat west sneon, mar se rept der mei gjin wurd oer. ‘Wat hie dat noadich dêr te kommen?’ wie it ien-nichste, doe’t se frege hoe’t it west hie. ‘Settest my aardich foar skut.’  
It wie op spul útrûn en se hie har net mijd. ‘Witst net heal watfoar wolven der op sa’n dûnsjûn omstrune, sleauwe geit. Do as frjemd dêr, godskes, wat ûnnoazel. Suertsje dat bist. Se kenne dyn ferhaal net, tochst? Wiest fûgelfrij.’  
‘Do pratest my derhinne, net? Sjochst nochris ien, komst fêst bekenden tsjin, sok geteam.’  
En doe sy wer: ‘Wiest net op jacht dan? Dit wie dyn kâns, no soe it wêze, in readnek, Aaf. Wie it sa net? Sa gek as in spiker, it ferstân ûnder de earm en doe derhinne. Wat krije wy no?’  
Doe’t it wat belune wie hie se it útlein. Op gefoel ôf wie se dat út set, se hie ek wol twivele, mar it gong der omwei sokke jûnen, drugs en drank en slimmer. En dat folk fan oeralwei glûpte neitiid like ûnbekend de nacht wer yn. Oerdreaun miskien, achternei besjoen. Mar se hie dermei ompakt, en

tafallich wie Lidwyn oer de flier, dy hie har brocht. Sa wie it gongen.

Doe hiene se der wat om lake, sleauwe geit, gekke spiker, manke Neel. Mar fan herten wie it allegear net, en al gau hie se har wer yn harsels opsletten. En no in slach om.

‘Ik haw de piip aardich út oars, de hiele middei op ’e tún.’

‘In lyts slachje mar, even sykhelje.’

‘En wolst dát om, oer it plein?’

‘Heit moast nei de stêd, sei er.’

‘Asto triuwst dan.’

Sa oerallich as dat bern in trui oansjit en de rolstoel keart. As koe se har noch betinke. ‘Dochst al dyn fliisjek oan, it waait, it is fris.’

‘No ja, sis. Behalve mank ek noch debyl?’

‘Sorry, hear, sa bedoelde ik it net.’

Dat is Tilma, dy oerdreaune oandacht dan ynienen. Om it goed te meitsjen, soks. Nei sa’n útbarsting fernimst har in skoft net, en ynienen is se der dan wer. It duorret te lang, se binne wol útpraat.

‘Sitst? Alle lidden binnenboard? Dan gean wy.’

Handich manûvrearret se de rolstoel troch de achterdoar it hellinkje ôf, remmet op ’e tiid en set har op it strjitsje mei in koarte swaai yn ’e rjochting fan it stek.

‘As kroadest al withoe lang mei dyn pizzakoffer troch de buorren, sa maklik giet it dy ôf. A ow, hoe sil it ek wer hite?’

‘Dat plan is al fallyt. It waard mar konkurrinsje mei

*Spar&Wâld*. Ik wit wol wat ik hjir leaver doch.’

Se giet der net op yn, se wit it no wol. Swijend ride se it Tichelwurk del en slagge it Foksegat yn. Se moat it mar witte, se is hjir faak genôch trochfytst om te witten wat se tsjinkomt.

‘Wat in genot om sa te riden,’ seit se. ‘De hannen wat yn ’e skurte, gjin wanten oan, net dat gewraam op ’e tsjillen, en it

rydt. Lúks, hear.’

‘Lúks past dy wol,’ nokkeret se achter har. ‘Hiest in skootmoby l nimme moatten, wiest alle dagen de koaningin.’

‘Ja, soms haw ik spyt. Op wat mindere dagen en by reinich waar, en ik koe dan ris faker bûtenút te toeren. Mar dat frommis fan ’e gemeente, alles gong doch fan ’e grutte bult, dat stie my tsjin. In mins is soms te strak yn ’e lear.’

‘No, it heart hast as feroatmoediging, sa nederich ken ik dy net.’

‘Mar ik klei ek net, salang’tsto triuwst.’

Se heart har snuven en licht hymjen, en se fernimt it sûgen fan ’e bannen yn it wietige skulpsân. Wat moat dat bern hjir ek? Aanst de Mavo, dêr begjint it lijen.

‘Dizze stege is sa’n bytsje it skavot fan it doarp, moat ik begripe?’

Dy toan, se wit it. Se siket it op om har út te hearren, no’t se har hjir in opdracht steld hat. Gewoanwei mei se dit ein graach om, yn it grien en de stilte fan ’e achterommen, út it sicht fan ’e minsken, út ’e wyn, mar nei de begroeiïng hat it syn útfallen. Soms is der moannen neat te rêden en is it frede yn it Foksegat. Men rûkt de kamperfoelje yn ’e tunen, heart it knappen fan ’e drûge skulpen ûnder de tsjillen, it is as rydt men troch it paradys. Mar likegoed komt in mins dêr oare kearen beroerd fan thús en hinget men oan it sket fan Tous-saint. Nei de fergadering meast, as ûnmacht gjin útwei fynt oars as yn driigjen en geweld. Mei BlierCity hat se it hân en faker. Meast driuwt it oer, mar de wûnen bliuwe hjir lang iepen.

‘Elk krijt syn beurt, fanke, dy’t him ûnderskiedt, dêr ûntkomst net oan. It went, soe ik sizze, mar nee, wenne docht it noait. Sjoch it mar as earbetoan. It is de rabbelkrante fan ’e streek bytiden, hastich der trochhinne, de koppen even, en

dan nei hûs foar GTST of Flikken Maastricht  
 ‘Dat kin helpe.’  
 ‘No, David Attenborough mei ek, hear; wat aardichs yn alle  
 gefallen, om it even te ferjitten’  
 Juster op har rûntsje troch it doarp hat se dy tekening sjoen.  
 As wurde se hieltyd fûler. En men moat riede fan wa’t se  
 binne, guon út BlierCity, groepkes út ’e streek, sis it mar.  
 Kryt begûn it mei, dat bjinde in ûnsichtbere hân der nachts  
 dan noch wolris ôf. Mar al gau waarden it markers en stiften,  
 no binne it spuitbussen, Moai hastich en klear en wer fiort.  
 Yn ’e gearkomste bliuwt it stil as it dêroan ta is, dan sjogge  
 se allegear laitsjend nei Fil. Dy hat se alris oan west, in kear  
 as hûndert ûngefear, oft er dat sket oan ’e stechskante net  
 begroeie litte kin? Hagedoarn, klimmerbean, wat er wol, sy  
 regelet it foar him. Dan is it in kear oer mei dat folksgerjocht.  
 En moai foar syn achterom en goed foar de frede. Mar Philip  
 Toussaint is âlde ymport, ferneamd yn it Blauwe Boekje fan  
 Nederland’s Patriciaat, en dat sil men witte; aktuaris mei pen-  
 sjoen, widner en wetich en frijwat staf. Wie se dêr no al wer?  
 Dat sket mankearde neat oan, sa geef as wat, suver nij, en krijt  
 er it út ’e fersekering soms? Dan hâldt se mar op, in oare kear  
 marris wer. Dêr’t de klimmer fan Doedens ophâldt begjint it  
 neakene planken sket fan Toussaint, as in oanplakboerd yn  
 in appelhôf. Midden yn ’e stege bliuwe se stean. Yn oranje en  
 giel en read, tsjin in nachtswarte loft, stiet it doarp yn ’e brân;  
 flammen lôgje op út it dak fan Jager syn pleats; it glês spat út  
 ’e ruten; troch flarden reek hinne binne op ’e gevel de wite  
 ferve streken noch te lêzen: *Babylon*; kritend sirkelje fûgels  
 boppe de Oranjebeam, as doare se net om dy striepoppe yn  
 overal dy’t yn ’e tûken hinget; op it plein stiet in mannichte  
 te roppen, fûsten yn ’e loft, toeters oan ’e mûle: *De hoer fan  
 Babylon is thús*. Ferslein stean se te sjen, foar de safolste kear.

‘Toe, Tilma, ride, wy witte it no wol, wy moatte hjirwei.’  
 ‘Kenst Bonsen bokje? Dêr boppe yn it rût. Sjochst? In flachje  
 mei har namme yn ’e hân. Wolris fan heard?’  
 ‘Hoe soe ’k, fanke? Se kwakke ommers fan alles op it sket. Is it  
 oars as op dyn twitter?’  
 ‘Jimme binne as de dea foar frijend,’ seit se. ‘Bang dat hjir wat  
 feroaret.’ Se swaaie de Avantgarde in slach as sille se fierder.  
 Yn ien fan ’e achterommen jankeret in kat, in doar giet iepen,  
 ‘Bist der wer rotsak,’ foeteret in mannestim. Dan is ’t wer stil.  
 ‘Hjir gebeurt alles yn it echt, seidest lêsten, dat wie it ferskil,’  
 se wiist nei it sket. ‘Soe it kinne, tinkst?’  
 ‘Hjir giet it rjocht syn eigen gong, fanke, mar it is net te hoop-  
 jen. Moatst ris sjen.’ Skean achteroer yn har stoel wiist se nei it  
 boppeste hoekje by Doedens syn sket. Hastige letters, dy’t as  
 kweajonges oer de râne klauterje en yn slanters by it sket del  
 gliere.  
 ‘*Mi... si... Ma... ti*. In geheim boadskip liket it wol.’  
 ‘Stel dy net oan, klodders ferve, mear is it net.’  
 Se hat it wol sjoen, se praat deroerhinne. ‘Moatst hjir stean,  
 hjirwei sjochst it better.’  
 ‘Ja, hast gelyk. *Misi*? It hat fan Surinaams. *Moi Misi*, is sa’n  
 lekker nûmer fan Sabakoe, in Surinaamse band. Moai fanke,  
 moaie frou, soks. *Misi Aaf... mefrou Aaf*, hearst net faak,  
 hen? En *Mati*? Soe it net witte, maatsje? Ja, maatsje, freondin,  
 leau ’k. De earste klanten foar it Gasthús, moatst tinke, wêr  
 komme dy sa gau wei?’  
 ‘Lyts Sion, soe kinne. Yn ’e wiit en oare drugs skaait altyd  
 ûngeregeld folk om, altyd wat ûnder en boppe de wet. Ja, wat  
 lakest no? It giet hjir net allegear neffens Managementboek.  
 nl.’  
 ‘Dat hie’k al begrepen, wol sa aardich. Mar dat sokken har  
 hjir sa fertoane, dy bringe de plysje wol maklik op it spoar.

Kinsto ek net brûke, *misi*.’

‘Och goochumert, wat sei ik no? Kom, wy sille ris sjen wat jimme heit derfan makke hat.’

As se de stege útride, fernimme se de protters yn ’e Oranje-beam. Oan ’e râne fan it plein bliuwe se stean. Yn ’e huzen ferroert him gjin siel, roeken draaie op ’e bluisterige wyn har flodderige rûntsjes om ’e toer, op it tsjerkhôf wifelje de seizoenen tusken kommen en gean. Se huveret, se wit net rjocht wat der mei har is. *Misi* Aaf. Hieltyd dat fanke oer de flier makket har âld en ûnwis, dat kin se net brûke. Rimpjen komt se oerein, slacht mei de stôk tsjin de fuotsteun, en as in wynfleach spatte de fûgels op út ’e beam.

‘No ja, sis.’

‘Dan kinne wy drûch oer, snapst? No mar,’ kommandeart se as it stil is yn ’e beam.’

Ticht oan ’e huzen leavearje se om ’e drekplakken hinne it plein op.

‘Hast it der mei jimme heit noch oer hân?’ Feninich wiist de stôk nei de dridze. ‘Moatst sjen hoe’t it der hinne leit, en dy lucht, hjir kin ommers gjin mins ferkeare.’

‘As dy bisten aanst fuort binne reint it der wol ôf, seit er. Hy sil hieltyd, mar it wurdt ’m noait. Hy doart net, leau ’k, hy skammet him foar sok wurk en foar it doarp. Rekkenje der net op, dy man hat it al in libben lang ôfwitte litten.’

Skean foar har pleats lâns ride se de Achterwei yn. In min eintsje altyd. Bespotlik, mar it is sa’n gefoel altyd, as stiet dy man yn ’e gerdinen te gnuven. Se moat har skamje, sok tinken.

‘Do bist wreed, Tilma. Hy kin feroarje, in mins wurdt himsels faak pas let de baas.’ Se wit net wêrom’t se it seit. Se hie gelyk, mar soms deart it har oan, dat bern. Dan sizze je wat, om sa’n fanke wat moed te jaan. En om har eigen hastige oardiel.

‘Hâld dy fêst, Aaf.’ Ynienen set se de gong deryn. As hâldt se de siken yn, as se har as in gek foar it mulhús, en by de skuorreside, en de opleane nei it achterom, en by it hiem lâns triuwt... Oant se jachtsjend op ’e hoeke fan ’e Achteromwei suver ûntploft, en wer sykhelje mei.

‘Hè, hè, wy hawwe it helle,’ himet se. ‘In spultsje fan froeger mei Wiger, doe mei de tongblier. Net skrokken wol?’ Se sjocht om har hinne, wylst se út stiet te pûsten. ‘Goaien, de dyk is der al út, en nije hagen, en de masjines út ’e wâl, kinst it fjild wer oersjen. Hast wol ear fan dyn wurk, directeur!’ ‘Moatst sjen, Til, dêr binne se wer, by de mûne. Mei in earesalút.’

Tsjin ’e jûnsloft brûze kloften protters opinoar yn, keare en ferrane, driuwe inoar yn ien swarte wolk omheech, en dan wer omdel, strûze as in skaad leech oer it skimerlân en stige út ’e skroeven as in psalm de himel wer yn.

By de hage stiet se te sjen en wiist en ropt.

‘Wat seist?’

Mei har reade hier as in biezem yn ’e wyn sjocht se nei de dûns fan ’e fûgels. By elk lûd of pirûette beweecht se justjes mei, folslein fan ’e wrâld. Dan draait se har om.

‘Wat? Seidest wat?’ Laitsjend komt se op ha ta? ‘Dy wyn.’

‘Ik frege watst seidest.’

‘*Vesper Sparrows*,’ rôp ik. ‘Kaam my sa yn ’t sin. Jierren lyn op in reis yn Rockville, Maryland, rûn ik yn ’e biblioteek tsjin dy dichtbondel oan, en lies it gedicht oer dy fûgels en har ferfrjemding yn ’e stêd. Ynienen hie ik dat byld fan thús wer op it netflues, tûzenen protters yn swarmen hjir boppe it skoalplein. Wy stiene oan it rût, master Flapper fertelde oer dy fûgels op ’e trek; hoe’t se oeral wei, ferhongere en ferweesd om in sliepplak sykje, en tsjin ’e jûn delploffe yn it reid. Oerstjoer, lawaaïch, stiif tsjininoaroan yn ’e kliber skûlje se foar de

sparwer; mar net minder foar de meunsters fan de eigen soart, dy't fjochtsjend om it bêste plak oaren ferwâdzje en iepenrippe op 'e kadavers fan juster en earjuster. Jierren letter besefte ik dêr wat er bedoeld hie, mar doe net sizze koe.'

'Ja, sa.'

Se stean noch wer even te sjen. 'Wat seist, sille wy ris fierder? It is noch wat behelpen, hjir dy barte oer en dan dêr it nije sintelpaad del.' De stôk sweeft beswarrend oer de skepping.

'Ik haw hjir al in wike net west. Om dy keardels hieltyd mei dat dûbelsinnich geraas. Hâld dy beet.'

Hoeden hobbjelje se de barte oer, swaaie njoggentich graden en dan giet it by de feart lâns op it haventsje oan. Soms keart se de rolstoel, as it yn it grús net triuwe wol, kantelet har mei in warskôginkje achteroer en lûkt de fracht op 'e achtertsjillen fierder.

'Ik lykje wol in koely,' ropt se healwei. 'En do in baal koffy.

Hiest wol even warskôgje kind.'

'Do woest dit om, tocht ik? Mei dizze baal.'

Gnyskjend bromt se wat werom. De nocht is der wat ôf, dat bern hat de holle der net by. Djip yn 'e stoel wachtet se ôf wannear't de reis wer fierder giet.

'Sjoch, Oslo.'

'Hoe bedoelst?'

'Dêr.' Se wiist nei it fleantúch dat syn dûbeld kondinsspoar heech troch de himel lûkt. 'Healwei seizen hinne.'

'O! Klokken ek al op Marktplaats?'

Mei it kopke tsjin it bekling dikeret se omheech, oant de sulveren stip yn 'e wolken weiwurdt en de strepen raffelje yn 'e wyn.

'Moatst net sa synysk, fanke. It is wat simpel, ik wit it, mar likegoed in lyts hâldfêst yn it bestean. It gefoel dat der in oarder is bûten dy om, dêr'tst mei dyn deistich gepiel ûnderdiel

fan bist. Do bestiest, in krob yn 'e skepping, in reekplom yn 'e bosk, de hoop dat it sjoen wurdt no en dan. Dat hâldt ús op fuotten. En it wûnder fansels, de fernuvering dat soks kin, de skientme bûten dyn fermogen.'

'Ast it sa sjochst. Sille wy wer, it wurdt frisser?'

'It libben is hjir lyts, fanke, foar frjemd om gau te ferjitten.' Se lûkt de rits fan har jek op oant ûnder it kin. Mei hoarten en stjitten bobbelje se it sintelpaad del. Wreder koe ek net, tinkt se, niis by Toussaint. In mienskiplik geheim, jierren bedobbe ûnder ôfwêzichheid, en dan ynienen dêr neaken en bleat op it sket. Alle jûnen dat se der wie hawwe se praat, inoar besnúfd en betwifele, en it der net oer hân. En dan sa. As se by it haventsje binne en oer it reidlân útsjogge, freget se it mar.

'Bist mei de holle noch by it sket? Bist sa stil.'

Swijend sleept se mei har skoech oer de klinkerts fan 'e kade hinne en wer. 'It giet noait oer,' seit se nei in skoftke, 'dat witst stadichoan. As ik der ienkear mar by hear, tink ik dan. Yn Nieuwersluis hiest sokke kringen as Kralenberg en De Luca, wiven as bonkseagen, dy'tst it leafst mijdest. Mar do siest yn deselde koai, by it luchtsjen, by de sport, ûntrúnst inoar noait. Ast dy derby joechst en se fertroudest, dan gunden se dy ek wat.' Har skoech sluert wer oer de stiennen, sûnder wifeling komt se dermei oan. 'Jou my it Gasthús, Aaf, as Uruzgan klear is mei de bou. Dan bin ik fan nut, dan hear ik derby.' Fuort wiist se nei de oare kant fan 'e feart, as fielt se dat har sollisitaasje de rauwe kant neist is. 'Is de Kopermyn ticht? Ferline wike wie it dêr allegear drokte. Dan is 't mei de glêsfedel hjir no oan ta?'

Soms freget dat bern har wat tefolle, mar lang sil it net mear duorje. Lêsten yn it petear mei Bonsen Alting hie Hedzer Lameris it sa falle litten, dy glêsfedel soe it net wurde, Bonsen, se hiene minsken safier, dy stimden tsjin, dy waard it te djoer.



Skande foar syn bedriuw, mar it tal ynskriuwers hellen se net. Neitiid hiene se rekkene en wer rekkene, Hedzer en sy. Dy Alting moast wol mei, oars kaam fan har plan neat op 'e hispel. Mar har rekkenwurk doogde, it koe net misse, dy man gong oerstaach.

'Meikoarten begjint de ynskriuwing,' seit se, 'dan sil it wêze. Mar de âlde koaxkabel nei de Terpen moast derút, dat ha wy mar oanpakt. Haring hat syn relaasjes by KPN netwerk, sadwaande. Wy wiene har krekt even foar yn 'e planning, sis mar.'

Op 'e havenkant krûpt it fanke noch djipper yn har trui.

'Doerakken binne jim. Mar dat seidest sels al.'

De wyn hellel oan, al hurder driuwe wolken it ljocht op nei de kym. Tsjin de seame fan 'e hoarizon reppe fûgels har werom nei de kust. Oan 'e oare kant fan 'e feart baret it reidlân ûnder de lege himel as in leger op it doarp oan, de readige plommen as fakkels boppe de troep.

'Sa stel ik it my foar, Tilma, op in jûn. Yn 'e skimer dûke se op út it reid. Mei har trijen, skrutel en smoarch, mei fan dy fûle bange eagen. En fierderop noch in pear, kreupeljend troch de somepe, in sek mei wat guod op 'e rêch. En by it pestbosk sette de reeën op 'e flecht, hearkes, dêr ek al, in keppel fan tsien, tolve wol. Earst it knappen fan âld reid, it swypkjen fan plommen, dan brekke se troch de tichte stâlen en wâdzje diskant út nei de feart. Rûch, net mijend dat folk, razend fan 'e honger fansels. Dy jûn stean wy hjir op 'e haven te sjen. Wy mei ús Gasthús, och leave god. De earsten binne al op 'e wâl yn har kapusjons en meneuvelje om iten. Dat gepop, ferstiest der neat fan. En donker, alle kleuren swart dat folk, om bang fan te wurden, en ferwyldere en ûnhuer nei sa'n reis, wat tochtst. Swarten, brunen, pinda's, wolle wy dat hjir?' Se himet deroer. 'Soms dream ik dat it hast safier is, sûnt ik dat boek fan dy

lies.'

'Bist in rassist, do.'

Wurch sakket se werom yn 'e stoel en skeukt harsels teplak; mei in fodderige bûsdoek dipt se de noas.

'Och ja, bern, wa net hjoed de dei? Op skoalle learden wy oer in mulat, wat in mestys wie, in kreol, healbloeden allegear, doe wie it al mis. Letter waarden it puzzelwurden, och sa fout. Mar no witte wy better, like superieur as yn 'e koloanjes eartiids, wy sille se bepopkje, wy witte hoe't it moat. Mar ferfrjemde fan har oarsprong ferkleurje dy minsken hjir ta de trochsneed sûnder derby te hearren. Oer generaasjes libje se yn har wiken, yn har famyljeferhalen en it sangerich fermoe-den fan in ferlern paradys. Fjirtichtûzend jier lyn strutsen de earste migranten út Afrika hjir del. Wat tochst, hoe't it om en ta gong tusken de Homo sapiens en de ynlanners fan doe, Neandertalers, dat slach? Der waard fochten en moarde om jachtgebiet, om wetter, om hoalen en fjoer, om froulju en om sizzenskip úteinlik. Rache en skelle by elk treffen fan dy Sapiens sapiens mei syn donker pigmint, en dy bleke skiters hjirwei, ek Afrikanen fan oarsprong, mar al hûnderten generaasjes ferblikke troch it minder Ultra Fiolet yn it ljocht hjir. Rassistanten? Dat folk wie bang foarinoar, bang om har plak te ferliezen, dan roppe je wat. Wy binne mei tefolle, en allegear tinke wy dat de ierde ús takomt.' Se faget mei de lape ûnder de noas hinne en wer. 'Sa sil it wol gean, oanlutsen troch ús oerdied en dekadinsje stean se aanst oan 'e feart; gelyk ha se, al past it ús net, mar as wy it net bringe.'

'Wat hiest eins yn 'e holle mei dyn *Gasthús f.d. Takomst?* In pear dakleazen út 'e stêd, dy't hjir har krantsje ferkeapje, wat smoke en jûns oan 'e stampot? Dy ferfele har hjir dea. It komt doch oars. Takomst is as wiet sân, aloan broazelje stikken fan dyn mearkecastiel ôf. Mar dêr wurdt it net min-

der fan, Aaf. Krijst der boufakkers by, en ICT-ers en betûfte reidsnijers, en it tsjerketeater bloeit wer op mei sjongers en spilers, yn alle tinten swart, ha, ha. Sjit it ris wat op mei dyn plannen.'

Altyd har wurdasje klear, dat ding út 'e stêd, soe Jaring sizze. Mar yn 'e fergadering moat sy dermei rêde, wat in opskuor sil it jaan. Foar sa'nien as Lidwyn is it dan oer, fernaam se lêsten wol, it lêste triuwke om nei Sweden ta. Earme Wout. Dy sille noch raar fan 'e bok dreame dêr.

'Mar do dirigearst hjir gewoan troch, Aaf, swart of wyt. Even wenne fansels, en mei wat help komt it mei it Gasthús wol klear.'

'Dat seist maklik. Wy hawwe it hjir einlings yn streken. Wat dat net koste hat oan rûzje en wantrouwen en tiid, en mar fergaderje. Mar de minsken dogge no mei, út oertsjûging of eigenbelang, elk hat syn reden. It fielt fertroud hjir en feilich. It is gjin weelde, mar hjir is har thús.' Unrêstich fimelet se mei har bûsdoek. 'It libben is mear as siden jurkjes en Netflix en fjirtjin dagen Tenerife. Wy binne in dwerse koloany, in soarte nimmenslân. Huzen, ark, romte en wurk, wy hawwe it sels skepen. Wy kenne amper mines en dines en hawwe leard inoar te ferdragen. Op ús tiid romje wy plak yn, wy ferdwine út 'e buorren, fan 'e tunen, út it libben, út oarmans bestean. Oaren nimme it oer, en alles giet troch, oars, skerper, moderner, mar ús wurk hat net om 'e nocht west. Diele, ôfstean, ferdwine, dat is it net sasear. Mar foar lju dêr'tst gjin skiednis mei hast, wat litte se derfan oer?' Nerveus skoot se yn har stoel hinne en wer. 'Meifiele hat syn grinzen, soe it net, empathy? Aanst moatte wy hielendal opnij.' Se sjocht nei it fanke mei har flamjend hier, en wit net oft se in antwurd ferwachtet. 'Ik bin bang, wilst. Ik bin bang dat ik aanst mysels net mear ken.' 'Dat is feroarje,' seit se. 'By myn witten hast in libben lang

net oars dien, oanpasse, dy skikke nei de omstandichheden. Dat hold dy oerein, en oaren net minder, it is de winst fan dyn jierren.'

Djip yn 'e kraach stoarret se foar har út, it twirrerich hier om har gesicht.

'Wy meie it hoopje,' seit se. 'Minsken tinke dat âlderdom in simmerpark is mei leanen fan ynsicht en fivers fan ferdraachsumens. Ferjit it mar. Haast en ûngeduld en nijsgjirrigens jeie dy, de dea op 'e hakken. Stjerre moat te dwaan wêze, tink ik soms, men moat troch in glûpende naute, mar safolle oaren foar ús hawwe it ek rêden. Der moat noch safolle, wilst, wy hawwe it eins net oan tiid. Mar sa gaust yn dat park fan dyn bankje oereinkomst, wilst it wer, de lea kreakje dy fan 'e pine, en do skammest dy foar dyn eangst en opstandichheid. Wat sil ik noch, wat haw ik noch te preekjen?'

'Do hast dien watst koest, oaren sette it troch, seidest. It sil hjir feroarje, dêr ûntkomst net oan, lit it oer.'

Se heart har praten, as telt se al net mear. Se wriuwet it hier út 'e eagen, se rjochtet har yn 'e stoel en sjocht nei it wetter en de reiden, nei de skimer dy't stilwei it doarp yn krûpt. Se sil har fergemy troch sa'n bern doch net ringje litte. As is hjir moarn alles oars.

'Ik rêd my wol, fanke,' seit se. 'De rjochtfeardigigen stean my by, mei ik hoopje. Dit lân leit besiedde mei de bonken fan ferstoarne muontsen. Ut 'e kleasters binne har lammentaasjes iuwen lang as reek nei de himel opkringele. As it hjir in kear safier komt, sil ik se oanroppe, dat har barmhertichheid my út har grêven wei yn 'e skonken oplûke mei.' Se taast nei de tsjillen, as sil se sels. 'Mar it ferstân moat der al by yn alle gefallen. Wolst my no wol nei hûs ta ride, fanke? It wurdt al let.'

'Sa'n haast ynienen? No, sa'tst wolst.'

Tusken de asfaltbergen troch, by Fekkens syn loads en it

fabryk lâns ride se it Kleasterein op, de wyn as it ekskús foar har swijen. Se fielt de betizing dy't se achter har oanrjochte hat. Dat bern moat der aanst net mear mei yn. Daalk komt se noch in kear mei har fraach, mar dan is it ek oer. Se moatte troch mei de projekten. Guon kinne mei, oaren binne oer, it is net oars. Juster hie se it oan Hedzer fernommen, as twivele er langer oan har arguminten.

'Wat seist, Aaf? Hast deroer neitocht?' Yn 'e lijte fan 'e huzen hâldt se yn om fersteanber te wêzen. 'Ik bin fan 'e taal, seidest, ik haw reizge, ik haw lesjûn, ik haw wanhope, ik haw sitten. Wat wolst mear foar it begryp fan frjemd, as it Gasthús wat wurde sil?'

Se heart it sprankje hoop yn har stim. 'Och, fanke, wat hellest dy oan? Hoe lang hâldst it hjir út, it is dy hjir te lyts. Do moastst fierder.'

'Ik kin dêr ek wenje, bin ik altyd beskikber, kinst op my oan, ...' Se stroffelet oer har wurden, as hat se noch mear.

Se wol it net hearre, se kinne troch mei har plannen. Mei in soad omhaal wie Hedzer Lameris der juster mei oan kommen. De Kanadees hie belle, der wie te praten, hie er sein. Mar earst dat frommis it doarp út, dy fan Jager. *Part of the deal*, en oars net. Hy hie har oansjoen, syn mûle hie trille, as woe er wat sizze. Mar se hie him foar west. Moai wurk Hedzer, jong; syn *Operaasje Sinnebank* koe einlings in kear los. *Part of the deal*, man, moarn daalk derhinne, foar't Alting him betocht.

'Hee, Aaf?' se skoddet oan de Avantgarde om in antwurd.

'Wat seist?'

Se ride it Tichelwurk op, se binne der hast. Hoe seit se dat no? Dat it net past, dat it gedonder jout, dat it har plannen yn 'e wei is.

'Nee, fanke, better fan net. Do hearst hjir net, Tilma'

#### • Jakubi

*Hij is terug, mati. Heeft Kamtsjatka laten frezen, daarom. Heeft er een tattoo overheen laten zetten, Rocky Mountains, zoiets. Weg is jouw bewijs. Maar het gaat hem niet helpen. Hij heeft andere zaken gedaan ook al eerder. Vanmorgen was hier een vrachtwagen met zonnepanelen, genoeg voor heel Pokigron. Wat hij toch wil? Nu let op, ik heb een afspraak met de pistoolman, hij komt het lood brengen. Ik aarzel nog over het pistool. Die Jur zal het horen, zijn aapjes zullen niet werken, ben ik bang. Beter plan I, de mestsilo. Cleddy geef ik een shotje, kan zij slapen. Dan gaan wij hem dumpen die Alting, door het mangat. Het gas in de silo werkt snel, en zonder geluid, en hij is onvindbaar. Dat geeft ons tijd. De pistoolman zal helpen, zolang ik dat ding in mijn zak heb, weet je. Stuur je een selfie, dan ben je gerust. Eén probleempje, het is vrijdag. Dan komt er één van BlierCity voor hun rantsoen, heeft Jur mij verteld. En die auto, zij kennen die, en die jongens zijn snel. Als de pistoolman terug is, weet je dat alles gelukt is. Jij neemt dan dy Impala en gaat mij halen. Wij gaan door het Noorden naar de snelweg, hoeven wij niet door het dorp. Als hij er is, moet jij snel, jij hebt die brand op de schutting gezien, jij? Bij Liets Kleester die afslag pik jij mij op. Dat jij niet schrikt, mijn Saab is geleend, die gaat in de hens zodra jij komt. Het is om de sporen. De Impala spuiten wij over, ik ken een mannetje onderweg. En jij verft jouw haar ook, ja, dat is beter. Jij hebt niets laten horen, mati, maar ik ben er, je hebt het gezien op die schutting. Jij gaat me niet flikken toch, mati? Alles gaat lukken. Dan gaan wij plannetjes maken aan de rivier. En op de warande luisteren naar ome Komproe. (delaten, nu)*

**A**S HEARDE SE stimmen. Foarhûs, op it plein. In ploechje dat yn 'e hoare jûn stiet te praten foar't elk op hûs oan giet, sa. Soms wurdt der lake en galmet it licht troch de buorren, dan is 't ek wer stil. Se draait har op 'e oare side, se hat it har ferbeeld. Of it wiene in pear fytsers, ropperige studenten ûnder yn 'e strjitte, dêr't Margje en sy yn it iepen rût op twa heech mei in Westmalle de nacht ôfwachtsje. Wêr't dat wer wie, Cederstrjitte 18, de De Clercq 110, de 2e De Riemerstrjitte al? Alles like opinoar dy jierren, de portiken, de keamers, de hospita's, alles like griis en slytsk. Wêr hiene se it oer? Oer de stúdzje, oer bybaantsjes, har wurk, wat se eins woene letter, oer reizen dy't se makken as se in kear bêst fertsjinnen. Dan is it in skoft stil en sjogge se nei de ljochten dy't oanspringe yn 'e strjitte. Oant ien deroer begjint. Wêrom yn 'e goedichheid hawwe se it letter noait oanjûn? Skiep dat se wiene. It hie grif holpen, no sangeret en mealt it mar troch. Mislearje is erflik, soe it net? Mar dêr soene se it net mear oer ha, wilst noch? Dat wie doch ôfpraat? Doe by Hoppe nei Golden Earring? Earst it bewiis al, mei lege hannen foar de rjochter, en wat in trammelant yn 'e famyljes, wat hellen se har oan? Sa kamen se noait út dy kramp. Hoe faak hiene se it dêr net oer hân, dêr wiene se it oer iens. Ja net? Begjin der dan ferdomme net hieltyd wer oer. Dan is it wer stil, oant ien fan beide noch nei hûs ta moat. Of wie it tichterby? Se moat wer wenne oan de lûden fan it hûs, oan it genipich

laitsjen, dat teamich geklei as de wyn hjir troch it bynt giet. Foar itselde is it Wiger, dy't op souder om reserve-ûnderdielen is, in oaljepomp, in nije sûgerklep. Foar't er anst de trep del giet docht er even syn roffel op 'e doar: sneon wer in ritsje, Til? Mei de earms om him hinne, it wang tsjin syn rêch sûze se oer de seedyk, de wyn yn it hier, it triljen fan 'e motor yn it krús. No heart se dat roppen wêr. Se sjocht se de stege útkommen, mei stokken en brânende tarrekwesten sette se dit út. Ien fielt oan 'e doar, guon kuere troch de ruten de opkeamer yn, se hawwe in ljedder by it hûs op stean en bekalkje de gevel. Wat sille se no? Yn trije rigen stelle se har op foar de doar, se rjochtsje de rêch as in koar yn 'e Mattheus, en as in oanklacht raze se it út: *Ba-by-lon!*

Mei in skreau sjit se oerein, har lêsbok kletst op 'e flier. Se hat even sliept, ferdoary. Mei beide hannen wriuwte se har gesicht en tinkt nei. It wie mar in dream. Op 'e râne fan it bêd komt se by en sjocht nei de ferblikke foto's oan 'e muorre: Bob McIntyre, John Surtees, dat rychje âlde snoeken fan doe. Wiger soe se al lang opromme ha, behalve Valentino Rossi miskien, dy woe er nochris riden sjen. Rjochtop, it sicht op 'e doar harket se nei it hûs, de lûden yn 'e gong, it kreakjen fan 'e trep. Bespotlik. Sûnt se hjir is komt dy âlde gewoante werom. As se har by de waskefel wat opfrisse sil heart se foarhûs dat roppen wer, en bûnzjen no ek. It wie gjin dream. Se rillet, se strûpt har fest oan, sjocht op it horloazje. Godskes, Rudy, hoe soe it no? Se moat avensearje, it asfaltfabryk is al stil. Wer dat bûnzjen op 'e foardoar, hieltyd fûler. Wat moat se? Ynienen slacht yn 'e gong de doar fan 'e opkeamer iepen, driftige fuotstappen op 'e tegelflier. Hy is der wer, sleauwert, hy is werom, se hie him net heard, se is net allinne. Hoeden set se de sliepkeamersdoar yn it kier en harket. Oan syn stap fernimt se dat er draalt, net wit wat er moat. Dan wurdt it wer stil, as driuwt

it oer. Mei in sucht fan opluchting lit se har achteroer op it bêd falle en taast nei har telefoan. Gjin berjocht, dy selfie fan him wie wer geswets. Se betinkt wat se sil. Hy is der, de auto op it hiem, alles neffens plan. Se rekt har út, dan moat se no mar. Se nimt de keamer noch in kear yn har op, in museum sa dea, Wiger syn guod, mar de siel is der út.

Wêrom wie se eins meigongen? Alles yn har hie stegere fan wjersin. Mar it wie har dêr oanflein, dy flat, de leechte, de frijheit dêr't se gjin ried mei wist. En yn har holle algeduerich dat gûnzjen fan Rudy syn praatsjes, as sirenen dy't se mar net kwyt waard. Soms miste se de bak, de izeren oarder fan kaaien en seldoarren, de rekreaasje, it skurve laitsjen fan dy froulju, har goare moppen, de ferfeling dêr't op oere en tiid wer in ein oan kaam. It fiede hjir feilich yn 't earst, mar neigeraden se op ûndersyk útgongen wie, begûn it ferline te broeien. De swijsume jûnen mei dy man yn 'e keuken, de fytstochten troch de streek, de oeren by Aaf, stadichoan hie se begrepen dat rjocht hjir sa krom is oant it past. Komyk wie it hast, hoe't it libben hjir mei hoarten en stjitten syn loop naam, en minsken har as draaioargelpoppen skikten yn har lot, of ûngemak better. It bestean wie like gruzich as it lûd fan it grintfabryk, men hie it net foar it sizzen. Soms makke it har poer dy letargy. Likegoed wie it oandwaanlik te sjen, hoe't alleman op eigen gesach syn plak ynnaam yn it ferset tsjin it ferfal en de wetten fan 'e stêd. Elk spile eigensinnich syn rol, sûnder kluchten, sûnder pretinsjes, oars as de wrâld yn te drûgjen dat dit doarp him net útrûpelje lit. BlierCity. Se wie ne gjinien noadich, behalve elkoar. It bestean hjir wie sûnder betingst, dat hie Aaf har wol yndruid. Sy rûn de lju hjir foar de fuotten, mei har ferline, mei har oardielen en ûngedue- richheid. Se hearde hjir net.

As se har boeltsje byinoar pakt brekt yn it foarhûs it oproer op

'e nij los. Mar oars. Oars as it pesterich gedoch fan niis, hurd fuortrinne en wat roppe, diskear is it tinken. Se binne mei mear, dat al. En it heart fûler, mei in tromme en de dreun fan in liet dat se sjonge. Driigjend fielt it, as hawwe se in plan. Dy mannen hawwe inoar belle fansels, wat ôfpraat en op it plein op inoar wachte. Freedtemiddei, Rudy wie der bang foar. Ien hat wat sjoen en it trochleppelle, en no sille se dy Jager in kear. Dy sûnderling soe it op Lyts Sion foar har bedjêre? It rint har kâld oer de lea, opsjitte moat se. As se nei ûnderen sil heart se rinkeljen fan glês. In ûngelokje, in warskôging soms? Se heart him wer yn 'e gong, hy docht de foardoar iepen en ropt dat it sa wol ta kin, mannen, no moat it út wêze hear. Der wurdt lake, huile wurdt der, hieltyd tichterby. De doar slacht wer ticht. Ut 'e groep wei wurdt roppen, yn ienkear binne se stil. Ien sprekt se ta, hyst se op, heart it, mei tuskentoch dy gjalpen en jûchheis fan dat folk. As jout er ynstruksjes, aloan wylder wurde se, dy binne daalk net mear te hâlden. Dan giet it al oan. As in orkaan raast it geweld ynienen by de foarein lâns. Mei mokerslaggen wurdt rût nei rût it glês mei roeden en al út 'e sponningen huft. As ûntploffingen heart it, se fielt de trillings yn 'e flier, yn har lea. It splinterjen fan hout, glês dat op 'e estrikken flier fan 'e opkeamer oan gruzels slacht, en oer alles hinne it geraas fan dat rosme, it hâldt net op. Lam fan eangst stiet se yn 'e doar en wit net wat se moat. Aanst stean se yn 'e gong. As de stoarm wat belunet jachtet se de souder op, oer meubels en doazen en rotsoai stroffelet se nei de foar- kant fan it hûs. Troch it gevelsrût sjocht se ûnder op it plein de polsstokken dy't har weromlûke fan it hûs, en skeppen, keattings, izeren staven, ien mei in tromme. In man of tolve, in pear fammen, jongfolk dat no byinoar hokket en him fergriemt en wiist. De ploech fan it molkfabryk, it mist net. Unwillekeurich siket se om Enna tusken dy pear fammen,

mar gjin spoar. Der is no wer beweging, se postearje har yn rychjes foar de doar, as in koar. In megafoan set in sprekkoar yn en op 'e tromslach falle se by en pompe mei dy fûsten yn 'e loft as hooligans yn in stadion:

*bisten fan Ba-ba-ba-Babylon  
de boer en de snoer  
skeiners fan Sion  
nei de duvel syn moer  
dy't hinget wurdt hongen  
yn 'e stront fermongen  
de baarch en de hoer*

*huorre, huorre, huorren  
dy barga út 'e buorren*

It galmet oer it plein, it ketst werom fan 'e gevels, en wer en mar troch. Mei dy grinige tromme aloan, en dat driftich hantsjeklappen fan dat folk op it ritme fan it refrein, *huorre, huorre, huorren...* En gjin hûs dat wat sjocht, dat wat heart, gjin gerdyn dat beweecht. Mei it wang stiif tsjin it glês dikeret se skeel by de gevel lâns om sicht op 'e doar. Om 'e nocht dêrwei, en likehurd moat se dûke foar't dy jonges har sjogge. Wêr sit dy man, niis noch yn 'e doar te roppen, wêrom heart se him net mear? It sil doch net, dat ûngelok, de auto? En ynienen fljocht it har oan, godsallinne yn dit spûkhûs op dizze ferlitten souder. Se fljocht werom nei it trepsgat en raast it út. 'Doch dan wat, man, it is gjin aubade, doch ferdomme in kear wat.' Har roppen smoart yn har triennen en yn it reach fan 'e tiid. Al dy jierren is hjir neat feroare. Fan wat se hope en hjir socht hie wie neat útkommen, se wist net rjocht wat. Dat

de himel him nochris iepenje mocht, en juffrou Osinga troch in kier yn 'e wolken foarlêze soe út 'e Lytse Prins; dat se wer doarde te dreamen en har fernuverje koe, en sûnder eangst foar de minsken mei harren opreizgje soe nei de stjerren. Dat miskien. Jankend skaait se ûnder it pandak werom nei it rût. It heart as haperet it sjongen dêrûnder. As it no feilich is moat se as de donder hjirwei. Mar der is wat te rêden, se faget har eagen drûch om te sjen. Sleau en ûnwillich rûgelet dat jongfolk wat útinoar, guon wike tebek, oaren stean dûnsjend te wachtsjen op wer reboelje. Is er dêr wer? Sa ôfwachtsjend as dy klieren dêr omhingje en gnizerich nei-inoar stean te roppen. Fuort heart se in knal, by de foardoar, in skot hat it fan. Se sjocht dy ferhearde koppen, de skrik yn dy eagen, en fuort stowe se geiend alle kanten it plein oer. Yn tunen, achter muorkes en hagen, rûnomwei begjint it oansjassen en it tromslaan opnij, en dy megafoan: *huorre, huorre, huorren...* No kin se him sjen. Yn himd en galgen komt er gysten it hûs út, mâl fan it getreiter stiet er in momint yn bestân. Dan strûst er as in nitelige bolle de arena yn, net wittend wêr't er earst en lêst keare sil. En it is net wier, Rudy! Oan syn rjochter hân bongelet it pistoal, as in ûngemak dat net oer wol. Troch alles hinne stoot er derynop om ien fan dy snotjonges te krijen. Midden op it plein kin er net mear, hymjend bliuwt er stean. Mar hy rjochtet him al wer, swypket it wapen fan 'e finger behindich yn 'e folle hân, en de earm skean omheech sjit er doelloas yn 'e loft. En nochris, en wer. Dûm draait er yn 'e rûnte, as sil gjinien him ûntkomme, en hy knalt mar, yn it wylde wei, fiif, seis... Dêrom moast er nei de stêd juster, om Rudy syn gesjacher. Sân, acht. En dy apen achter de hagen telle mei, wat tochtst, der is altyd wol ien mei in broer by sa'n chapter, dy't alles fan wapens wit. Sjochst? De earsten komme al út har skûlplak, fan muorke nei hage slûpe se achter him

lâns. Noch ien skot? Mar it wapen ketst, it is oer. Ferdwaasd stoarret er nei de loop, en oer it plein en nei it hûs, hy wit net wat er sil. Fernimt er net, dat dat naasje stiloan tichterby komt en de rûnte him linkenoan slút? De pistoalman, heare, wat in klucht. De strôt sit har ticht, sa't er dêr mar wat stiet, de held, neat is der feroare. Mei de holle tsjin it glêd ferby't se har triennen. Dat wie it dan, nei al dy jierren. Wat koe ferjilding har noch skele? Dêr rêde Rudy mei, in hierling, wat wie it eins wurdich? Mar al dy jûnen yn dit hûs, swalkjend tusken oantinken en ferwachting, yn it lampljocht fan 'e keuken ferskûle yn har boek, wachtsjend op in antwurd fan dy man achter syn tydskrift mei dat bespotlike plan, oardelwike en gjin wurd, in libben lang en gjin befol te keap.

As se wer opsjocht hawwe se him al te pakken. Amper te sjen yn in kleaune fan geweld, stompe en triuwe se him yn optocht nei de Oranjebeam. Oan wjerskanten fan dy rauwe staasje op it plein it ark fan it oproer. Unwêzenlik stil wurdt it even, as is der twifel oer de grinzen fan it bravoer. Mar it is skyn. Dêr't de dridzige ring om 'e beam begjint wike de measten as in ropperich eskorte fansiden, en dan sjochst se it pas. De hannen gearbûn foar it liif, wurdt er oan in byntou troch in pear fan dy ûngelokken de glysterige brut yn lutsen. Mei koarte skekken skoffelje se achterinoaroan, skatterjend en klapwjokjend mei de earms hâlde se har oerein. De drits brûst har oer de skuon, en opstokele troch dy oaren spatte se him ûnder de fûgelstront. Mei ôfdraaide holle, as skrillich ferwar achter syn boeide earms, moat er it oer him gean litte, wat kin er? Dy foaroan slingeret it tou no oer de ûnderste tûke, en op kommando hise se him tellendewei mei har trijen oan syn earms yn 'e beam op. Troch it bledte sjocht se him noch mar heal, de skuon justjes oan 'e grûn, de galgen yn raffels by it liif del, en, dy meunsters, it lege pistoal potsierlik by de broeks-

bân yn. Mei skeppen en biezems komme dy skiters oan 'e kant no ek yn beweging. Hoe't dat naasje opbloeit en joeljend mei skepfollen tekeargiet. En ûnfersteurber dy trommer hieltyd mei syn sirkusroffel oer it plein by elke klodde dy't traach fan syn liif op 'e stiennen kwakt, rrrrrrom... wzom,wzom. Fioenen fan in lytse ivicheid werom. Nei de earste kearen mei dy fint op har keamer, har rie te 'nein, net wittend wêr't se keare moast, net prate koe, net freegje, drûch se sneins nei iten yn môle tafrieltsjes har bange dreamen foar. Yn mem har jas en hoed, mei dûnskes en meneuvels, hakkeljend en gûlend oant se net mear koe. Dan joech er har in reis, en razend sette er har achternei as se it hûs yn flechte, op in protsje tsjin 'e muorre, de earms stiif om 'e holle, syn kletsen ôfwachte, dy drift seach yn syn eagen as er ûngenadich op har ynsloech, en se jankte, heity, dat se it net wer dwaan soe. It makke op 't lêst net mear út, in feech om 'e earen, in middei yn it stookhok, sûnder iten op bêd, dy panyske achterfolgings troch it hûs, as se woansdei foar skoalle mar dea wie.

It middeisljocht sluert oer it plein. Net in teken oan 'e himel, in tongerslach, in eklips of wat, gjin eachopslach of sucht fan in almachtige, net in glimp fan moederaasje. Fierderop de huzen, it doarp dat him ferskûlet en swijt as it grêf. En as it aanst oer is en it wurdt stil, en hy dêr bongelet yn 'e skimer, komme de fûgels werom foar de nacht. Snotterjend stiet se foar it rûtsje en skreaut, mar neat op dy souder dat mejout, gjinien dy't har heart. Se moat hjirwei, se is al te let, daalk binne se yn 'e hûs. Hy moat him mar rêde, de pistoalman. Hy wist derfan. Drippend fan 'e smoargens dangelet dat folk dêr om, it feest is hast oer. By de muorkes stoke se in fjurke, se prate, se laitsje en wize. Se huveret, it sket, sjit har yn it sin. Yn in sucht is se de souder oer; op it keammerke har jek, de tas. Yn tûzend noeden nei ûnderen stiet se in momint foar de trepsdoar foar't

se doart. Yn 'e gong allinne it geraas fan it plein, dat hurd tichterby komt. Linksom troch it gonkje, de keuken yn, en se binne der, leave santjin, oan it heakje op 'e doarpost, de kaaien. En no drave, it bûthús del, drave. Mislik fan eangst stiet se bûtendoar op it beton te spuien. Achter har heart se se it hûs ynkommen. As se wer lucht hat stuitere se, de wykeintas as in sleep achter har oan, it hiem oer nei de Impala. Knoffeljend nukt se de brot achteryn, ploft yn 'e auto en knipt de doarren yn it slot. Hymjend, mei it kin op it stjoer wifelet se noch wat se sil. Wat sei dy flearmûs yn 'e rjochtseal ek wer? Se hie gjin talint foar it grutte aventoer, mefrou. As hie se har kânsen ferspille, as wiene se wol klear mei har. Yn 'e spegeling fan 'e motorkap driuwe gouden wolken foarby: in skiereilân mei fulkanen, dêr de hut fan de Granman, liket it, en de rivier mei de boaten foar de merk, fierderop it diske fan Uncle Ray. Wat sei Rudy no, dy auto moast oerspuite wurde. Se sil no wol moatte. Moarn daalk, of moandei dan. Op 'e taast siket se mei de kaai om it kontakt. Earst 112 belje, aanst bûten it doarp. Triljend stelt se de achterútspegel yn. Gosja, en har hier, sei er. Se draait de spiegel werom en sjocht, mei in pear halen harket se har hier yn fatsoen. Dan bist dysels kwyt, dyn eigenst, dyn oantinken, se heart it har sizzen, je naam, rooie. Se lit it mar moai gewurde. Op in dei treffe se inoar yn 'e fitness, of op it Oosterdok, wa wit? Dan fâlt der neat te rieden, dan witte se hoe't it wie. Hat se it dreamd, of hat se it altyd al tocht, of hat er it har in kear ferteld dat ome Komproe net bestiet? It makket ek net út, in dream, in oantinken, in leagen, it is allegear like wier. Se start de motor, oardel oere sawat, dan is se der wol. Hoarterich rydt se it hiem ôf de Achterwei op nei it plein. Op 'e hoeke hâldt se yn en sjocht se by de sydgevel op. Ynkoarten sil se Aaf belje dat se in briefke yn 'e gong plakke moat, *f.d. dûnsjûn.sl.geit*. Troch de ynsleine ruten

heart se se sjongen en oangean, alles fan jierren is yn in middei berêden. As se har sjogge is se de bocht al om, by *Spar&Wâld* lâns, oer de bonkige klinkerts it doarp út. Dêr jout se gas, de Alddyk del nei de stêd. As se jûn thús is sil se Margje maile dat se komt.



